

# Jierferslach 2012



Keatsferiening Easterein • Jierferslach 2012

# Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		<b>2</b>
• Foarwurd		<b>3</b>
• Wurklist foarjiersgearkomste 27 maart 2013		<b>4</b>
• Ferslach algemien		
- oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 28 maart 2012		5
- oantekens neijiersgearkomste KF Easterein 21 novimber 2012		9
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- De bol rôlet...	PR-kommisje	13
- Wedstriidkommisje drok yn aksje yn 2012	Wedstriidkommisje	14
- Histoarje skreaun...	Technyske komisje	15
* Keatser fan it jier	Bauke Dijkstra	19
- It lizzen fan de fjilden gie as it slydjaget	Fjilden- en materialekommisje	20
- Wa't de jeugd hat, hat de takomst	Jongereinkommisje	21
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	22
* Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach		24
* Eksploitaasjerekken 2012		26
* Ferklearing kaskommisje		26
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2012		27
• It seizoen fan...	Imke en Marije	<b>28</b>
• De achtste Jong-Feinte, Tsjummearum wint!		<b>30</b>
• Een houten kaatsbal!!	Roelie en Corrie	<b>33</b>
• Wedstriidferslaggen		<b>34</b>
• Keatsmominten út 2012		<b>52</b>

## Kolofon

Foto omslach: Klaas Hijlkema – sportfotograaf

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Rika Okkema, Akke Jikke van Berkum, Ingrid Vellinga, Anke Marije Pompstra en Froukje Dijkstra

## Foarwurd

En ek it jier 2012 is ôfsletten. Alwer in jier wêryn we ferskate hichtepunten hân ha. Op sportyf mêd persoanlike suksessen fan keatsende leden, sa bin we in wrâldkampioen riker en waard de namme fan KF Easterein efter twa nammen skreaun fan it winnende partoer op de frouljus-pc. As feriening ha we in drok beset seizoen hân. In soad wedstriden 'thús' hân. Mei as hichtepunten ús eigen Jong Feinte Partij en fansels in poule teams fan it wrâldkampioenskip Largues op it nije multifunksjonele terrein. In prachtige dei wêrby't we gearwurke ha mei ferskate ferienings en Titus en Richt net te ferjitten. Ek dêr soarget in nij terrein foar. Dat we de gearwurking sykje en fine. We kinne der net sûnder. Fansels binne we hiel bliid mei it nije fjild. It plan is om der yn de takomst ek ús eigen partijen op te organisearjen. Sawol Largues, Jeu de Pelote as 'gewoane' keatspartijen en sa ús skala oan aktiviteiten noch mear út te wreidzjen.

Ek dit jier ha we wer meidien oan de greidhoekekompetysje. Krekt wat minder sukses as de foarige edysjes, mar dochs wer meidien. Om't de dielnimmende ferienings it hieltyd dreger krije om der partoeren foar te krijen, wurdt yn it winterskoff neitocht oer in oare opset.

Foar al ús aktiviteiten dogge wy faak in berop op ús frijwilligers. Dy't dan ek altyd klear stean. Wy kinne as feriening net sûnder dizze minsken en bin har dêr tige tankber foar. Rûn de wedstriden sjocht alles der prachtich út, we ha in moai, funksjoneel ferieningsgebou en we ha de saken goed foar elkoar.

Op bestjoerlik mêd binne der noch al wat wizigings. Sa binne der 4(!) haadbestjoersleden dy't der mei stopje. Dit binne Anco, Tjerk, Ype en ûndergetekende. De earste trije ha harren termyn der mear as op sitten. Dêr binne wy har tige tankber foar. Ik moat ofskied nimme om't ik it net mear kombinearje kin mei privé en wurk. In lestige keuze mar ik

moast hjir en dêr wat knopen trochhakke. Foar in oantal funksjes ha we al ferfanging fûn, mar foar in oantal ek net. We sille hjir noch wat minsken foar benaderje.

Sa't ik al earder sei, de gearwurking sil yn de takomst hieltyd belangriker wurde. Om't it foar ferienings lestiger wurdt om frijwilligers te finen sil ek op dat flak mear gearwurke wurde moatte. Sa hâlde we it ferieningslibben yn stân yn ús doarp. En dat dogge we mei-inoar. Dat jildt ek foar de finansjele kant. Yn dizze tiid is it ek lestich om sponsors te finen. Wy bin hiel bliid mei de sponsors dy't we ha. Hjirtroch ha we dit jier de begrutting dochs slutend krije kinnen. We hiene noch al wat ûnferwachte útjeftes, mar koene it jier dochs knap ôfslute. Dit wie net slagge sûnder ús sponsors, dêrfoar tank. En sa is der wer in keatsjier om. In moai en suksesfol jier. Sa komme we mei syn allen wer foarút. Op nei 2013!

Gerben Kooistra,  
Foarsitter Keatsferiening Easterein



# Wurklist foarjiersgearkomste 27 maart 2013

De foarjiersgearkomste fan de Keatsferiening Easterein op woansdei 27 maart 2013 om 20.00 oere yn 'De Skoalleseize'.

## De wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijiersgearkomste op 21 novimber 2012. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach: - rekken 2012  
- begrutting 2013
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2012
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
  - ôfgeand en net ferkiesber: Ype Tiemersma  
foardracht: Marten Faber
  - ôfgeand en net ferkiesber: Tjerk Okkema, jongereinsaken  
foardracht: Hans Kooistra
  - ôfgeand en net ferkiesber: Anco Elgersma, ponghâlder  
foardracht: fakatuere
  - ôfgeand en net ferkiesber: Gerben Kooistra, foarsitter  
foardracht: fakatuere
9. Stikken KNKB-gearkomste op 5 april 2013
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
  - foarstel sittingstermyn bestjoersleden
  - meidielings fan út de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
  - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
  - fakatueres: stân fan saken
  - ûntwikkelings MFT
11. Wedstriidaginda 2013
12. Omfregjen
13. Sluting



It haadbestjoer fan  
Keatsferiening Easterein

# Oantekens foarjersgearkomste KF Easterein 28 maart 2012

**Oanwêzich:** haadbestjoer: Gerben Kooistra, Anco Elgersma, Wilma Sjaarda, Wiepkje Hiemstra, Ype Tiemersma, Christian Hoekstra, Jikke Velzen, Tjerk Okkema en 30 leden

**Ofwêzich mei berjocht:** Bauke Dijkstra, Tom Couperus, Abe en Annie Stegenga, Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra, Jan Rinse Blanksma, Hendrik Okkema, Boudewijn Kramer

## Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijersgearkomste op 23 novimber 2011. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach:
  - rekken 2011
  - begrutting 2012
  - fêststelle kontribúsje 2012
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2011
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
  - ôfgeand en net ferkiesber: Wiepkje Hiemstra, databear
  - foardracht: Elske van der Meulen
  - ôfgeand en ferkiesber: Tjerk Okkema
9. Stikken KNKB gearkomste op 3 april 2012
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
  - meidielings fan út de foarjersgearkomste Federaasje Snits
  - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
  - frijwilligersmiddei/jûn
  - fakatueres: stân fan saken
  - oanfangstiid sneinspartijen
  - kompetysjeseizoen: earder begjinne en langer trochgean?
  - ûntwikkelings MFT
11. Wedstriidaginda 2012
12. Presintaasje webside
13. Omfreegjen
14. Sluting

## 1. Iepening

- Gerben iepent om 20.06 oere de gearkomste. In spesjaal wolkom foar de eareleden Klaas Pompstra, Jan Hiemstra en Hans Kooistra. Gerben nimt de ôfmeldings op. In bysûnder wolkom oan de bruorren Miedema, dizze mannen binne hjir fannejûn foar de presintaasje fan de nije webside. Hy beslút it foarwurd mei de wurden: "We ha der sin yn om wer los te gean. Ik hoopje op in prachtich keatsseizoen mei sukses foar ús keatsferiening mar ek foaral

individuele suksessen! Wêrby it fansels it allerbelangrykst is dat eltsenien, jong en âld, stiif of linich, goed of minder goed, man of frou, links of rjochts, keatse kin en ek in moai seizoen hat"!

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

*Meidielings:*

- Fêststellen fan de wurklist: gjin wizigingen, wurklist wurdt fêststelt.

*Ynkommen stikken:*

- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

## 3. Ferslach fan de foarjersgearkomste fan 23 novimber 2011

- Elts lid hat de oantekens fan de neijersgearkomste al tastjoerd krigen. Gerben freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen/opmerkings. De oantekens wurde fêststelt troch de gearkomste.

## 4. Finansjeel ferslach

- Anco hat it wurd en jout taljochting op ûndersteande grafieken: "It tekoart fan € 33 is meiname ûntstien troch in tekoart op de eksploitaasje fan de organisaasje fan € 711 (2010: - € 2.771). De wedstriden litte in posityf resultaat sjen fan € 678 (2010: € 3.678). As redenen foar it tekoart oan de organisaasje kant binne oan te wizen:
  - Legere opbringsten as begrutte fan € 530, meiname troch werom rinnend oantal (jeugd-)leden wêrtroch kontribúsje en trainingsjilden leger útkommen binne.
  - Hegere kosten as begrutte. Meiname de ferieningskosten binne hjir debet oan west troch de tal fan suksessen op de keatsjilden en de resepsje foar de winners fan de Ald Meiers partij.

De wedstriden litte in posityf resultaat sjen en neier besjoen kinne we konstatare dat de KNKB wedstriden en dan meiname de Jong Feinte partij, oan dit positife resultaat bydroegen ha. Ferdieling is as folgt:

- KNKB € 1.592 (2010: € 3.206)
- Federaasje € 267 (2010: -€ 92)
- Leden - € 1.181 (2010: € 564)

Oangeande de begrutting foar 2012: de ôfrekken fan it realisearjen fan it MFT is opmakke en KF Easterein moat fanwege in tekoart sa'n € 1.100 bydrage om dit tekoart te dekken. Omdat we hjir gjin belied op meitsje kinne, sjogge jimme in tekoart op de eksploitaasje fan de organisaasje fan € 1.100. De wedstriden binnen de lêste jierren posityf en de ferwachting is dat dit yn 2012 ek it gefal is. It tekoart op de begrutting kin dêrmei werom brocht wurde nei € 500. Om as feriening ek sels ynkomsten te heljen organisearje we dit jier in oantal aksjes:

- Foarjier (april) ús tradisjonele koeke-aksje

Tidens it keatsseizoen:

- ferlottings tidens wedstriden
- in jeugdaksje
- in flesse-aksje

Yn it neijer de krystmerke Winterwille

By al dizze aksje's hawwe we de help fan ús leden hurd nedich!!"

- Gerben freget oan de gearkomste off sy akkoard gear mei de kontribúsjeferheging fan € 1,50 foar alle leden en dêrmei mei de begrutting ynstemme kinne. Der binne gjin opmerkings en dêrmei is de begrutting foar 2012 oannommen.

Opbringsten	Begrutting 2011	Rekken 2011	Rekken 2010
Kategory	Euro	Euro	Euro
Ynkamsten partijen	2.600	2.771	2.474
Sponsorjilden	11.000	11.815	11.233
Kontribúsje en trainingsjilden	11.050	10.504	10.118
Aksjes	5.100	5.358	5.496
Subsydzjes en bydragen	2.550	2.390	2.970
Ferskate opbringsten	1.300	1.425	1.704
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>33.600</b>	<b>34.263</b>	<b>33.995</b>

Útjettes	Begrutting 2011	Rekken 2011	Rekken 2010
Kategory	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	9.000	9.137	8.033
Kosten wedstriden	3.450	3.193	2.889
Ferieningskosten	7.300	9.044	8.645
Hiersporthal, fjilden, materialen	3.200	2.896	3.012
KNKB en Federaasje	4.800	4.805	4.606
Aksjes	2.300	2.359	2.293
Waterlaal	3.550	2.862	3.610
<b>Totaal útjettes</b>	<b>33.600</b>	<b>34.296</b>	<b>33.088</b>
<b>Resultaat</b>	<b>0</b>	<b>-33</b>	<b>907</b>

Opbringsten	Begrutting 2012			Begrutting 2011
Kategory	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Euro
Ynkamsten partijen		3.000	3.000	2.600
Sponsorjilden	1.000	10.000	11.000	11.000
Kontribúsje en trainingsjilden	10.800		10.800	11.050
Aksjes	3.900	1.500	5.400	5.100
Subsydzjes en bydragen	1.300		1.300	2.550
Ferskate opbringsten	500	800	1.300	1.300
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>17.500</b>	<b>15.300</b>	<b>32.800</b>	<b>32.600</b>

Útjettes	Begrutting 2012			Begrutting 2011
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Euro
<b>Kategory</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Prizen en krânsen	300	8.800	9.100	9.000
Kosten wedstriden	425	2.750	3.175	3.550
Ferieningskosten	7.150	2.600	9.750	7.300
Hiersporthal, fjilden, materialen	1.850	600	2.450	3.200
KNKB en Federaasje	4.800		4.800	4.800
Aksjes	2.150	150	2.300	2.200
Waterlaal	2.225		2.225	3.550
<b>Totaal útjettes</b>	<b>18.900</b>	<b>14.900</b>	<b>33.800</b>	<b>33.600</b>
<b>Resultaat</b>	<b>-1.100</b>	<b>600</b>	<b>-500</b>	<b>0</b>

	2010	2011	2012	Ferskil
Kontribúsje senioren	27,00	29,50	31,00	1,50
Kontribúsje jongerein	20,00	22,00	23,50	1,50
Traningen jongerein	16,00	16,50	17,00	0,50
- seal	12,50	13,00	13,00	-
- fjild	28,50	29,50	30,00	0,50

## 5. Ferslach kaskommisje en benaming nij lid

- Dirk-Yde Sjaarda docht ferslach fan de kaskontrolle: it seach der goed út. Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliet. Dirk-Yde Sjaarda en Stefan van Krimpen wurde betanke, Stefan syn sit fan 2 jier sit der op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Liesbeth Bootsma.

## 6. Presintaasje jierferslach 2011

- Wilma kriget it wurd: "Ek dit jier is it jierferslach makke troch de PR. Troch ferskowings yn de personele besetting fan de PR: neist de 'fêste krêften' Froukje, Ingrid, Akke Jikke en Anke Marije, ha Rika en Wilma it stokje oernaam fan Klaas en Karin, hat it miskien wol wat ekstra switterij, lêzerij en neisjennerij (lokkich folget Rika de AFUK kursus/ Fryske les) kostte as foarige jierren om it jierferslach yn elkoar te setten. Mar we binne grutsk dat we it no oan jim presintearje kinne. Fansels in soad omtinken oan it hichtepunt fan foarich jier: it winnen fan de Ald Meiers partij! Mar ek, sa't jim went binne, alle wedstriidferslaggen fan ús eigen partijen. In protte lêswille tawinske!" It jierferslach wurdt útdiel't aon alle oanwêzigen.

## 7. Skoff

- Fan 20.27 oere - 20.46 oere skoff.

## 8. Bestjoersferkiezing

- Ofgeand en net ferkiesber: Wiepkje Hiemstra. Foardracht: Elske van der Meulen. Gerben rjochtet it wurd oan Wiepkje en betanket har foar har ynset fan de ôfrûne jierren. Wiepkje bliuwt wol sit hâlden yn de WK. Wiepkje kriget in bosk blommen en in attinsje fan it Quakeltsje. Tidens Gerben syn wurdse ferskynt in 'pikante' foto fan Wiepkje en, sa't it liket, Robert op it grutte skerm...

Elske wurdt mei applaus oannaam yn it haadbestjoer.

Gerben: "No Elske, bist oannaam. Wy hiene ek net oars ferwachte. Do draaist al efkes mei en ik leau datst it wol leuk fynst. Nij yn it doarp en foar in oantal hjir in nij gesicht. Dat is nei dit seizoen wol oars! Bist mear as wolkom, wy fine it hartstikke moai datst by ús yn it bestjoer sit nimme wolst. En dyn enerzjy yn dizze prachtige klup stekke wolst. Wy hoopje dan ek datst in leuke tiid ha silst yn ús bestjoer. Wolkom!

- Ofgeand en ferkiesber: Tjerk Okkema. Gerben: "Om't der noch al wat wizigingen binne binnen de JK en dus in soad kennis ferlern giet, en we net in oar fine kinnen ha foar de funksje fan Tjerk, ha we Tjerk benadere om noch in jier by te tekenjen. Hjir hat hy mei ynstimt. Hoe't it dan oare jier komt, sjoch we dan wol wer. We sille ús eagen en earen goed de kost jaan fan't simmer". Mei applaus wurdt Tjerk herkeazen foar in jier.
- Gerben: "Foar takom jier stean Anco en Ype ek op de nominaasje om út it bestjoer. Ek dêr sille we oaren foar sykje moatte. Ha jim ideeën, of witte jimme geskikte kandidaten dan hearre we dat graach. Sa ha jimme ek ynfloed op de bestjoersgearstalling".
- Ype nimt út namme fan de TK ôfskied fan Jan Simon Jelsma: "We nimme ôfskied fan in multyfunksjonele man, tige tank foar wat'st foar de TK betekene hast!"
- Tjerk nimt út namme fan de JK ôfskied fan Dieuwke Kooistra en Boudewijn Kramer (net oanwezich): "Tige tank foar dyn ynset!" Foar Boudewijn komt gjin ferfanger, foar Dieuwke komt Joke Wiersma yn it plak.
- Jikke wol Mattie Dijkstra noch efkes nei foarren ha: "Mattie, tige tank foar dyn help yn it bestjoer tidens Jikke har siik wêzen!"  
De ôfskiednimmende kommisjeleden en Mattie krije in bosk blommen.

## 9. Stikken KNKB gearkomste op 3 april 2012

- Dizze kear binne der net in soad hammerstikken. As ekstra punt wurdt oanjûn dat der in brief binnen kommen is fan de keatsferienings fan Wommels, Easterlittens, Mantgum, St Anne en Beetgum oer de nije Friesland Bank Cup en de ferhâlding mei de Greidhoekekompetysje. Fannejûn wurdt der binnen it HB fan de KNKB oer praten. Dit kinne we dus no noch net meinimme.
- Fierder binne Sipke Saakstra, Sietse Groustra en Tjeerd Dijkstra ôftredend mar sy stelle har sels wer ferkiesber. De KNKB is foarnimmens se wer te beneamen. Hjir geane wy yn mei. Beswieren fanut de seal? > gjin beswieren.

## 10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fan út de foarjiersgearkomste Federaasje Snits > ek fannejûn is de foarjiersgearkomste fan de federaasje. It is wat in ûngelokkige planning. Meastal binne se wat earder as ús. Mar we koene beide net mear fersetse.

Gerben hat kontakt hân mei Coos Veltman. De folgende saken wurde fannejûn besprutsen: wedstriidaginda 2012, Jeu de Peloten federaasje, welpen- en pupillentraining 2012, sealkeatsen, federaasje- en haadklassepartij 2 juny yn Easterein, bestjoersferkiezing: Age van der Goot, Lubbert van der Laan, Tjitske Jorritsma en Jeannette Folkertsma alle gearre ôftredend en ferkiesber,

- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize' > Feike fertelt: dwaande mei pear saken: 3e fjild, ynkoarten gesprek mei de gemeente hjiroer. 4 âldste boksen wurde renovearre, ynkoarten yn gesprek mei oannimmer. Terras: wurdt moandei mei begûn! Leit der foar Keninginnedei.
- Frijwilligersmiddei/jûn > opset wurdt wat oars: net mear foar it seizoen, fierder noch net folle bekind, sil oan it ein fan it seizoen wurde, mear ynformaasje folget rinnende dit jier.
- Fakatueres: stân fan saken > gjin fakatuers yn it HB, PR, JK en WK. Yn de TK wurdt der socht nei in skriuwer en yn de FSK ek 1 fakatuere foar it sykjen nei nije sponsors.
- Oanfangstiid sneinspartijen > dit bliuwt 12 oere. We sille der noch skerper op wêze om dan ek echt te begjinnen!
- Kompetysje-seizoen earder begjinne en langer trochgean? > der is ferline jier in fersyk west om earder te begjinnen en letter te eindigjen mei it kompetysjeseizoen. Us foarstel is om wol earder te begjinnen en letter te eindigjen mar dit net mei weagje te litten yn de kompetysje. Dus eins itselde sa't it yn septimber gie ferline jier. Dit kin om ús ek wol yn april. Sipke fynt dat der in dúdlikere begjindatum komme moat foar it starten fan it kompetysjeseizoen, sadat je wol wis binne dat der foldwaande keatsers binne. HB sil fia de webside hjir ynformaasje oerjiaan.
- Ontwikkelings MFT > Klaas fertelt: der binne 2 ljochtmêsten pleatst, moat noch oansluten wurde. 27 april is de offisjele iepening fan it terrein. Moat hjir en dêr noch wat bestraten en beplanten wurde. Finansjele stik: dit is alle gearre ferrekkene mei de ferskate ferienings. Aginda MFT: selde as de SKS. Is in MFT kommisje yn it libben roppen, earst foar in jier, nei dit jier wurdt der fierder sjoen hoe om te gean mei de kommisje. Beljining moat der noch op: beljining fan in fuotbalfjild en beljining fan in Larques fjild wurde ynkoarten pleatst. Sipke freget oft der noch omheining omhinne komt > antwurd Klaas: noch gjin omheining, komt wierskynlik letter noch.
- WK keatsen: bin we mei dwaande mei it bestjoer fan it WK keatsen om ek yn Easterein in foarronde te hâlden, we hâlde ús leden op 'e hichte.
- Koeke-aksje: dit soe de earste wike fan maart. Troch in dûbele planning hie COVOS dizze wike ek in koeke-aksje. Om't der oant dan ta mar trije minsken wiene dy't har opjûn hiene, ha we besluten om de aksje út te stellen (ein april). Sa't jimme sjen kinne (sjoch punt 5) ha we de sinten no wol nedich. En by dizze dan ek in dringende

oprof oan jimme om jimsels op te jaan foar dizze wike en aktyf te helpen om safolle mooglik koeken te ferkeapjen. Troch sokke aksjes hâlde we de kontribúsje relatyf leech. En kin we in soad oare dingen dwaan. Dus hâld jimme mail yn de gaten en jou jimme massaal op! Allinnich dan kin we der in sukses fan meitsje.

### 11. Wedstriidaginda 2012

- Jikke jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2012: 8 lede partijen, 2 federaasje partijen, 7 KNKB wedstriden oer 4 dagen ferdielt, 6 jeugdwestriden, 1 federaasje jeugdpartij. Nachtkeatsen is nei foarren gien (8 juny) yn ferbân mei de drokte yn july en augustus. Feike fertelt dat de trainingsfjilden dan op 'e nij ynsjiddde binne en dat we dus gjin gebrûk meitsje kinne fan de ferljochte trainingsfjilden, moat dus op it A fjild > antwurd Gerben: bin genôch kreative minsken yn ús bestjoer om ferljochting op ús A fjild te regeljen.

### 12. Presintaasje webside

- Klaas fertelt oer de ta stân komming fan de nije webside. Us nijste lid, oerkommen fan Dronryp, Imke van der Leest wurdt frege om in druk op de knop te jaan sadat de nije webside de 'loff' yn giet. Richard Miedema fertelt fol entûsjasme oer hoe't de gearwurking wie mei de webside kommisje (Froukje, Anco, Anke Marije, Jikke, Wiepkje, Elske, Klaas). It kommende jier sille Walter en Richard Miedema ús fierder helpe om de webside te bouwen. It sjocht d'r al prachtich út!
- Dirk-Yde freget hoe't der foar soarge wurdt dat de webside 'folt' wurdt > antwurd Klaas: der komt in webside redaksje dy't aktyf dwaande wêze sil mei it up to date hâlden fan de webside, moat ek fanút de kommisjes komme én fanút de leden!

### 13. Omfreegjen

- Sipke fertelt oer de Ald Feinte Klup: "550 euro fanút de Jong Feinte Klup nei de KF gien. We hoopje ek yn 2012 wer in moai bedrach binnen te heljen en in gesellige Ald Feinte dei te organisearjen. It litmaatskip wurdt net altyd troch elts goed betelle, hjir moat mar ris oer praten wurde mei it HB. Dit jier gjin ekstra aktiviteiten fanút de Jong Feinte Klup.
- Jan Hiemstra: "Ik ha gjin fraach mar in opmerking: fyn it prachtich en geweldig hoe't jim it foarinoar ha, safolle aktive minsken dy't ûnder oare dwaande binne mei de nije webside en ék noch yn it Frysk! Ik gean hjir jûn wer mei in waarm gefoel wei en hoopje dat it wer in suksesfol jier wurdt!" Jan wurdt betanke foar syn moaie wurden.
- Sipke Hiemstra: "Der siet dit jier gjin wedstriidaginda fan de Federaasje by it frijwilligersbriefke, wêrom net?" > antwurd Wiepkje: de wedstriidaginda fan de Federaasje wie noch net bekind doe't de frijwilligersbriefkes de doar út moasten.
- Klaas Pompstra: "Gadingmakers foar de webredaksje kin sich melde by Klaas". Gerben freget de oanwêzigen off der no al minsken binne dy't harren oanmelde wolle > dy bin der op dit stuit net.
- Petra Jellema: "Is it gjin idee om út eltse kommisje ien persoan oan te wizen foar de websideredaksje?" > antwurd Gerben: goed idee, sille we meinimme.
- Anco: "Der binne noch in hiel soad jubileumboeken te keap".

### 14. Sluting

- Gerben slút om 21.52 oere de gearkomste. Elkenien wurdt betanke foar harren komst en foar straks wol thús. Keatsferiening Easterein biedt de oanwêzigen 2 konsumpsjes oan.





# Oantekens neijersgearkomste KF Easterein 21 novimber 2012

**Oanwêzich:** haadbestjoer: Gerben Kooistra, Anco Elgersma, Wilma Sjaarda, Christian Hoekstra, Ype Tiemersma, Elske van der Meulen, Jikke Velzen, Tjerk Okkema en 37 leden

**Ofwêzich mei berjocht:** Marco Hoekstra, Eppie Heins, Abe en Annie Stegenga, Froukje Dijkstra, Rika Okkema, Tjeerd Dijkstra, Boudewijn Kramer

## Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Ferslach fan de foarjersgearkomste fan 28 maart 2012
4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 22 novimber 2012
5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgearkomste fan 17 oktober 2012
6. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
  - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
  - fakatueres: stân fan saken
  - ûntwikkeling Multyfunksjoneel Terrein
7. Skoff
8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2013 fêststelle
9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
10. Keatser fan it jier
11. Huldiging PC winners Marije Hiemstra en Imke van der Leest
12. Huldiging Bauke Dijkstra yn ferbân mei it winnen fan it wrâldkampioenskip Llargues
13. Omfreegjen
14. Sluting

## 1. Iepening

- Gerben iepent om 20.08 oere de gearkomste. Hy hjit in elts wolkom, yn it bysûnder ús eareleden Klaas Pompstra en Hans Kooistra. De minsken dy't ôfberjocht jûn ha wurde opnommen. Nei Gerben syn foarwurd wurdt de gearkomste offisjeel iepene.

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

*Meidielings:*

- Fêststellen fan de wurklist: gjin wizigingen, wurklist wurdt fêststelt.

*Ynkommen stikken:*

- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

## 3. Ferslach fan de foarjersgearkomste fan 28 maart 2012

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjersgearkomste al tastjoerd krigen. Gerben freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen/opmerkings. De oantekens wurde fêststelt troch de gearkomste.

## 4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 22 novimber 2012

- Bin net echt hammerstikken foar de neijersgearkomste fan de KNKB. De folgende saken sille besprutsen wurde: begrutting 2013, WK keatsen, mearjierrich beliedsplan, jierplan 2013, stân fan saken fan de spearpunten 2012. Sipke Hiemstra hat inkele opmerkings/fragen:
  - De yntreeprizen foar de NK's, dit is 8 euro, dit is wol wat heech, kin hjir in krityske fraach oer stelt wurde?
  - Belied fergoeding skiedsrjochters
  - Wat wurdt der bedoeld mei 'differentiaasje spelaanbod'? Komt der in kompleet nij wedstriidoanbod?Gerben sil boppesteande saken ynbringe tidens de neijersgearkomste fan de KNKB.

## 5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgearkomste fan 17 oktober 2012

- Federaasjedei is evaluearre, de folgende saken binne nei foarren kommen:
  - te min karmasters
  - posityf draait (winst fan 600 euro)
  - dielname by Federaasje jeugd wie prima
  - dielname manlju en froulju Federaasje wie minder, ûnder mear troch it sêfte bal keatsen yn Ljouwert
  - sponsors fine wurdt lestiger
- As in keats(t)er út in legere kategory goed genôch is om mei in boppe lizzende kategory mei te dwaan is dat tastien. Bern moatte keatse kinne, is de algemiene miening. Dêrneist wurdt tocht oan it splitsen fan jonges/famkes fanôf de skoalbern. Fanôf 2013 wurdt der in TC ynstelt dy't oer neamde saken gean sil. Foar de foarjersgearkomste 2013 komt it Federaasjebestjoer mei in foarstel.
- KF Easterein hat oanjûn om it Jeu de Peloten yn de Federaasje wer op te pakken.
- Sealtraining fan de Federaasje is dizze winter yn Snits yn stee fan Easterein yn ferbân mei de kosten. Hjir wurdt noch in haadtrainer foar socht.
- Klaas Pompstra: "Ofwikkeling priisútrikking by de jeugd en froulju wie goed regele tidens de Federaasjedei. By de manlju wie dit minder goed foarelkoar. Listen binne bygelyks net te finen. Antwurd Gerben: "Net alle ferslaggen/listen wiene der, kommunikaasje wie net hielendal goed, is yntusken besprutsen".
- Mattie Dijkstra: "Giet de splitsing tusken de jonges en de famkes net ten koste fan de KNKB wedstriden en it nivo?" Karin Sjaarda heakket hjirop yn en freget oft de KNKB belutsen is yn dat projekt? Antwurd Anco: "KNKB wie net oanwêzich by de gearkomste, wy witte net oft se op de hichte binne".

## 6. Punten fan út it bestjoer:

- ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize" > Hans Kooistra kriget it wurd, de folgende saken binne it ôfrûne jier oppakt en/as is de Skoalleseize mei dwaande:

- terras is oanlein
- nij stek rûnom it sportkompleks by de yngong
- 3e fjild: is drege saak, der is in rentmeester yn de earm nommen om it hooplik dochs foar elkoar te krijen. It wurdt allegearre krap, foaral foar SDS.

- ljochtmêsten binne pleatst rûnom it MFT

Klaas Pompstra: "3e fjild is ék belangryk foar de KF yn ferbân mei de belêsting fan de fjilden, elts hat der baat by!"

- Fakatueres: stân fan saken > Gerben fertelt dat hy helaas it foarsitterskip foartidich opsizze moat yn ferbân mei syn nije baan. We moat dus nochal wat nije minsken ha. Lokkich is ien plak yntusken opfolt: Marten Faber nimt Ype syn taken oer yn it haadbestjoer en sil dus as foarsitter fan de technyske kommisje sit yn it haadbestjoer nimme. Hjir binne we fansels tige wiis mei! Marten wurdt mei applaus ûntfongen en sil offisjeel per maart 2013 sit nimme yn it haadbestjoer. Ek is yn de technyske kommisje noch in fakatuere ynfolt: Marije Hiemstra wurdt kontaktpersoan foar de welpen.
- Understeande fakatueres bliuwe dan noch iepen stean:
  - haadbestjoer: foarsitter, ponghâlder, foarsitter jongerein kommisje
  - jongereinkommisje: kontaktpersoan welpen
  - technyske kommisje: algemien kommisjelid
  - finansjele- en stiperskommisje: relaasje-behear, werving nije stipers, stipe-administraasje
  - PR kommisje: gjin fakatuere
  - wedstriidkommisje: gjin fakatuere

Gerben freget de oanwêzigen om mei te tinken oer hoe't we dizze plakken ynfolje kinne, eventueel mei nammen te kommen. We kin noch wol wat minsken brûke!

- Untwikkeling Multy Funksjoneel Terrein, Klaas fertelt: "17 oktober hat de wurkgroep de perioade ôfsletten, finansjeel ek. We gean no fierder mei in behearkommisje. Aktiviteiten kinne dan oanfrege wurde by dizze kommisje. It hat lang duorre, mar it wie wol in moai projekt, goede gearwurking tusken de ferskate ferienings, komplimenten oan de Gemeente Littenseradiel. We ha in moai terrein lizzen mar it moat noch wol mear yn gebrûk nommen wurde. Omheining is no it belangrykste".

## 7. Skoff

- Omdat it allegearre flot ferrint beslút de foarsitter om earst punt 8 te dwaan en dêrnei skoff te hâlden. Fan 21.01 oere - 21.15 oere skoff.

## 8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2013 fêststelle

- Anco kriget it wurd en fertelt oer de begrutting foar 2013, finansjele aksjes 2013, it fêststellen fan de kontribúsje foar 2013 - senioaren/jongerein, bydrage trainingen 2013 foar de jongerein, ynlis wedstriden 2013.

De begrutting is makke oan de hân fan:

- Realisaasje rinnend jier
- Ambysjes KF Easterein takom jier
- Ynformaasje fan û.o. KNKB, Federaasje Snits en Stifting Skoalleseize

De folgende prinsipes wurde foar de begrutting oanhâlden:

- De begrutting fan sawol de wedstriden as de organisaasje (moat) slútend wêze,
- De kontribúsje en trainingsjilden fêststelle oan de hân fan de begrutting fan de organisaasje

Plannen takom jier:

- Werfen nije jeugdleden
- Untwikkelings sêfte bal keatsen
- Taryeding jubileum 2014
- Mear aksjes

Finansjele aksjes

- Yn wike 9 (4 - 8 maart) hâlde we ús tradisjonele koeke-aksje mei de opbringst yn 2012 fan € 3.375 as mikpunt.
- Oare finansjele aksjes: flesseaksje Jumbo, jeugdaksje Poeisz, ferlotting by Jong Feinte en pearkekeatsen

Werving nije stipers

- Websponsoring en op nivo hâlden (wedstriid-)sponsors

Werving nije leden

- Yn ûndersteande grafiek is te sjen dat it ledenoantal werom rint en dêrom sille we in ledewervingsaksje hâlde takom jier

	2004	2009	2011	2012	Ferskil
Totaal	348	340	321	299	-22 (-7%)
jeugd	147	135	109	94	-15 (-10%)

Hjirûnder in oersjoch fan de begrutte opbringsten en útjeftes foar 2013:

Opbringsten	Begrutting 2013			Begrutting 2012	Prognose 2012
	Wedstriden	Organisaasje	Totaal	Euro	Euro
<b>Kategorie</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Ynkkomsten wedstriden	2.500		2.500	2.900	2.500
Sponsorjilden	10.000	500	10.500	11.050	11.000
Kontribúsje en trainingen		9.850	9.850	10.600	10.000
Aksjes	1.500	4.500	6.000	6.050	5.200
Subsydje/bydragen		1.200	1.200	1.200	1.100
Ferskate opbringsten	250	700	950	1.500	1.500
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>14.250</b>	<b>16.750</b>	<b>31.000</b>	<b>33.300</b>	<b>31.300</b>

Útjeftes	Begrutting 2013			Begrutting 2012	Prognose 2012
	Wedstriden	Organisaasje	Totaal	Euro	Euro
<b>Kategorie</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Prizen en krânsen	9.300	200	9.500	9.100	8.900
Kosten wedstriden	2.750	350	3.100	3.175	3.200
Ferieningskosten	1.600	6.000	7.600	9.750	9.250
Hier sporthal/tjilden/materiaal	525	1.650	2.175	2.450	2.150
KNKB en Federaasje		4.800	4.800	4.800	4.850
Aksjes	75	2.250	2.325	2.300	2.250
Materiaal		1.500	1.500	2.225	1.900
<b>Totaal útjeftes</b>	<b>14.250</b>	<b>16.750</b>	<b>31.000</b>	<b>33.800</b>	<b>32.100</b>
<b>Resultaat</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>-500</b>	<b>-800</b>

Foarstel kontribúsje 2013:

	2011	2012	2013	Ferskil
Kontribúsje senioaren	29,50	31,00	32,00	1,00
Kontribúsje jongerein	22,00	23,50	24,00	0,50
Traningen jongerein sea	16,50	17,00	16,00	-1,00
- fjild	13,00	13,00	13,50	0,50
- fjild	29,50	30,00	29,50	-0,50

De gearkomste giet akkoard mei de kontribúsjeferheging.

Ynlis foar de wedstriden bliuwt gelyk foar sawol ledepartijen, federaasjewedstriden as KNKB-wedstriden.

## 9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren

- Elske rikt de kompetysjepriizen út: "Dit jier wie de opkomst by it kompetysje keatsen minder as foarich jier, in ferskil fan 44. Foarich jier wiene der 168 en dit jier 144 dielnimmers yn totaal. It ferskil siet him mei namme yn de manlju wêr't de opkomst nogal wat leger útfootel. We hoopje dat takom jier wer elts meikeatst, hoe mear sielen hoe mear freugd!" Elske ropt earst de winners fan 2011 jier nei foarren om harren in oantinken te jaan.

Manlju: 1e Ype Tiemersma  
2e Abe Jan Stegenga  
3e Hans Kooistra

Froulju: 1e Jitske Veldman  
2e Willy Bootsma  
3e Mattie Dijkstra

Dan is it tiid foar it bekind meitsjen fan de winners fan dit jier. Elske: "By de manlju sieten de punten ticht byelkoar. De 2e en 3e priiswinners hiene sels it selde oantal punten en ha beide like faak wûn. We ha sjoen nei de tsjinearsten en bin tot de folgende winners kommen:

1e Simon Kingma (65 pnt)  
2e Sipke Hiemstra (64 pnt, 8 x wûn, 30 tsjinearsten)  
3e Jan Reitsma (64 pnt, 8 x wûn, 35 tsjinearsten)

By de froulju wie it minder spannend en leine de punten wat fierder útelkoar".

1e Petra Jellema (68 pnt)  
2e Sanne Rixt Jorritsma (62 pnt)  
3e Talitha Dijkstra (57 pnt)

## 10. Keatser fan it jier

- Earst wurdt Martine Tiemersma (keatster fan it jier yn 2011) nei foarren roppen en kriget in oantinken omdat se foarich jier keatster fan it jier wie. Ype jout noch in koarte gearfetting hoe't it ôfrûne seizoen fan Martine ferrûn is.

- Dan is it tiid foar it bekind meitsjen fan de keatser fan it jier 2012: Bauke Dijkstra. Ype ropt Bauke nei foarren en hâld in moaie speech foar Bauke wêrom't hy ús keatser fan it jier is. Nicht Martine rikt oan Bauke de beker út.

## 11. Huldiging PC winners Marije Hiemstra en Imke van der Leest

- Gerben sprekt Marije en Imke ta: "No is it sa dat dit net de earste kear is dat jim foar dit sukses yn't sintsje setten binne. Op it fjild, fuort nei de wedstriid, jûns hjir yn de Skoalleseize en 19 oktober yn Ie. Dus feestjes genôch hân, soe ik sizze. Mar it is en bliuwt fansels in prachtige prestaasje. Ien wêr't we allegearre net op rekkene hiene. En dat makket it krekt sa moai! Fansels in moai lot, it klonk sa goed; twa omlopen winne en we stean yn de finale. En dat slagge!

1e omloop tsjin Ilse Noorman, Anke Winkel en Bianca vd Veen waard it 5-2:6-6. Yn de twadde omloop hienen jim it dochs wol efkes dreech tsjin it dappere partoer fan Marie Jetske Lettinga, Klasine Huistra en Geke de Boer, 5-3:6-2. En sa yn de finale. De tsjinstanner yn de finale wie it partoer fan Nynke Sybrandy, Maaïke Osinga en Wiljo Sybrandy. Dizze froulju hienen aardich foarwurk foar jimme dien troch yn de 1e omloop te winnen fan Rianne Vellinga, Marike Beckers en Miranda Scheffer, 1-5:0-6. Mar foaral ek troch yn de 2e omloop de kânshawwers Iris v.d. Veen, Sjoukje Visser en Manon Scheepstra mei 1-5:6-6 te ferslaan. In geweldige partij. Dêrnei yn de heale finale fersloegen hja it oare kânspartoer fan Harmke Siegersma, Leonie vd Graaf en Fenna Zeinstra mei 5-5:6-2. Dêrtroch in partij mear keatst en aardich oan de bak west yn de partijen. In kâns foar jimme en dy ha jim pakt!

Dochs earst in earst achter mar al gau wer by. Op spullen gelyk kamen de tsjinstanners der net mear oan te pas. In deeglike partij mei wikseljen fan opslach en it pakken fan keatsen makken dat jimme de partij winne mei 5-2:6-4. In prestaasje fan formaat. Hjir woene wy fansels noch wol efkes by stil stean.

Wy fine it machtich dat jimme, mei Aukje fansels, de froulju's PC wûn ha. Ik bin der grutsk op dat wy as KF no ek froulju yn it sintsje sette kinne om harren prestaasje op de PC. Jim binne de allerearste froulju yn de skiednis fan KF Easterein dy't de PC winne. Dit kinne we wer byskriuwe yn de analen en sa komt Easterein wer yn in nij listje foar. Froulju, fan herte lokwinske. Fan ús in oantinken oan dy prachtige keatsdei op woansdei 22 augustus 2012. In dei om neat te ferjitten".

De froulju krije in canvas-foto oerlange troch Gerben. Marije en Imke ha noch in presintsje foar KF Easterein: touledders om oan it fuottenwurk te wurkjen. It bestjoer probearret it fuort efkes út en betanket de froulju herflik foar dit kado.

## 12. Huldiging Bauke Dijkstra yn ferbân mei it winnen fan it wrâldkampioenskip Llargues

- Gerben: "Ha we earst twa froulju byskreaun as earste froulju fan de KF dy't de PC winne, sa skriuwe we dy no by as allerearste lid dy't wrâldkampioen is. It moaie dêrfan is dat de basis dêrfoar yn Easterein lein is. Op ús nije Llargues fjild op freed 31 augustus. Foar it earst yn gebrûk en dat koe eins net better. Nederlân docht knap saken en wint fan Mexico en Frankryk. Wêrby't wat mear tsjinstân fan Frankryk ferwachte waard. Dan is der op sneon de finale poule yn Frjentsjer. Dêr winne jimme earst fan Ecuador mei 6-0 en dêrnei yn de finale tsjin Colombia. Ek dizze partij wurdt mei dikke sifers wûn, 10-1. Mei oermacht neame se dat.

Bauke, do wiest ûnderdiel fan in team fan 21 keatsers en keatsters. De top fan Nederlân. En mei trije gouden en twa sulveren medaljes en overall wrâldkampioen, dus de beste allrounder, de top fan de wrâld. In súdeprestaasje fan Nederlân, fan Fryslân, wêr'to dyn stien ek oan bydroegen hast. Freed yn de wedstriid tsjin Mexico yn thúsplak Easterein en sneon yn de heale finale tsjin Ecuador. It liket ús in bysûndere erfaring en wy wiene der dan ek tige wiis mei dat we dy, en dêrmei it Nederlânske team, wolkom hjitte mochten yn Easterein.

Yn septimber hast mei it Nederlânske team yn Valencia west. Der hiene jimme wat minder sukses mar ek dat liket my in moaie erfaring ta. Do hast der in prachtich ferslach fan skreaun, dat stiet op ús site. Dus foar dyjinge dy't it net lêzen hat.. In tip! Fan dit plak wol ik dy dêrmei lokwinskje. In prestaasje, hast it super dien. Wrâldkampioen, dat pakke se dy en dêrmei ús, nea wer ôf...!"

Ek Bauke kriget in kanvas-foto fan himsels yn aksje tidens it WK Keatsen.

Yntusken is boargemaster Liemburg ek binnen kommen om Bauke, Marije en Imke te lokwinskjen mei harren behelle suksessen en jout se út namme fan de Gemeente Littenseradiel in aardichheidsje.

Nei al dizze feestlikheden meldt Gerben dat de kanvasfoto's, dy't Marije, Imke en Bauke krigen ha, makke en beskikber stelt binne troch Artimedes út Wommels. Elts lid kriget 10% koarting wannear't se in kanvas-foto by Artimedes bestelle.

## 13. Omfreegjen

- Sipke Hiemstra kriget earst it wurd oer de Ald Feinte Klup: "Der is gjin Ald Feinte dei west troch alle oare aktiviteiten. We sil dit wierskynlik oan it begjin fan it seizoen organisearje. De kontribúsje wurdt wol int, dit sil no fia de ponghâlder fan it haadbestjoer gear.
- Mattie Dijkstra sprekt har soarch út oer it sykjen nei 3 nije bestjoersleden, hooplik bin der minsken dy't hjir ynstappel
- Tettje de Boer fynt it soms muoilik om wat op de webside te finen, moat in soad oanklikke foar't se op de juste side is.  
Antwurd Klaas: "Bliid dat der immen in reaksje jout. Moat noch in soad barre oan de webside, wurdt net genôch tiid oan bestede". Klaas sil it meininme en ropt elts op om mei te finken oer de ynfolling fan de webside.
- Sipke Hiemstra útert ek syn soargen oer de nije ynfolling fan it bestjoer: der stiet op de webside fan KF Dronryp in aardich filmke oer it ynfollen fan fakatueres.
- Dirk-Yde Sjaarda: "Kin wy, as technyske kommisje, ek gebrûk meitsje fan de webside kwa opjefte foar de trainings e.d.?"  
Antwurd Klaas: "Is wol de bedoeling om dit te ûntwikkeljen, wit net oft dat dizze winter al slagget". Klaas sil it mei de bruorren Miedema beprate.

## 14. Sluting

- Gerben slút om 22.02 oere de gearkomste. Elkenien wurdt betanke foar harren komst en foar straks wol thú. Keatsferiening Easterein biedt de oanwêzigen 2 konsumpsjes oan.

## De bal rôlet...

**Om yn keatstermen te bliuwen, de bal rôlet foar ús de goeie kant op. Yn it jier 2012 ha we gjin bestjoerlike wiksels hân, Ingrid hat foar 5 jier bytekene en Froukje foar 1 jier. Wy kinne sizze dat we in stabyl team foarmje wêrby't elts ta har rjocht komt. Ynteresse foar it keatsen en gesellichheid is hjirby fan grut belang en binne de binende faktoren.**

Sûnt it begjin fan it seizoen wapperje der twa nije banier flaggen by de Skoalleseize, hokker fan Froukje har hân binne en hjir binne wy tige grutsk op. Dêrneist is in oar hichtepunt: ús nije webside. Hjir hat in team, mei ûnderstypjen fanút de PR-kommisje, drok dwaande west en dit stiet noch net stil. En net te ferjitten fansels, om promoasje te meitsjen foar de Jong Feinte Partij, binne der twa nije "kij-bestindige" reklamebuorden makke.

De Jong Feinte Partij stiet by ús heech yn it findel, ien fan ús taken is om de partij namme te jaan, dit dogge we ûnder oare troch flyers en posters te ûntwerpen en te fersprieden yn de keatsdoarpen fan Fryslân. Op de dei sels regelje we it lotten ferkeapjen en binne we, wêr mar nedich, ynsetber.

Hoewol de keatswanten by de measten alwer sûnt begjin septimber op de planke lizze, giet de agenda by ús gewoan troch. In tige slagge frijwilligersjûn ein septimber en fansels de neijersgearnomste mei huldiging fan ús talinten Marije,

Imke en Bauke. Healwei desimber wie "Winterwille" wêr't we mei help fan ús frijwilligers in stientsje bydroegen ha.

En sa tusken alle drokte troch is ús langst sittende kommisjelid Froukje befallen fan in soan, Jorren. Wa wit oer in oantal jierren de nije motor fan it jeugdkeatsen!

Wy ha as PR-kommisje in moai jier hân, de ferbetterpunten foar it nije seizoen lizze klear en we binne fan doel der wer in suksesfol jier fan te meitsjen!

De PR- komisje,

Wilma Sjaarda, Froukje Dijkstra,  
Akke Jikke van Berkum,  
Rika Okkema, Anke Marije Pompstra  
en Ingrid Vellinga



## Wedstriidkommisje drok yn aksje yn 2012

**Alwer in jier foarby. Dat betsjut dat we efkes werom sjen moatte. Wat is der allegearre bard dit jier en wat kin der better?**

Fansels freegje we ús dit elts jier ôf en dan komt de fraach fan Rika of we wer efkes in stikje skriuwe wolle foar it jierferslach. Wy, as wedstriidkommisje besteande út 5 minsken; Wiepkje, Jelle, Annie, Jikke en Mattie. Annie hat noch foar in sit yn de wedstriidkommisje bijtekene. Dêr binne we o sa bliid mei. Annie hat altyd in krityske blik op de saken en dat hâld de rest ek mei de fuotten op'e grûn. We ha it wer drok hân mei it organisearjen fan de wedstriden. Dit bard altyd yn gearwurking mei de jongereinkommisje en it haadbestjoer en fansels in protte frijwilligers. Us taak is bygelyks de wedstriidaginda meitsje, besetting fan de linen tidens de KNKB wedstriden, prizen útsykje, frijwilligers sjen te krijen en fansels noch folle mear saken.

It ôfrûne jier ha we 6 KNKB-, 3 federaasje- en sa'n 11 lede-wedstriden hân foar de senioaren en de jongerein. En dan it feestkeatsen, keninginnedei en de doarpekompetysje, it peloten en sa der ek noch by. Federaasje Snits hat ek de grutte federaasjedei en haadklasse manlju en froulju yn Easterein organisearre. Mei de KNKB wedstriden ha we ek meardere wedstriden op ien dei. Dy telle fan út de KNKB dan foar twa of trije wedstriden en wy hoege dan ús frijwilligers net noch in dei te freegjen om nei it fjild te kommen.

Dêr binne we fansels tige bliid mei en dizze karmasters, tillegrafisten, blokjerinners, fjildlizzers, catering, lotsjeferkeapers, sútellers en sa kinne we ek net genôch tank sizze. Elkenien hat altyd wol oare drokte mar we kinne net sûnder dizze minsken. We binne wolris om ús hinne oan it sjen hoe't we dit no oppakke moatte. Der is no eins mar in lytse groep leden altyd yn it spier en eins fine we dat elkenien wol wat betsjutte kin foar de feriening. Wurdt ferfolge dus...

Us aginda foar it kommende seizoen leit alwer klear. De puzzelstikjes falle sa stadichoan wer yninoar. De KNKB en federaasje wedstriden wurde ynpast by ús altyd gesellige ledewedstriden foar de jongerein en senioaren. Kinne we fanôf maaie wer 4 moanne ús fjirgje op de keatsfjilden.

En dan hoopje we wer op in protte suksessen yn 2013 fan ús keatsende en aktive leden. Wy binne der klear foar. **JIM EK?**

De wedstriidkommisje,

Jikke Velzen, Jelle de Boer, Wiepkje Hiemstra,  
Annie Sjaarda en Mattie Dijkstra



## Histoarje skreaun...

**It keatsseizoen 2012 is in ferrassend jier foar de KF Easterein wurden. Dus dan kinne we ek wer sizze, in jier om nea te ferjitten. De froulju Marije Hiemstra, Martine Tiemersma en Imke van der Leest winne de frouljus haadklasse ôfdielings wedstriid yn Frjentsjer. De pupillefamkes Mirjam Punter, Selma de Boer en Jeska Terpstra winne in twadde priis op it NK yn Akkrum. En foar de slachrjemme op'e taart, dêr soargje de froulju Marije Hiemstra en Imke van der Leest foar. Sy winne mei PC-keninginne Aukje van Kuiken de 36 ste Frouljus PC yn Weidum.**

Foardat we it keatsseizoen 2012 oereidzje, in tankwurd oan de trainers en trainsters, Bauke Dijkstra, Marten Faber, Imke van der Leest, Feite de Haan, Romine Jelsma, Froukje Dijkstra en Marije Hiemstra. Ek tank oan Bote Jellema, dy't syn stazje by de keatsferiening hie en fansels oan dyjinge dy't de keatsers folge, oanmoedige, oanfitere en steunt ha. Faaks wurde se fergetten mar ek in tankwurd oan de begelieders fan de Eastereinder partoeren, it wie wer om grutsk op te wêzen.

### Welpen jonges

Oer de welpen jonges gjin stoere teltsjes op it KNKB mêd. We ha ferskate jonges mar dizze keatse op federaasje nivo as by de eigen KF. It fútbalfjild dêrnjonken dat pleaget ús fansels ek. Nettsjinsteande dat der op in koarte termyn talinten út te heljen binne. Jonges mei nocht en wille keatse, en as dêr de tiid is derop út op knkb-nivo.

### Welpen famkes

We steane de lêste jierren der ek bekind om dat de froulju út Easterein wat manmachtiger binne as de manlju. Sa ek by de welpen famkes. Corrie en Roelie Kroondijk, Machteld Veldman en Nynke Paauw, welpen famkes dy't mei nocht en wille de fjilden yn Fryslân oerweldigje wolle. En dat is harren dit jier aardich slagge, allegearre in krâns op it heechste nivo. Roelie kaam sels mei twa thús. De iennichste ôfdielingswedstriid yn Jirnsum mei Nynke, Roelie en Corrie eindige yn de twadde omloop. Se wûnen de earste omloop fan Bitgum, mar yn de twadde omloop wie Seisbierrum, de lettere winner, te sterk. Famkes gean sa troch stimulearje elkoar en oaren om mei jimme fierder te keatsen. Corrie is tredde wurden yn it KNKB-klassemint mei 15 punten, Roelie 11, Machteld 6 en Nynke 3 punten.

### Pupillejonges

Ek yn dizze klasse in lyts groepke jonges: Hendrik van der Eems, Rutger Wiersma en Kees van der Horst. As dizze jonges wat byinoar bliuwe en elkoar stimulearje, traine en nocht en wille oan't spultsje hâlde dan prate we letter nochris. Yn elts gefal leit it net oan harren âlders Sietske, Jacob en Joke tige tank foar de begelieding. Op it NK yn Makkum ferlieze de mantsjes fan Berltsum mei 5-1:6-4. Gjinn skande, Berltsum wurdt dizze dei twadde, sy ferlieze fan Menaam. Hendrik en Rutger ha elk 1 punt yn it KNKB-klassemint.

### Pupillefamkes

De pupillefamkes Mirjam Punter, Selma de Boer en Jeska Terpstra soargje foar in grutte ferrassing. Sy wurde mei harren begelieder Roel Punter twadde op it NK yn Akkrum. De earste omloop 5-1:6-6 winst op Hallum, yn de twadde omloop wurdt Rie ferslein mei 5-2:6-4. Dan de tredde omloop, de kreaker tsjin buordoarp Wommels. We winne mei 5-4:6-4 en ha dan in steand nûmer en stean yn de finale. Eilaas is Makkum te sterk en de sifers binne hurd 5-0:6-0. Mar nettsjinsteande in prestaasje fan formaat. In moai feest yn de tún by famylje de Boer en in feestje yn Makkum binne ek hichtepunten foar dizze pupillefamkes. Julia Paauw en ek Alien Dijkstra geane faaks mei dizze famkes fuort te keatsen. Ek foar jimme, set troch, bliuw trainen en hâld nocht en wille. Jeska pakt fiif KNKB krânsen yn Weidum, Jirnsum, Harns, Skettens en Dronryp. Selma trije yn Easterwierrum, Deinum en Skettens. Yn it KNKB-klassemint: Jeska 24, Selma 15, Mirjam 8, Julia en Alien elk 1 punt.

### Skooljonges

In tryst byld, mar trije skooljonges as keatslid. Ek noch in keatslid om ústens, einlings mar twa jonges dus. It is in skande dat in jonge sa as Jorrit Veldman mei de senioaren mei keatst yn kompetysje ferbân, mar eilaas it is net oars. Der binne op it stuit net mear bern yn dizze klasse. Lokkich giet Jorrit in klasse omheech en kin hy mei de oare jonges keatse.

### Skoolfamkes

Ek yn dizze klasse seis famkes, wêrfan ien om ústens. Ek by de skoolfamkes dit jier gjin weelde. Lokkich hiene we al in partoer op it NK yn Wommels. Baukje Terpstra, Janieke Dijkstra en Jeska Terpstra soargje mei begelieder Fetsje Terpstra foar in grutte ferrassing. Se winne yn de earste omloop mei 5-2:6-4 fan Mantgum. Baukje is op dreef by de stuit en Mantgum dat kânshawwer is foar in pryske, kin op hús oan. Yn de twadde omloop is Stiens te sterk mei 5-2:6-2. We meitsje sels ek mear foutsjes, spitich. We skriuwe wol efkes dat Wommels yn Wommels it NK foar skoolfamkes wint.

### Jonges

Rémon Tie Bouma, Hylke Flapper, Bote Jellema, Jacco Kooistra, Doede Rients Okkema, Wietse Vink en Nies Douwe Yntema, dat binne de jonges dy't foar Easterein de karre lûke moatte. Foarôf die it al bliken dat guon jonges harren fjild op sneon fertsjinje moasten en dêr is neat mis mei. Lokkick

seinen de jonges dat op'e tiid, sadat de TK dêr ek rekken mei hâlde kin. It binne noch jonge jonges en se meie noch ien as twa jier yn dizze klasse meidraaie. Doede Rients wint de krâns yn Makkum en Bote wint de krâns yn Broeksterwâld. Op it NK yn Kimsward keatse Doede Rients, Nies Douwe en Rémon Tie de earste omloop tsjin Grou en winne dizze mei 5-3:6-2. De twadde omloop tsjin Jorwert, Nies Douwe rekket blessearre en miskien dêrtroch ferlieze we mei 5-3:6-2. Spitich, mar miskien kinne dizze manlju foar in ferrassing soargje op de Freule. It lot is net ûngeunstich, mar se sille boppe harren sels útstekke moatte. De earste omloop winne se fan Boalsert mei 5-4:6-4. De twadde omloop is ek op it byfjild en ek Hantum moat belies jaan mei 5-2:6-6. De tredde omloop op it haadfjild, mar eilaas we meitsje tefolle flaters en Alde Leije keatst goed. We moatte belies jaan mei 5-1:6-0, oare jier geane we der wer foar. Marten Faber tige tank foar it trainen en it begelieden fan dizze jonges. Yn it KNKB-klassemint: Doede Rients 7, Bote 6 en Rémon 5 punten.

### Famkes

De lêste jierren en ek no wer de grutste klasse. En dêr binne we wiis en grutsk op mei it each op'e takomst. Dian Dijkstra, Sanne Rixt Jorritsma, Hester Kingma, Gerry Edou Mollema, Regien Sandstra, Arjanne Schaafsma, Nyncke Terpstra, Margretha Terpstra en Jitske Veldman binne keatsters dy't mei nocht en wille de fjilden yn Fryslân bestoarmje. En dat lêste wurd dat ha wy dit jier net sjoen as TK. Jimme kinne folle mear as jimme dit jier sjen litten ha, jimme dogge jimme sels tekoart. Yn it ferline ha jimme mear prizen byinoar keatst as dit jier en dat fine we spitich. Lokkich binne der ek hichte-puntsjes, Arjanne wint in krâns yn It Hearrenfean, Nyncke yn ús eigen Easterein en Hester yn Raerd. Gerry Edou, Arjanne en Nyncke moatte op it NK yn Ljouwert fuort tsjin in kâns-hawwer. Yn de earste omloop ferlieze we mei 5-2:6-6 tsjin St. Anne. Sy winne dizze dei ek it NK. Nei de winst yn 2011 op de Ald Meiers binne de eagen no ek op'e famkes fan Easterein rjochte. Gerry Edou, Nyncke en Margretha keatse de earste omloop tsjin Wommels. Se keatse goed, mar net goed genôch en ferlieze mei 5-3:6-2. Spitich en dochts, it hie de earste omloop kinnen. Oare jier mear sukses mei inoar. Yn it KNKB-klassemint: Margretha 6, Arjanne 3, Nyncke 3, Hester 3, Gerry Edou 3, Regien 2 en Jitske 1 punt.

### Junioaren Manlju

Ek dit jier by de junioaren draait it om Jelte-Pieter Dijkstra, Danny Roos en Carlo Booms. Dit jier gjin bjusterbaarlike hichtepunten. De earste wedstriid is yn Wjelsryp, tsjin Wjelsryp. It is strie min waar en normaal keatse is der net by. We winne de earste omloop, mar de twadde omloop tsjin Minnertsgea moatte we belies jaan. Op it NK junioaren yn Frjentsjer is Dronryp mei 5-5:6-4 ús de baas. De opslach wie goed, mar it perkspul koe better. Ek op ús eigen Jong Feinte Partij is Dronryp de tsjinstanner, ek no moatte we belies jaan 5-4:6-4.

### Junioaren Froulju

De Jong Famme Partij yn Mantgum is de iennichste partij yn dizze klasse. En ferline jier binne de regels feroare en kinne we mei mear partoeren nei Mantgum ta. Dit formearen giet net fan in leien dakje, en dat de partij nei de Eastereinder Feesten is spilet ek net yn it foardiel. Easterein 2 mei Tineke Dijkstra, Sietske Okkema en Jelien Pompstra steane op'e list as nr. 1 en moatte tsjin Frjentsjer 2. Easterein 1 mei Marije Hiemstra, Martine Tiemersma en Anke Marije Pompstra steane op'e list as nr. 3 en moatte tsjin Deinum. Easterein 2 wint mei 5-5:6-2, Easterein 1 wint mei 5-1:6-6. Op de twadde list tsjinmekoar, krekt as it foargeande jier. Easterein 1 wint mei 5-2:6-2. Op de tredde list moatte se tsjin Berltsum, ek in kâns-hawwer op in pryske. It is spannend tot 3-3, dan meitsje we tefolle opslach flaters en ek it perk is minder dan foarhinne. We moatte belies jaan op 5-3:6-4, spitich der hie miskien mear ynsitten. Berltsum wint ferrassend de 9de Jong Famme Partij.

### Senioaren Manlju

De kar wurdt lytser, minsken ferhúsje as de leafde is der net mear. Mar dochts ha wy yn ús Easterein noch keardels fan formaat. We geane mei Dirk-Yde Sjaarda, Pytrik Hiemstra en Bauke Dijkstra wer fleanend fan start op de Bangma Partij yn Weidum. Op de 61ste Bangma Partij helje sy in fjirde priis, in prestaasje op in list mei 36 partoer. De earste omloop binne se krekt te sterk foar Peins 5-5:6-4. De twadde omloop moatte se tsjin St. Anne. Ek no moat alles út de kast, mar we lûke oan it langste ein 5-5:6-4. Yn de tredde omloop tsjin Tsjummearum, dizze jonge hûnen ha letter de Jong Feinte Partij wûn, se wurde fuort timmere mei 5-1:6-4. Dan tsjin Goutum dat keatst mei Hendrik Tolsma, Cornelis Terpstra en Daniël Iseger. It giet om in finale plak as in fjirde priis. We dogge goed mei, mar moatte belies jaan op 5-4:6-4. Goutum wint letter op dizze dei de partij. Wer in geweldich begjin. Yn Tsjummearum binne we mei twa partoer. Easterein 2 mei Danny Roos, Carlo Booms en Marten Faber ferlieze de earste omloop mei 5-2:6-6 tsjin Holwert dat keatst mei Gert Anne van der Bos. Easterein 1 helle mei Jelte-Pieter Dijkstra, Bauke Dijkstra en Dirk-Yde Sjaarda wer in fjirde priis. Fantastysk, se winne fan Eksmoarre (5-0:6-0), Grins (5-2:6-6) en St.Jabik 2 (5-1:6-4). Dan moatte de manlju tsjin Minnertsgea, dat keatst mei Chris Wassenaar, Hylke Bruinsma en Hendrik Kootstra. Minnertsgea is te sterk en wint mei 3-5:2-6 en sil dizze dei de krânsen ek mei nei hús ta nimme. Gjinn ferrassing op't NK yn Frjentsjer. Dirk-Yde bleasserret sich foar de tiid, Pytrik is de ferfanger. Mei Bauke en Jelte-Pieter ferlieze se yn de earste omloop fan Damwâld 5-3:6-6. Ek yn Rie, in partij wer't we de lêste jierren yn de finale stienen, gjinn ferrassing. It waar wie dêr strie en strie min, we ferlieze de earste omloop fan Bitgum. Fierders keatse de manlju inkele krânsen op de 1ste klasse oan de muorre. Jelte-Pieter yn Stiens en Boalsert, Dirk-Yde yn It Hearrenfean en eigen Easterein en



Bauke hellet de krâns yn Wier. Foar it hichtepunt soarget Jelte-Pieter, hy wint de krâns mei syn maten Hylke Bruinsma (Minnertsgea) en Marten Feenstra (Feinsum) op de haadklasse útnoegingspartij yn Penjum. Noch in tankwurd oan Gert Jan Hiemstra foar de begelieding dit jier. Klasseminten KNKB 1ste klasse: Jelte-Pieter 12, Dirk-Yde 10 en Bauke 9 punten. Haadklasse: Jelte-Pieter 9 en Dirk-Yde 7 punten.

### **Senioaren froulju**

"Ik heb mijn wagen volgeladen, Eastereinder dames met eigen spelersbus naar de wedstrijden". Dit stiet yn nr. 9 fan de WISIN it keatsblêd fan de KNKB, in pracht printsje stiet yn nr. 8 fan de WISIN. Wy meie mei rjocht grutsk wêze op dizze froulju. We binne dit jier goed fertsjinwurdige op de earste klasse en haadklasse froulju. De resultaten meie der ek wêze en dêr binne we ek tige grutsk mei. De froulju Marije Hiemstra, Martine Tiemersma en Imke van der Leest begjinne it haadklasse ôfdielingsseizoen mei in boppeslach. Under begelieding fan Anco Elgersma, helje sy yn Frjentsjer in histoaryske oerwinning foar de KF Easterein. In frjemde dei, we binne dêr mei trije partoer. Easterein 3 mei Tineke Dijkstra, Martine Tiemersma en Jellen Pompstra ferlieze nei in goeie wedstriid krekt mei 5-5:6-0 fan St. Anne. Easterein 1 mei Marije Hiemstra, Wiepkje Hiemstra (foar Anke Marije Pomstra) en Imke van der Leest keatse tsjin Minnertsgea en winne dit mei 5-1:6-6. Easterein 2 mei Jildou Jorritsma, Gabriëla Bouma en Sietske Okkema sille keatse tsjin it twatal fan Dronryp, mar ien fan de fammen is siik. Sadwaande komme sy sûnder te keatsen op de twadde list. Troch regels en miskommunikaasje steane der by partoer 1 wat oare nammen op de list. Regels binne regels en dêrom beslute we om Wiepkje (ek eigen inisjatyf) te ferfangen troch Martine. En as jo safolle partoer op'e list ha, dan witte jo dat je elkoar tsjin komme. Sa ek op de twadde list. Easterein 1 en Easterein 2 moatte elkoar bestride, Easterein 1 wint mei 5-1:6-6. Dan ha se in steand nûmer. Yn de heale finale tsjin Grins winne de froulju ek, nei in 4-1 efterstân (5-4:6-6). Dan de finale tsjin Bertsum, it giet noch mûlder, se komme mei 4-0 efter. Mar troch goed keatsen winne Marije, Martine en Imke dizze partij mei 5-5:6-2. Imke wurdt op dizze kâlde dei keninginne. Op d'Alde Wite Partij yn Dronryp binne we mei twa partoer. Easterein 1 mei Marije, Imke en Anke Marije (lokkich mei se foar Easterein útkomme) winne reglementair fan Mantgum (siik). Easterein 2 mei Tineke, Martine en Jellen winne ek reglementair fan St. Anne (blessearre). Op de twadde list wint Easterein 1 fan Boazum 5-3:6-2. Easterein 2 wint fan Frjentsjer 2 mei 5-5:6-2. Op de tredde list moat Easterein 1 belies jaan tsjin Grou, Easterein 2 hat in steand nûmer. Tineke, Martine en Jellen moatte it no yn de heale finale opnimme tsjin Grou. Grou keatst mei keatsleginde Afke Hylkema, Debora Oosterman en Nynke Sinnema. Se keatse geweldig, mar Grou is krekt wat tûker en wint mei 5-5:6-2. In tredde priis foar dizze jonge froulju. Bertsum wint de finale fan Grou, Grou like wol wat

útkeatst nei de drege wedstriden tsjin Easterein. Op 't NK yn Grou keatste Easterein mei Marije, Imke en Anke Marije. De froulju winne earst fan Grins (5-3:6-2), dêrnei wurdt Bitgum oan de kant setten (5-1:6-6). Dan in partij wêr it omgiet, tsjin Boazum. We steane gau efter mei 0-3 en de mûltsjes fan de suskes Sijbrandij sitte gjin momint op slot. De emoasje spilet in grutte rol yn dizze party en we ferlieze terjochte mei 5-2:6-4. Spitich, as wy de partij better begjinne kin it miskien oars rinne. Hawar, wat kinne we grutsk op ús froulju wêze. Mar sa grutsk as op woansdei 22 augustus, dat hie nimmen tocht. Fiif Eastereinder froulju op de 36ste Frouljus PC, te witten Anke Marije, Martine, Tineke, Marije en Imke. En dat Marije en Imke oan 't ein fan de dei de krâns om de nekke ha, dat is hielendal fantastysk. En dat harren maat Aukje van Kuiken, de keninginne fan dizze 36ste PC, it feestje yn Easterein hâld dan binne we hielendal út de skroeven. Froulju nochris fantastysk, moai foar jimme, mar ek foar de KF Easterein. De froulju ha genôch krânsen wûn freegje harren sels, as sjoch op de webside fan de KF Easterein. KNKB-klasseminten 1ste klasse: Tineke 12, Sietske 10, Martine 9, Marije 7, Anke Marije 4 en Jellen 3 punten. Haadklasse: Imke 28, Marije 18, Anke Marije 13, Martine 7, Tineke en Jellen elk 1 punt.

### **Manlju 30+**

Op in dei tocht Harm Auke Dijkstra, ik moat mar in kear op KNKB-nivo fuort te keatsen. En wy kinne Harm Auke in lyts bytsje, dus wat swetse, ik kom jûn mei de krâns thús. Hy keatst yn Lekkum mei âld-Iltenser Sjoerd Boonstra, no Akkrum en mei Jacob Kamstra út Frjentsjer. Hy komt jûns thús út Lekkum en wat hat it mantsje yn de kofferbak..... de krâns! Prachtich no. Harm Auke hat 3 punten yn it KNKB-klassemint.

### **Manlju 50+**

Sipke Hiemstra, Roel Sijbesma, Tjerk Okkema, Anne Bakker en Douwe Durk Reitsma binne meastentiids de manlju dy't foar KF Easterein útkomme. Mar it wurk en krupsjes oan't lichem ha dit jier by de measten harren tol easke. Spitich wy hoopje dat it takom jier better mei jimme giet. De jierren geane hurd dus de groep sil fêst grutter wurde. It NK fan dizze manlju wie op 7 july yn St. Nyk en de twa foargeande edysjes hiene se in tredde en in twadde priis helle. Dus hoopje jo op in nûmer 1 plak. No de manlju, Sipke, Roel en Tjerk wiene partoer 1 en keatsten yn perk 1 mei oanmerkersblokje 1. Dêr is it dit jier by bleaun, se ferlieze de earste omloop fan Goutum mei 4-5:0-6. Sipke wûn wol de krâns yn Makkum. Yn it klassemint hiene se heger stean kinnen, mar punten yn de herkânsingsronde telle net by dizze mannen. KNKB-klassemint: Sipke 4 en Roel 2 punten.

### **Jeu de Pelote**

It pealtsje fan Easterlittens, wat we ea nochris winne wolle, is de priis foar it lepen Fryske Jeu de Peloten. Yn 2011 wiene we twadde, dus dit jier wiene we pleatst. Jo hoege dan gjin

foarronde te keatsen. Dirk-Yde, Bauke, Jelte-Pieter, Marten en Feite moasten it opnimme tsjin Frjentsjer. We begjinne goed, komme 2-0 foar. Healwei de wedstriid steane we mei 6-4 foar, mar oan't ein fan de partij moatte we mei 6-8 belies jaan. Manlju folgjend jier dochs earst mar efkes oefenje op it nije MFT. Ek diit jier wer gjin Jeu de Peloten op Federaasje-nivo. KF Easterein sil yn it takom jier besykje om it Peloten op it MFT en op it keatsfjild wer los te krijen.

### **Federaasje**

Lykas de lêste jierren de selde tendins. De âlderein lit it wat ôfwitte, mar de bern ha de takomst en dat is ek mei de opkomst te sjen. It is geweldich om de webside fan de keatsferiening te oanskôgjen. Prachtige stikjes fan de bern en foto's dy't harren âlders as begelieders meitsje. Dit is ek in kompliment oan de webside en de webmaster fansels. Der binne wer in soad prizen helle op de federaasje wedstriden yn en om Easterein hinne. Jorrit Veldman, Kees van der Horst, Jeska Terpstra, Roelie en Corrie Kroondijk kamen mei de krânsen thús. Op de Federaasje ôfdielingswedstriid yn Skearnegoutum helje de pupillenfamkes Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Nynke Paauw in twadde priis. Hiel tafallich keatse sy trije kear deselde stân op de tillegraaf. Sy winne fan Skearnegoutum en Goaiïngea mei 5-2:6-2. Eilaas ferlieze sy yn de finale fan Hommerts ek mei dizze sifers. Wy hoopje as TK dat jimme folgjend jier der wer op út geane, en safolle mooglik de stikjes troch jouwe oan de webside. Jimme fertsjinje de oandacht en sa kin hiel Easterein de prestaasjes en de foto's fan jimme sjen. Ek hoopje we dat de bern dy't no kabouters binne en straks welp, harren wjukken útslaan sille en ek bûten Easterein harren keatsen sjen litte wolle. In soad sukses yn it nije keatsseizoen 2013.

Wy as TK wolle de JK en de websidebehearder tige tanksizze foar de matearje dy't wy brûke as wy dy sels net yn it behear of holle ha.

### **Keatser fan it jier 2012: Bauke Dijkstra**

Wy ha in wrâldkampioen yn ús fermidden en dat wolle we graach witte litte as keatsferiening Easterein. In jongkeardel dy't in soad oer hat foar de keatssport yn it algemien. In super frijwilliger, dy't net te beroerd is, op wat fan mêd dan ek, de keatsferiening te helpen. In jonge trainer, dy't yn de seal en op it fjild, syn plakje mear dan skjinn makket. In keatsleafhawwer yn ieren en sinnen. In jongkeardel dy't it wurd "nee" hast net sizze kin, Eastereinder "knuffelbeer" nûmer ien.

Bauke, wy binne der tige bliid en grutsk op, foar watsto wer werom dochst foar de keatsferiening. Keatse op ôfdielingswedstriden, nea te beroerd om de feriening út eigen doarp heech te hâlden. Trainen jaan oan de jeugdleden fan Easterein, ek net te beroerd as dêr bern fan oare keatsferienings by binne. Yn kommisjes sitte, bygelyks materialen

en fjilden kommisje. Ik leauw fêst dat der nochris in oare kommisje gebrûk fan dy meitsje wol en sa as ik al sei "nee" sizze leit dy net sa maklik. Wy hoopje datsto ea de stap makkest om yn it haadbestjoer oan te skowen. Earst noch mar wat jierkes keatse, tinkt my sa ta. Ek as frijwilliger bist faaks op it fjild te finen. Perken lizze, karmasterje, in pracht "arena" oanlizze mei de Jong Feinte Partij en sels it kratsje bier boargemaster meitsje kost gjin muoite. Do soest yn dit gefal ek ris nee sizze kinne, mar ek dan.....

Bauke, dit jier wer gjin PC. Ek de kick-off koe jimme net rêde, in swiere teloarstelling fansels. Mar moast mar sa tinke, oan de earste kick-off fan de PC ha "ik" meidien en dat kinne dy net in soad neifertelle. Bauke, do bist ek net altyd like lokkich mei it stellen fan it partoer. It giet dy om it winnen, mar ek de nocht en de wille binne tige wichtich foar dy. Hurder wurde miskien. Tsjin goeie freonen in kear "nee" sizze, ik keats net mei dy. Ik woe hjir mar mei oanjaan datsto dit jier op de earste klasse frije formaasje wedstriden ien kear de twadde priis helle hast. Fierders op de útnoegingswedstriden giet it better. Twa twadde prizen yn Stiens en Winaam en de krâns yn Wier. Bauke do bist noch jong en dyn liif op it sterkst fan dyn libben, we prate ôf datsto krekt as dyn broerke en suske de PC nochris keatse silst.

Bauke, wrâldkampioen Llargeus, dat kinne net folle minsken dy neisizze. Ynternasjonaal, neist Teake Triemstra, Johan van der Meulen, Marten Feenstra, Renze Pieter Hiemstra, Hendrik Tolsma en Pier Piersma. Grutte nammen wêrsto eartiids in hantekening fan fregest en no joust sels oan lytse keatsleafhawwers in krabbeltsje. In spultsje wat dy leit, tuskenspul, minsken ticht op it fjild, aksje en reaksje. We ha it meibelibbe hjir yn ús eigen Easterein. Oerwinnings op Meksiko en Frankryk en do meist ek noch efkes meidwaan op it nije MFT. Dêrnei giet it sirkus nei Frjentsjer. In oerwinning op Ecuador en jimme stean yn de finale. De finale is tsjin Kolombia, de ferrassing fan it toernoai, mar de sifers sizze genôch in 10-1 oerwinning!

De technyske kommisje,

Marten Faber, Jelte de Boer, Romine Jelsma,  
Dirk-Yde Sjaarda en Ype Tiemersma



## Keatser fan it jier

**Nettsjinsteande dat ik minder punten helle ha as foarich jier wie 2012 foar my dochs in jier mei in soad hichtepunten. Ien fan dy earste belangrike mominten fan it seizoen wie op de woansdeitejûn foar de PC...**

De earste edysje fan de saneamde "keatsoff" moast doe ferkeatst wurde op it hillige gers fan it Sjûkelân. Fjouwer partoeren mochten fjochtsje om it lêste plakje op de PC. En wy wienen ien fan dy dielnimmers. As earst moasten wy it opnimme tsjin it favorite partoer fan Pieter Syberen Scharringa, Gerrit Meijer en Dennis Wijnjeterp. Troch de sinne wie it in frjemde keatserij, mar wij koene it bêste mei de omstannichheden omgean en wûnen de earste omloop. Dêrnei wachte it partoer fan Pieter Vogels, Jan Sjoerd Tolsma en Steven de Bruin op ús yn de finale. Nei in 5-3 foarsprong foar ús partoer kantele de partij en feroare ien fan de hichtepunten yn in djiptepunt. Wy koene de partij net winne en dat betekene foar ús spitich genôch gjin plakje op de PC.

It feit dat wy net meidienen oan de PC betekene foar my wol dat ik my no rjochtsje koe op myn oare doel foar ôfrûne jier. Dat wie foar my it meidwaan oan it WK keatsen foar lânenteams. Dit WK waard ferkeatst yn Fryslân en ik woe der mar al te graach by wêze. Om my te pleatsen foar dit WK moast ik myn keunsten fertoane op in oantal seleksjetrainingen. Hjirút soenen dan de keatsers selektearre wurde dy meidwaan mochten oan it WK. It WK bestie út meardere ûnderdielen: It ynternasjonale spul, it Fryske spul, it muorrekeatsen en it Llargues. Ik ha myn pylken rjochte op it ûnderdiel Llargues. Dit is in Spaanske keatsfoarm dy it meast te fergelykjen is mei it Belgyske Jeu de Pelote. Dit spultsje lei my wol en ik waard dan ek selektearre foar it Llarguesteam. No koe de tarieding pas echt begjinne. Der waard noch in oantal kearen flink traint en doe wie it safier. Fryslân soe in wike lang yn it teken stean fan it WK keatsen. Wy as ploech soenen hjir net safolle fan meikrije omdat wy mei it hiele team yn in pleats yn Ingelum ferbliuwe moasten. Gjinn radio, gjinn televyzje, gjinn ynternet en al hielendal gjinn alkohoolyske fernaperingen. Mar as je prestearje wolle op sa'n toernoi dan moatte je dat der ek foar oer ha. En prestearre dat ha we dien. Mei trije gouden, en twa sulveren medaljes wienen wy ek nochris winner fan it lannen-klassemint. Ien fan dy gouden medaljes waard helle op it ûnderdiel Llargues. En de basis fan dizze oerwinning waard lein yn Easterein. Hjir

ha wy traint en hjir ha wy ek de earste wedstriden spile op it moaie nije multyfunksjonele terrein. Mei in soad minsken lâns de kant en in goeie organisaasje wie it echt fantastysk om dit mei te meitsjen. En no meie wy ús sels ek noch wrâldkampioen neame. Dat nimme se ús nea wer ôf.

De oare hichtepunten wienen de bûtenlânske tripkes dy efter dit toernoi oan kamen. It earste bûtenlânske toernoi dat wy spylje moasten wie yn Spanje. Dit gie ek om it ûnderdiel Llargues, wêrby de finale ferkeatst waard yn it sintrum fan Valencia. Wy ha de finale spitich genôch net helle, mar we ha wol genoaten fan dizze wike. It is moai om te sjen dat der oer de hiele wrâld keatst wurdt. En boppedat witte je nea wêr dy bûtenlânske kontakten goed foar binne.

Nei de fantastyske wike yn Spanje wachte it folgende bûtenlânske toernoi ús op. Dit gie om it ûnderdiel muorrekeatsen. Dit "one wall handball" toernoi waard spile yn Dublin, Ierlân. Dit like ús in moai lân ta. En nettsjinsteande dat dizze dissipline frij nij foar ús wie, binne Jelte-Pieter en ik der dochs tegearre hinne setten. Mei in groep fan sa'n 30 Fryske keatsers ha wy dêr probearre om in beker yn de wacht te slepen. Dit woe net echt slagje omdat it nivoferskil mei sa'n 3000 keatsers te grut wie. De Ieren, Amerikanen en Súd Amerikanen wienen eltsenien de baas. Mar ek dit toernoi wie foar ús tige learsum en foaral ek hiel gesellich. Omdat dit in yndividueel toernoi wie hienen wy in soad frije tiid en dit kear sels de kar oer ús alkohoolyske fernaperingen. Dit hoege jo net twa kear tsjin in Eastereinder te sizzen. Wy ha it der efkes flink fan nommen en kamen mei in ûnderfining riker, in oantal euro's earmer en lichte pine holle wer oan op Schiphol.

Foar takom jier stiet ús earste bûtenlânske tripke ek alwer fêst. Yn it peaskewykein sille wy op trainingskamp nei Mallorca. It keatsen is sa gek noch net.

Op nei in sportyf en ynternasjonaal 2013!

Bauke Dijkstra

## It lizzen fan de fjilden gie as it slydjaget

Der stiene noch in oantal saken fan ferline jier op de wurklist dy't in ferfolch krije moasten. Sa hat it winnersboerd fan de Jong Feinte partij in definityf plak krigen oan de gevel fan it ferieningsgebou. De keatslisten binne no ek yn Easterein goed by te hâlden oan de hân fan in nij boerd wêr't de partoer nûmers en hjirmei de omlopen goed sichtber binne.



It hok is opromme en opnij yndield sadat we alles wat makliker fine kinne. Foar it kommende seizoen sil ik besykje om de materialen fan ûnderhâld (skilderje) te foarsjen.

It lizzen fan de fjilden gie as it slydjaget. Troch de grutte stipe fan tal frijwilligers leine de fjilden der wer samar, hjirfoar myn grutte tank. Bysûnder wie it lizzen fan de fjilden foar it WK (ynternasjonaal spul), hja ha yn Easterein oan it trainen west. Fansels ha de mannen ek yn Easterein harren wedstriden (Llargues) spile op it Multy Funksjoneel Terrein (MFT). Binnen de keatsferiening bin ik it oansprekpunt foar it gebrûk fan dit terrein, jimme witte my fêst wol te finen.

It oerlis mei de Skoalleseize oer it gebrûk fan de fjilden gie poerbêst. Neist it fjild hawwe hja in grut terras realisearre. Op it terras - lekker yn it sintse - is de keatserij goed te sjen en/of te folgjen. Dit is wer in oanwinst foar ús sportkompleks.

Ta beslút wol ik noch kwyt dat wy op 't stuit noch drok dwaande binne mei de bestjoerlike ynfolling fan ús feriening. Ik hoopje dat dit slagje sil, mocht dit nei it útkommen fan it jierferslach net rûn wêze dan doch ik hjirby in oprop oan

alle leden fan de KF om hjir serius oer nei te tinken, it is de muoite mear dan wurdich!

In protte keatswille it kommende seizoen en oant sjen op de fjilden!

De fjilden- en materialekommisje,

Gep Bakker, Christian Hoekstra



## Wa't de jeugd hat, hat de takomst

**Us earste wedstriid wie keatsen yn 'e seal. Mar kening winter hie taslein, dat der wiene mar 3 bern dy't harren opjûn hiene. De rest wie allegearre op it iis oan it reedriden. Dus ha wy gjin sealkeatsen organisearre foar de jongerein.**

As twadde hienen we in bestjoerswiksel. Dieuwke en Boudewijn giene ús ferlitten nei 5 en 2 jier en krigen fan de JK in Fryske flaggekeatsbaltsje mei as oantinken. Dy fan Boudewijn leit no yn de glêzen KF kast. Foar harren yn it plak ha we ree fûn Joke Wiersma en Joke is sa goed dat sy beide funksjes oernaam hat, noch fan herte wolkom. Wy as kommisje ha eltse moanne in gearkomste om sa goed 'up to date' te bliuwen.

De kompetysje yndieling waard fersoarge troch Annette. Dit is har poerbêst ôfgien. De kompetysjekaartsjes moasten no op sneintejûn foar 8 oere by Annette wêze en dêr hie sawat elkenien nei lústere. De bûtenleden moasten harren no opjaan foar de kompetysje fia de mail, ek by Annette.

Om nije leden te krijen ha we op de basisskoalle de Foareker yn febrewaris wer in keatsclinic hâlden foar de groepen 3 en 4. Sa'n 40 bern diene mei en Petra, Carin en Riemy ha dit fersoarge. Prachtich wurk om dit te dwaan en alle bern wienen entûsjast. We ha der dit jier dan ek nije kabouter leden by krigen. Spifich dat de twadde keer net trochgien is op it fjild.

As de bern al in bytsje knap keatse kinne en by de federaasje opslachôfstân wei kinne en de spulregels yn it snotsje ha, kinne hja fuort te federaasje keatsen. Wy besykje ek sa folle mooglik federaasje keatsers nei de partijen ta te krijen, want "oefening baart kunst" en it kin ek hiel leuk wêze om ris mei in oar te keatsen.

Mei de kompetysje binne de regels ek dúdlik. Eltse keatser docht wat en binne se mei harren trijen, dan hat elkenien de

funksje dy't der by heart. Ek mocht der net wiksele wurde by in belangrike slach. Kompetysje is ek leare en elkenien moat in kâns krije om ek ris foar bêst op te slaan as foar yn it perk te stean. By de skoaljeugd wurde eltse wike twa frijwilligers oanwiist om Gep op de tiisdeitejûn te helpen de fjilden foar de kompetysje te lizzen. Dit wurket goed en kinne de bern sjen dat in fjild net samar leit.

Foar de 3e kear, de âlder-bern partij. It wie wer in grut sukses, keatse yn ferskate klassen sa as kabouters mei harren heit as mem, wêrfan wy net wisten dat dizze âlders sels sa ferskuorrend mei it keatsbaltsje omgean koene. De welpen eksakt fan itselde en de oare jeugd ek. Opjaan koe allinne mei eigen heit as mem mar wiene dizze ferhindere dan socht de JK der in ferfanger by. Prachtich om te hearren en te sjen hoe't de bern harren heit of mem te plak setten. In tige slagge middei dy wis oare jier wer op de keatskalinder komt te stean.

De slôfjûn wie dizze kear tagelyk mei it nachtkeatsen, der waard ek echt yn it donker keatst! De kompetysje prizen binne tusken de wedstriden troch útdielt troch de JK.

Alle âlders en oare frijwilligers dy't dit seizoen wer holpen ha, tige tank en we hoopje dat we ek it oare jier wer in berop op jimme dwaan kinne.

De jongereinkommisje,

Annette Kroondijk, Carin Ypma, Joke Wiersma, Petra Jellema, Riemy Kamstra, Gep Bakker en Tjerk Okkema



## Finansjele- & stipekommisje

De finansjele- en stipekommisje is yn 2012 yn deselde gearstalling trochgien as yn 2011. Mar in ekstra lid kin noch altyd brûkt wurde. Net allinne om besteande kontakten waarm te hâlden mar ek mooglik nije stipers aktyf te benaderjen. En tajûn, dêr hat de kommisje ek net in soad tiid yn stutsen. Gelokkich wie der somtiden noch help fan âld kommisjeleden. Dochs binne we der as kommisje yn slagge om de ynkkomsten út stipejilden en finansjele aksjes op nivo te hâlden. En dat is meiname trochdat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn binne. Dêrmei is in stevige finansjele basis oanwêzich. By dizze wolle we alle stipers dan ek wer tige tank sizze.

Foarich jier wiene we oan it begjin fan it nije keatsseizoen noch fan miening dat de Jong Feinte kommisje in belangrike rol spylje koe en soe, om mooglike kânsen op it mêd fan stipers en finansjes te benutsjen. Spitigernôch binne we dêr net yn slagge. Dit hat foar in diel te meitsjen mei de besteande situaasje tidens de wedstriiddei. Oant no ta is der gjin romte foar ekstra aktiviteiten dy't ynkkomsten opsmite. Ynkkomsten dy't we wol goed brûke kinne. Uteinliks is der yn oerlis besletten de kommisje te ûntbinen.

### De kommisje

De taken fan de finansjele- en stipekommisje wienen as folcht ferdielt:

Anco: foarsitter, ponghâlder, finansjele saken, begruttingen, finansjele aksjes, kontakt haadbestjoer

Tymen: relaasjebehear stipers

Tjeerd: relaasjebehear stipers

### Stipers

Yn 2012 mochten we wer in oantal nije stipers wolkom hjitte:

• It Dielshûs	Wommels
• Fakwurk	Easterein
• Bakkerij Molkwar	Molkwar
• Boero Group	Drachten
• Sporthuis A.P. van der Feer	Boalsert
• Artimedes	Wommels
• Jumbo Supermarkten	Wommels

Bydragen/subsydzjes:

• Gemeente Littenseradiel	Wommels
• Goede Doelenfonds voor ING medewerkers	Ljouwert

Fan de folgjende stipers is yn 2012 it kontrakt mei 1 jier ferlingt:

• MRW Accountants & Adviseurs	Snits
• Autobedrijf Witteveen & Brouwer	Easterein
• Posthuma Skilderbedriuw	Easterein
• B. Sandstra Handel, Transport en Opslag	Easterein

Lykas de advertinsjestipers:

• Brouwers Schilders - Jimbar	Wommels
• Mitselbedriuw BOU-plus	Wommels
• Bergsma Groothandel	Makkum
• Notariskantoor Mr Th J Houtsmâ	Warkum

• Mondzorg Harkema

Harkema

• BOIKON BV

Leek

### Stiperdei

Snein 9 septimber 2012 giet de boeken yn as ien fan de waarmste edysjes fan de jierlikse stiperdei. Moarns wie der noch wol wat bewolking mar doe't de sop en broadsjes efter de knoop sieten en de 1e fan trije listen op it punt stie te begjinnen wie de loft skitterend blau. En dat soe ek net mear feroarje. Sa koe it barre dat der keatst waard mei temperatueren fan boppe de 25 graden! En dat yn septimber.

Nei in koart petear en it útdielen fan de ballen giene goed 12.45 oere de 24 dielnimmers de striid mei-inoar oan. Wylst de ien noch efkes tiid noadich hie om yn it ritme te kommen, fleach de oar fanôf de earste slach oer it fjild as diene hja noait oars. Lykas foargeande jierren wie it dan ek dit jier wer prachtich te sjen hoe't guon stipers keatse kinne, ek al keatse hja hast noait. Dit stimulearret de oaren ek wer en sa koe it dat hast alle 6 partijen sa'n 1 ½ oere duorren want it wie hast allegear 5-4 as 5-5. En dat mei it tige waarme waar. Gelokkich wiene der in pear attinte froulju dy't amers mei wetter efter de perken setten hiene want dat wie tige wolkom. Spitigernôch wie de waarmte miskien wol reden fan it útfallen fan Jan Vellinga. Op 4-4:6-6 sloech hy de keats noch geweldich foarby mar rûn dêrby in 'zweepslag' op en moast opjaan. Gelokkich woe Abe Jan Stegenga fanôf de 2e list it plakje fan Jan wol oernimme.

Neidat de 1e list ferkeatst wie koe eltsenien efkes yn it skaad bekomme want de lange partijen hie wol wat fan de krêften frege. Gelokkich wie it hearlik koel yn de Skoalleseize en wiene de kâlde hapkes tige wolkom. Yntusken wiene de swimbadsjes foar de bern klear makke, de swimklean oanlutsen en koe it wetter spuitsjen begjinne. De keatsers moasten allinne wer yn it fjild oantrede foar de 2e list. Dizze kear wiene de ferskillen opfallend grut en eindigen mar leafst 4 fan de 6 partijen op 5-0 as 5-1. Hie de earste list tefolle frege? Lokje de swimbadsjes dochs wol hiel bot? As wiene de winners dizze kear gewoan folle better (en fitter). Tidens de pauze koe dêr moai oer neipraat wurde ûnder it genot fan in hearlik stikje oranjekoeke. Foar de tredde list wie sprake fan ien wiksel. Jan Bouke Bouma naam it plakje fan Liesbeth Bootsma yn (sels ynfallen foar de net fitte Eefje)

want sy moast noch wurkje. De lêste partij moast de beslissing jaan want der wiene in oantal dy't noch foar de krânse gean koenen.

Uteinliks wie it by de A-keatsers Durk Jorrit van der Eems dy't as ienichste alle trije partijen wûn hie en mei 21 punten de earste priis pakte. Hans Kooistra, yn de earste partij mei 5-5 gelyk noch fan Durk Jorrit ferlern, wûn dêrnei de oare twa partijen en sa wie de twadde priis mei 19 punten foar Hans. Anne Bakker en Abe Jan Stegenga hiene beide 18 punten mar Abe Jan hie 10 earsten tsjin, de tredde priis foar him, en Anne 12 earsten en krige de 4e priis. As treastpriis wie der noch in Eastereiner slokje foar Jan Vellinga.

By de B-keatsers gie de finale tusken Mattie Dijkstra en Sjoukje van der Eems. Sy hiene beide twa kear wûn en it lot hie harren yn de lêste partij tsjin mekoar brocht. It wie Mattie dy't dit mei har maat wist te winnen en dat brocht Mattie de krâns mei 21 punten. De twadde priis gie nei Wilma Sjaarda. Likefolle earsten foar as Sjoukje mar Wilma hie 2 minder tsjin-earsten (12 om 14). Nei de ferkoelende sprong yn it badsje foar Wilma nei de lêste slach in moaie 2e priis. Sjoukje pakte de tredde priis mei dus 18 punten. De 4e priis mei 17 punten wie foar Jan Hiemstra. Foarich jier noch de krâns mar mei in wat krebtige earmtakke wie dit dochs in ûnferwachts resultaat. Talitha Dijkstra ûntfong dit jier de poedelpriis. De moaie krânsen wienen wer stipe troch Tuincentrum Gaardenier te Wommels.

### Aksjes

Yn 2012 hawwe we healwei april alwer de 5e edysje fan ús jierlikse koeke aksje hâlden. Dit jier wat letter as oars mar sa'n 30 frijwilligers koene dan wol langer mei ljocht rinne. Uteinliks binne der 1.960 koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.212 (opbringst € 3.377, kosten € 2.165)**. Mei in minder oantal koeken hast it selde resultaat as yn 2011: € 1.283 mei 2.100 koeken.

### Finansjeel

De begrutting foar It stipe- en subsidzjebedrach foar it jier 2012 bedroech **€ 12.250 (stipe € 11.050, subsidzje € 1.200)**.

Yn 2012 waard oan bydragen fan stipers, natuera, subsidzjes en (bysûndere) bydragen ûntfongen in totaalbedrach fan **€ 14.737** (2011: € 16.870). It bedrach is as folcht ferdield: stipers **€ 10.930**, natuera **€ 933**, subsidzje/bydragen **€ 1.458**, en ferskaat **€ 1.416** (koartingen, bysûndere bydragen).

De rekken 2012 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2013 presintearre. Foar 2013 hawwe we in bedrach begrutte fan **€ 11.700 (€ 10.500 oan stipe en € 1.200 oan subsidzjes en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje,

Anco Elgersma, Tjeerd Dijkstra en Tymen Dijkstra



"Yntusken wiene de swimbadsjes foar 'de bern' klear makke, de swimklean oanlutsen en koe it wetter spuitsjen begjinne..."



## It seizoen fan...

# Imke en

**Wa hie dat no tocht dat we ein augustus yn Weidum mei de krâns om stean soenen? Seker yn de oanrin fan dé wedstriid fan it jier seach dat der net nei út. Boppedat begong Marije it seizoen noch yn in oar partoer. Mar úteinlik waard it dus al in histoaryske dei foar keatsend Easterein.**

We begûnen it seizoen yn oare partoeren. Imke hie foar it seizoen stelt mei Wiljo en Nynke Sybrandy. Marije dêrtsjinoer hie Martine Tiemersma en Margriet Bakker as maten útkeazen foar it seizoen 2012. It tafal woe al dat we al as sparringspartners troch de wike mei inoar traiden.

Winst yn Frjentsjer op de earste ôfdielingswedstriid. Doe begûnen we mei Wiepkje yn de earste omloop, mar trochdat sy har blessearre ôfmelde foar de twadde partij, kaam Martine derby. Sy ferlear nammentlik de earste omloop mei Easterein 2. In moai begjin fan't seizoen foar ús.

Nei de earste syklus kamen we dan by-inoar yn it frije formaasje partoer. As efterynse hienen we Aukje van Kuiken strikt, dy't krekt werom kaam fan har wrâldreis. Yn ús begjinperiode as partoer gong it net sa best. Bygelyks yn Doanjum, de earste wedstriid fan de twadde syklus, moasten we yn de earste omloop (iroyansk genôch) tsjin de Sybrandy's en moasten wy elkoar noch wat sykje. Dêrby kaam fansels ek noch wat striid tusken Imke en har âld maten. Úteinlik ferlearen we dat mei 5-4.

De periode dêrnei gong ek noch net bepaald fan in lijen dakje. De blesuere fan Marije oan har skouder, holp dêr ek

net bepaald by. Dêrneist wie der ek noch de diskusje oer de twadde opslach. Aukje en Imke woenen beide de foarminst wol pakke. Dit resultaatre úteinlik yn in moaie ferdieling dy't goed fan pas kaam op de dei fan de PC.

En doe wie it woansdei 22 augustus 2012. We sieten net ferkeard yn it lot, mar begûnen sûnder hege ferwachtings oan dizze dei. Dochs wienen we tige skerp, want we woenen absolút net ferlieze tsjin de earsteklaspartoeren dy't we yn de earste twa omlopen tsjinkomme soenen. We keatsten de earste twa omlopen net flaterfrij, mar hienen beide wol it fertrouwen om dizze wedstriden oer de streep te lûken.

Nei in steand nûmer op de tredde list stienen we yniens yn de finale tsjin (jawol) de Sybrandy's mei Maaïke Osinga. Sy hienen oant dat momint op de PC echt de sjo stellen mei ymponearjende winstpartijen tsjin de favorite partoeren fan de Zeinstra's en dy fan Iris van der Veen. We wisten dus wat ús te wachtsjen stie. Foar it publyk wie it miskien in optelsomke dat sy winne soenen.

Neat wie minder wier. It like dat wy ús bêste partij foar it lêst bewarre hienen en dêr tsjinoer like it dat by Nynke, Wiljo en Maaïke de batterij leech wie. We keatsten echt as partoer.





# Marijè

Mei selsfertrouwen en rêst koenen we ús eigen ding dwaan. It slagge om deeglik de partij troch te kommen mei oan de opslach yn totaal fjouwer missers en yn it perk mar ien direkte sitbal. Marijè wist de partij úteinlik út te meitsjen op 5-2: 6-4. Foar de coaches Durk en Marja wie der dy partij net in soad te dwaan oan de kant fan it fjild. De earste priis wie en is binnen!

## **“Mei selsfertrouwen en rêst koenen we ús eigen ding dwaan...”**

Nei't de krânsen omhongen wienen troch de PC-winners fan de mannen, alle felisitaasjes fan bekenden en ûnbekenden út it publyk yn ûntfangst nommen wiene, de moaie wurden en prizen troch Jan Suierveld (foarsitter Dames PC Weidum) jûn wienen... wie it tiid om de boel besakje te litten. Mar foaral tiid om te genietsjen!

Aukje hie fansels it measte te sizzen oer de ynfolling fan de jûn. Sy is ommers útroppen as keninginne fan dy dei en gebrûklik is nei it plak te gean fan de keninginne. Gelokkich hiene we twa goeie redenen om dêr net hinne te gean. Ien, it is hast in oere riden om yn le te kommen. Twa, Aukje hat te meitsjen mei twa Eastereiners yn har partoer!

It wie dan ek net al te lestich om der foar te kiezen, ús gesichten earst yn Easterein sjen te litten. Dêr wie yntusken al in soad op poaten setten. Mei de koets (fan Imke's skoanheit!) koenen we troch it doarp, wêr in soad minsken oan de dyk stienen. Nei dy rit wie alles foar elkoar yn de Skoalleseize om der in gesellige jûn fan te meitsjen. Sa't Aukje it dy weromreis ek wol in 'pear kear' sein hat: bedankt!

En hoe gesellich it dêr ek wie, der wie ôfpraat om it feest ôf te slúten op it plak wêr it feest ek begûn wie: Weidum. Dêr is it feest dan ek noch trochgien oant yn de lytse oerkes. Al mei al in prachtige dei (en jûn en nacht), wêr we noch eltse dei fan genietsje kinne.

Marijè Hiemstra en Imke van der Leest



## De achtste Jong-Feinte, Tsjummearum wint!

Tsjummearum stie foar de fjirde kear yn de finale fan de Jong-Feinte. Yn 2009 waard ferlern fan Holwert, yn 2010 wûn fan St Anne, yn 2011 waard nei in foarsprong fan 5-1 ferlern fan Frjentsjer. En yn it jier dêr't Hans en Steven ôfskie namen fan de Jong-Feinte winne se fan St Anne en nimme mei 10 punten ek de lieding oer fan Wytmarsum (8) yn it ôfdielingsklassemint fan de Jong-Feinte.

De frijwilligers fan keatsferiening Easterein en De Skoalleseize ha wer in geweldige prestaasje levere. Sa rûn de hiele dei gemoedlik, flot en gesellich en wie der sels tiid om guon karmasters mei sinnebrânoalje yn te smarren! Elk jier besiket keatsferiening Easterein wat nijsgjirrige fernijings oan te bringen oan dizze nije keatsklassiker. Sa stienen der partoer-nûmers op de telegrafien en wie der in 'scoreboerd' dêr't de omlopen op byhâlden waarden. En by de opkomst fan de finalepartoeren foarmen de karmasters in earehage. Nij wie ek de haadstiper fan de Jong-Feinte, it Dielshûs fan Wommels.

Op dizze edysje, ûnder lieding van Rients Braaksma en Johan Koldijk, stienen mar leafst 10 keatsers dy't woansdei 1 augustus yn Frjentsjer op de PC steane: Thomas van Zuiden, Hans Wassenaar, Hendrik Bouwhuis, Menno van Zwieten, Sjoerd de Jong, Jelte-Pieter Dijkstra, Bauke Triemstra, Hendrik Kootstra, Peter van Zuiden en Steven de Bruin. De Jong-Feinte, in poadium foar talint! Lykas yn 2011 wer 27 partoeren op de list (26 ferienings). Yn 2006 en 2010 24 partoeren en oare jierren 26. Debutanten wienen Menaam, Jellum-Bears, Lollum-Waaksens, Arum, Raerd, Tsjom en Achlum. Oan alle edysjes ha de folgjende ôfdielings meidien: Easterein, Tsjummearum, Dronryp en Wommels. Der ha oant no ta 55 ferskillende ferienings meidien.

Om 11.00 oere geane we los en it is fuort al gesellich drok om it fjild. De frijwilligers allegearre yn 'e Eastereiner KF klean en it kin heve. De Jong-Feinte partij wurdt hjoed LIVE byhâlden!

### 1e omloop

Kreaker yn de earste omloop is de partij tusken 7 en 8: Minnertsgea en Sint Jabik. Dêr steane de PC-keatsers

Hendrik Kootstra foar Minnertsgea en Bauke Triemstra foar Sint Jabik tsjinoer mekoar mei harren maten. De partij gie oant 2-2 gelyk op, mar dan set Minnertsgea in sprint yn. Op 5-2 komt Sint Jabik noch foar mei 0-4, mar op 6-4 slacht Bauke Triemstra bûten.

Boalsert makket daliks dúdlik mei hokker aspiraasjes se nei Easterein kommen binne. Op 0-5:2-6 slacht Arum de keats net foarby. Tsjummearum 1 werfân Hans en Steven foar de lêste kear meidogge op dizze partij, winne mei 5-0:6-0 fan Achlum. De jonges fan Achlum stiene om 9.15 al op it fjild, mar it hat se spitigernôch net holpen. Se binne der folgend jier wer by! It winnende Freulepartoer fan 2011, Seisbierrum, wint ek oertsjûgend mei 5-0:6-6 fan Wommels. Peins stiet op de dea tsjin Wjelsryp mei 3-5:0-6. Mar op 6-6 slacht Wjelsryp bûten. Yn it lêste earst komt Wjelsryp foar mei 2-6 en dan is it Menno dy't bûten slacht.

Easterein mei Danny Roos, Carlo Booms en Jelte-Pieter Dijkstra kin it krekt as op it NK net oprêde tsjin Dronryp. Se ferlieze mei 4-5:4-6.

By de oare partijen in pear spannende, mar ek minder spannende wedstriden yn de earste list. Fan de 7 debutanten ferlieze der 6 yn de 1e omloop. De oare debutant, Raerd, wint fan Lollum-Waaksens en giet dêrmei nei de twadde omloop.

- 1) Bertsum - 2) Winsum, 5-3:6-2
- 3) Jellum-Bears - 4) Wytmarsum, 4-5:0-6
- 5) Raerd - 6) Lollum-Waaksens, 5-4:6-0
- 7) Minnertsgea - 8) St Jabik, 5-2:6-4
- 9) Arum - 10) Boalsert, 0-5:2-6
- 11) Eksmoarre - 12) Tsjummearum 2, 2-5:0-6
- 13) Peins - 14) Wjelsryp, 4-5:2-6
- 15) Seisbierrum-Pitersbierrum - 16) Wommels, 5-0:6-6
- 17) Menaam - 18) Frjentsjer, 1-5:2-6

- 19) Itens - 20) Wynaam, 0-5:6-6
- 21) Tsjummearum 1 - 22) Achlum, 5-0:6-0
- 23) Tsjom - 24) Easterlittens, 0-5:2-6
- 25) Easterein - 26) Dronryp, 4-5:4-6

## 2e omloop

Sint Anne treft Berltsum yn de twadde omloop. In spannende partij dy't begjint mei 3-1 foarsprong foar Berltsum. Sint Anne komt werom tot 3 earsten gelyk en op 3-3:6-6 slacht Krijn de keats foarby en nimt Sint Anne de foarsprong. Berltsum jout net op en komt sterk werom wêrby't se in 4-5 foarsprong nimme. As Berltsum foarslacht op 6-2 wurdt it fiif earsten gelyk. Yn in ferskriklik spannend lêste earst, is it Krijn Hiemstra dy't in tuskenynse sitbal pleatst mei alles oan 'e hang.

Ek de lêste debutant, Raerd, is fan de list nei ferlies tsjin Wytmarsum mei 5-3:6-6. Boalsert nimt sterk in 1-3 foarsprong tsjin Minnertsgea. Minnertsgea makket nei twa kear 6-6 trije earsten gelyk. Dernei in skjinn earst foar Minnertsgea, 4-3 en op 6-4 pakke se de keats, 5-3. Boalsert komt noch 1 earst werom mar dan makket Minnertsgea it út op 5-4:6-2. De winner fan 2011, Frjentsjer, moat belies jaan tsjin Seisbierrum mei 5-3:6-2. Tsjummearum ek troch nei de tredde omloop troch winst op Wynaam mei 5-3:6-0. Dronryp wint fan Easterlittens mei 5-2:6-4.

- 27) St Anne - 1) Berltsum, 5-5:8-6
- 4) Wytmarsum - 5) Raerd, 5-3:6-6
- 7) Minnertsgea - 10) Boalsert, 5-4:6-2
- 12) Tsjummearum 2 - 14) Wjelsryp, 1-5:2-6
- 15) Seisbierrum-Pitersbierrum - 18) Frjentsjer, 5-3:6-2
- 20) Wynaam - 21) Tsjummearum 1, 3-5:0-6
- 24) Easterlittens - 26) Dronryp, 2-5:4-6

## 3e omloop

Yn dizze tredde list hat Dronryp in steand nûmer en stiet dêrom al yn 'e heale finale.

Sint Anne wint frij maklik fan Wytmarsum mei 5-1:6-4. De partij tusken Minnertsgea en Wjelsryp wurdt spannender. It rint gelyk op oant twa earsten gelyk en dêrnei nimt Minnertsgea in 4-3 en letter in 5-3 foarsprong. Wjelsryp komt noch werom tot 5-4, mar Minnertsgea makket in einde oan de partij op 5-4:6-2.

Seisbierrum en Tsjummearum keatse om in plakje yn 'e heale finale. Tsjummearum komt op in foarsprong fan 1-3 mar op 2-3:6-6 slacht Hans Wassenaar de bal kwea en wurdt it trije earsten gelyk. Op 3-3:6-6 slacht Pieter van der Schoot de bal bûten en sa wurdt it 3-4 foar Tsjummearum. Op 3-4:2-6 slagget Seisbierrum der wêr net yn de bal yn it perk te bringen en it wurdt 3-5 foar Tsjummearum. Seisbierrum lit it der net by sitte en op 3-5:6-6 makket Johannes van der Veen in skitterende sitbal wêrtroch se op 4-5 komme. Dan in goed earst foar Seisbierrum troch in soad fouten fan Tsjummearum

en it wurdt fiif earsten gelyk. Op 5-5:6-6, alles oan 'e hang, slacht Seisbierrum de bal foar en dus wint Tsjummearum. Kompliminten foar de junioaren én jongeskeatser fan Seisbierrum!

- 27) St Anne - 4) Wytmarsum, 5-1:6-4
- 7) Minnertsgea - 14) Wjelsryp, 5-4:6-2
- 15) Seisbierrum-Pitersbierrum - 21) Tsjummearum 1, 5-5:6-8
- 26) Dronryp

## Heale finales

By Dronryp tsjin Sint Anne is it earste buordsje foar Sint Anne nei in boppeslach fan Sjoerd de Jong. Dan rint Sint Anne samar út oant in trije earsten foarsprong: 0-3. Op 0-3:6-6 kin Sint Anne de keats net foarby en dêr is dan it earste buordsje foar Dronryp oan 'e tillegraaf. Yn it folgjende earst is it wêr 6-6 en wêr pakt Dronryp de keats en it wurd 2-3. St. Anne herstelt en se meitsje 2-4. Op 2-4:6-2 slacht Jan Sipke Tuinman de bal boppe en sa wurdt it 3-4. It earst dernei giet hurd en it is samar 3-5 foar Sint Anne. Op 3-5:2-6 slacht Sjoerd op en it perk Baarda en Tuinman kin de keats net foarby. Dronryp wint foar de tredde kear in 3e priis.

Yn in spannend 1e earst tusken Minnertsgea en Tsjummearum slacht Arnold in sitbal op 6-6 en sa is it earste buordsje foar Tsjummearum. Op 0-1:4-6 giet de bal fan Minnertsgea kwea en komt Tsjummearum op in spul foarsprong. Dêrnei wurdt it 0-3, mar dan pakt Minnertsgea de 1-3 troch ferskate sitballen te meitsjen. Op 1-3:4-6 slacht Hendrik kwea en wurdt it 1-4 foar Tsjummearum. Op 1-4:6-6 slacht Steven de keats foarby en pakke se de 1-5 foarsprong. Yn it lêste earst makket Arnold it út troch op 1-5:2-6 in sitbal te slaan.

- 26) Dronryp - 27) St Anne, 3-5:2-6
- 7) Minnertsgea - 21) Tsjummearum 1, 1-5:2-6

## Finale

Yn de finale wurde de earste twa earsten earlik ferdiel. Sjoerd en Krijn gean in slach om yn it perk, mar dat jout Arnold neat, hy slacht twa sitballen en it wurdt 1-1:0-4. Fan de twa keatsen pakt Tsjummearum ien troch in bûtenslach fan Krijn en St. Anne pakt ien troch in kweaslach fan Steven, 1-1:2-6. Nei in sitbal fan Sjoerd slacht Steven de bal boppe en sa wurd it 1-2. Nei inkele bûtenslaggen fan Arnold wurdt it twa earsten gelyk. Op 2-2:6-2 slacht Hans de bal kwea en komt St. Anne foar, 3-2. Krijn slacht in keats op 3-2:2-6, mar se hâlde de keats net, 3-3. Tsjummearum slacht de keats foarby op 3-3:2-6 en komme 3-4 foar. Nei in boppeslach fan Sjoerd en bûtenslach fan Arnold wurdt it 3-4:6-2 en der komt in keats. Sint Anne kin de keats hâlde en sa meitsje se 4-4. Hans slacht in bal kwea en in bal boppe, 4-4:4-4. Tsjummearum pakt as earste de fiif earsten troch in kweabal

fan Krijn Hiemstra. Dan pakt Tsjummearum beide keatsen en slacht Arnold in sitbal. St. Anne komt werom oant 4-5:4-6. Op de opslach fan Arnold kin Sjoerd de keats net foarby en wint Tsjummearum mei Arnold Zijlstra, Steven de Bruin en Hans Wassenaar de 8e edysje fan de Jong-Feinte.

27) St Anne - 21) Tsjummearum 4-5:4-6

**Utslach**

- 1. Tsjummearum (Arnold Zijlstra, Steven de Bruin, Hans Wassenaar)
- 2. St Anne (Rein Hiemstra, Krijn Hiemstra, Sjoerd de Jong)
- 3. Dronryp (Wierd Baarda, Jan-Sipke Tuinman, Sybren Blanksma)
- 3. Minnertsgea (Marten Bergsma, Roan-Hein Joostema, Hendrik Kootstra)

De Jong-Fammen fan Berltsum, Ilse Tuinenga en Harmke Siegersma meie de krânsen omhingje by de Jong-Feinten fan Tsjummearum. De achtste edysje sit der op en wie wer fantastysk! In prachtige dei dy't einige mei in spannende finale en in moaie winner. In goede publike belangstelling en fansels ha we it geweldich troffen mei it waar!

We sjogge jimme graach wer yn 2013, op de fjirde woansdei fan july, 24 july 2013.



**Klassemint Jong-Feinte**

Ferienings			Prizen			Jierren							
Nr	Ofdieling	Pnt	1e	2e	3e	'05	'06	'07	'08	'09	'10	'11	'12
1	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1
2	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2				
3	Holwert	7	2		1			3	1	1			
4	Wommels	5		1	3	2	3		3	3			
5	Frijtsjer	4	1		1	3						1	
6	St. Anne	4		2							2		2
7	Makkum	3	1					1					
8	Dronryp	3			3				3	3			3
9	Goutum	2		1			2						
10	St. Jacob	2		1				2					
11	Easterein	1			1	3							
12	Hym-Feinsum	1			1			3					
13	Makkum 2	1			1						3		
14	Minnertsgea	1											3
15	Peins	1			1								3
16	Wjelsryp	1			1								3

## Een houten kaatsbal!!

Er werd ons gevraagd of wij een stukje wilden schrijven over het kaatsseizoen 2012.

### Roelië:

Ik heb een heel goed seizoen gehad, veel prijzen gewonnen. In totaal 22 prijzen waaronder 4 kranen. Ben gedeeld 4e in het knkb klassement. Heb nu 2 seizoenen knkb getraind en 1 seizoen bij Keatsskoalle Greidhoeke.

Mijn mooiste partij was in IJlst eindelijk een A/B klasse, want er zijn nooit meisjes genoeg voor een A/B klasse. Maar toen wel. Had 2 partijen gewonnen, toen moesten wij tegen Corrie en Fiera die hadden ook 2 partijen gewonnen. Dus toen ging het erom. Een zussenstrijd. Maar ik heb het gewonnen met Dian. Want in IJlst hebben ze altijd een extra prijs bij de beker. Een houten kaatsbal aan een lint.

### Corrie:

Ik heb dit seizoen ook heel veel prijzen gewonnen, 18 prijzen. Ook 4 kranen net als mijn zus. Ben 3e geworden in het knkb klassement. Werd toen uitgenodigd in Dronrijp met de Friesland cup en kreeg een medaille van Leonie van der Graaf. En als klap op de vuurpijl ook nog 1e in het competitieklassement. Ik train net als Roelië ook twee seizoenen bij de knkb en 1 seizoen bij de Keatsskoalle. Mijn mooiste wedstrijd was in IJlst in de finale tegen Roelië en Dian. Het was een spannende partij 5-5:6-4 verloren. Maar het kaatsballetje hangt bij ons in de kast.

Met Roelië en Nynke Paauw hebben we meegedaan aan de federatieafdeling in Scharnegoutum, daar hebben we de 2e prijs gewonnen.

In IJlst afd. welpenmeisjes hebben wij met Nynke verloren in de tweede omloop. Dat was jammer anders hadden wij een staand nummer en stonden wij in de finale. Aan het einde van het seizoen hebben we in Makkum nog een extra slotmiddag gehad met alle meisjes en zus(jes) en broer(tjes) en ouders. Het weer kon beter het had de hele middag geregend. Maar de pret was er niet minder om.

Dit winterseizoen doen we voor het eerst mee aan muurkaatsstraining in Franeker wat ook heel erg leuk is. Wij hebben heel veel zin in het komende kaatsseizoen bij de pupillen.



Groetjes

Roelië en Corrie

# Wedstriidferslaggen

Yn 2012 wie de dielname oan de wedstriden yn Easterein goed te nimmen! Ek al om't we in oantal bysûndere wedstriden hienen, lykas de Federaasjedei op 2 juny en de Jubileumpartij fan de Skoalleseize 25 jier. Mar ek de Jong-Feinte hie wer in grut oantal (27) partoeren. It jier 2012 wie ek in suksesfol en bysûnder jier foar de keatsers en keatsters fan KF Easterein.

Bysûndere prestaasjes en aktiviteiten wienen:

- De pupillenfamkes Jeska Terpstra, Selma de Boer en Miriam Punter winne de 2e priis op it Nederlânsk Kampioenskip foar pupillen famkes
- Marije Hiemstra en Imke vd Leest winne op 22 augustus 2012 de 36ste Frouljus PC yn Weidum
- Bauke Dijkstra wurdt wrâldkampioen by it WK Keatsen yn it spul Llargues
- Anke Marije Pompstra (27-5-2012: Jorwert) en Jelte-Pieter Dijkstra (2-9-2012: Penjum) winne harren earste krâns op de haadklasse

En fansels hie eltse keatser yn hokker partij as klasse dan ek syn of har eigen suksessen!

## Stipers

Yn 2012 hienen we 46 stipers. Troch harren finansjele as materiële bydrage hawwe wy sportyf sjoen alle aktiviteiten, yn in moaie keatsaginda, biede kinnen oan ús lede-, federaasje- en KNKB-keatsers. Ut namme fan keatsers, bestjoer, kommisjes en frijwilligers hertlik tank dêrfoar.

## Oersicht dielname oan partijen yn Easterein

Yn 2012 stienen 499 partoeren op de listen. Dat wienen 57 mear as ferline jier (442). Dizze partoeren keatsten yn 65 (59) klassen. By de jongerein wienen 226 (172) partoeren en by de senioaren 273 (270). By de jongerein waard faak keatst yn 2-tallen. By de manlju en froulju keatsten de jonges en famkes as somtiden skoalbern ek mei.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
<b>Kabouter famkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Kabouter jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Kabouters</b>	50	8	0	<b>58</b>
<b>Welpen famkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Welpen jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Welpen</b>	32	10	0	<b>42</b>
<b>Pupillen famkes</b>	0	0	28	<b>28</b>
<b>Pupillen jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Pupillen</b>	28	12	0	<b>40</b>
<b>Skoalfamkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Skoaljonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Skoalbern</b>	13	10	0	<b>23</b>
<b>Famkes</b>	0	0	27	<b>27</b>
<b>Jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Famkes/Jonges</b>	4	4	0	<b>8</b>
<b>Junioaren</b>	0	0	27	<b>27</b>
<b>Froulju</b>	18	13	17	<b>48</b>
<b>Manlju</b>	52	36	27	<b>115</b>
<b>Froulju/Manlju</b>	83	0	0	<b>83</b>
<b>Totaal</b>	<b>280</b>	<b>93</b>	<b>126</b>	<b>499</b>

## Keatsers / keatsters

Oer 2012 is der 1.199 kear (yn 2011 1.116) dielnaam oan wedstriden yn Easterein en dêrmei 83 mear as ferline jier. Der binne 161 krânsen (146) om de nekke hongen en 451 prizen (429) útrikt.

Faak keatsten de jongerein yn 1 klasse mei mear kategoryen, lykas welpen famkes en -jonges, as skoalfamkes en -jonges.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
<b>Kabouter famkes</b>	34	7	0	<b>41</b>
<b>Kabouter jonges</b>	57	10	0	<b>67</b>
<b>Welpen famkes</b>	40	8	0	<b>48</b>
<b>Welpen jonges</b>	21	13	0	<b>34</b>
<b>Pupillen famkes</b>	28	7	46	<b>81</b>
<b>Pupillen jonges</b>	28	20	0	<b>48</b>
<b>Skoalfamkes</b>	14	12	0	<b>26</b>
<b>Skoaljonges</b>	6	10	0	<b>16</b>
<b>Famkes</b>	0	4	55	<b>59</b>
<b>Jonges</b>	12	5	0	<b>17</b>
<b>Junioaren</b>	0	0	78	<b>78</b>
<b>Froulju</b>	177	37	51	<b>265</b>
<b>Manlju</b>	231	107	81	<b>419</b>
<b>Totaal</b>	<b>648</b>	<b>240</b>	<b>311</b>	<b>1119</b>
<b>Klassen</b>	43	13	9	<b>65</b>
<b>Partoeren</b>	280	93	126	<b>499</b>
<b>Krânsen</b>	102	33	26	<b>161</b>
<b>Prizen</b>	268	94	89	<b>451</b>

## LEDEWEDSTRIDEN

### 30-04-2012: Keninginnepartij – Oranje & Heitelân

Keninginnedei, de earste keatswedstriid fan it jier. De measten moatte dan wer efkes yn it spul komme en de stramme spieren wurde wer efkes oprutsen. It waar is prachtich, in strak blauwe loft en wynstil, wat wolle we noch mear! Der wie wat minder dielname, mar it wie in slagge dei.



By de manlju A wienen 4 partoer fan 2 en hja keatsten yn 1 poule. Pytrik Hiemstra foel út troch in blessuere, dêr kaam Tjipke Klaas Okkema foar yn it plak. Gert-Jan Hiemstra foel yn de earste omloop út troch in ankelblessuere. Simon Kingma wie sa sportyf om dit plakje op te foljen. Simon Kingma en Danny Roos en Sybrand v/d Weij en Ewout de Boer kamen tsjinoer inoar yn de finale. Dizze waard wûn troch Sybrand en Ewout mei 2-5:0-6.

By de manlju B wienen 9 partoer en waard der keatst mei in gewoane list. Gep Bakker kaam by it partoer fan Anne Bakker en Klaas Pompstra om't Simon nei de A klasse gong. De finale yn de winneronde waard keatst tusken Marco Hoekstra, Rene Velzen en Tjipke Okkema tsjin Ype Tiemersma, Tymen Dijkstra en Marco Reijnhoudt. Marco en dy gongen mei de krânsen nei hûs en wûnen mei 5-2:6-2.

Yn de ferliezersronde waard keatst tusken Gep Bakker, Anne Bakker en Klaas Pompstra tsjin Tjeerd Dijkstra, Hans Kooistra en Tom Couperus. Gep, Anne en Klaas wûnen mei 5-2:6-6.

De manlju C keatsten yn 1 poule, ek hjir wienen 4 partoer fan 2. De finale gong tusken Tjerk Okkema en Tom Veltman tsjin Roel Sijbesma en Han Kooistra. Tjerk en Tom wûnen.

Froulju A, dêr wienen 6 partoer fan 2 en waard keatst yn 2 pouls fan 3. De dames ha knap keatst, yn de finale kaam Romine Jelsma en Tineke Kamstra tsjinoer Sietske Okkema en Petra Jellema te stean. Mei 5-3:6-0 wûnen Romine en Tineke.

Froulju B, ek hjir 6 partoer, 2 fan 3 en 4 fan 2 yn 2 pouls. De finale gong tusken Mattie Dijkstra en Karin Sjaarda tsjin Tettje de Boer, Riemy Kamstra en Yvonne Terpstra. De twa froulju Mattie en Karin wûnen mei 5-3:6-6.

De jongerein keatsten yn 1 poule fan 4 partoer. Der waard spannend keatst. Bote Jellema, Jorrit Veldman en Martine Kooistra en Remon Tie Bouma, Foeke Dirk Reitsma en Marianne de Vries einigen gelyk mei 16 punten, Bote endy hienen de minste tsjinearsten en wûnen dizze partij.

### 09-05-2012: Kapsalon Kniplokaeltsje-partij

De eerste kaatspartij voor de jeugd. Altijd weer een leuk en spannend begin, bij wie zou ik zitten? En gaan we een prijs winnen? Natuurlijk hopen van wel, maar ja met 50 jongeren op het kaatsveld kan natuurlijk niet iedereen een prijs winnen.

Bij de kabouters is het meestal zo, dat wie de opslag al een beetje goed kan, die haalt meestal de punten binnen. Maar ook de uitslag ging deze keer al best goed, er lopen al een paar beginnende talentjes rond. Dus dat ging goed en heel gezellig.

1e Niels Janssen, Jelmer Brouwer, Niels Hiemstra  
2e Siebo Boersma, Daniel van der Weerd, Senay Sixma



De welpen waren aan het poulekaatsen, dus iedereen tegen iedereen, een mooi systeem want iedereen kan 3x kaatsen. Daar was het ook best spannend, en een paar leuke winnaars.

1e Nynke Paauw, Bauke Reijnhoudt  
2e Roelie Kroondijk, Halbe Willem Overall

De pupillen kaatsen ook in een poule van 4, maar wel met zijn drieën en 1 partuur van twee personen. Die kwamen ook nog in de finale, dus geweldig.

1e Jeska Terpstra, Margriet Jellema, Julia Paauw  
2e Rutger Wiersma, Hendrik van der Eems

Bij de schooljeugd hadden we op wat meer personen gehoopt omdat we dit jaar om 5 uur zouden beginnen. Ook omdat er nog jeugd op de fiets uit Sneek moest komen. Maar dit viel een beetje tegen, maar ze konden toch nog allemaal 3x kaatsen. Behalve Baukje Terpstra want die ging halverwege de tweede partij door haar enkel en moest ophouden. Hopelijk valt het allemaal een beetje mee en van ons in ieder geval sterkte toegewenst.

1e Rémon Tie Bouma, Jildou Couperus  
2e Arjanne Schaafsma, Jorrit Veldman, Geja Hofstee

Iedereen van harte gefeliciteerd met de prijzen. De kabouters die geen prijs hadden hebben toch allemaal nog een kleine prijs gekregen, en wel een mooie medaille. De sponsor en de vrijwilligers die ons hebben geholpen allemaal bedankt!!!!

### 17-05-2012: Witteveen & Brouwer-partij

Under prima waarsomstannichheden is der fanatyk, sportyf én spannend keatst by de Witteveen & Brouwer partij. Mei 6 partoer by de froulju en 9 partoer by de manlju bin we tsjin healwei ienen los gien. De froulju keatsten yn 2 poules fan 3 partoer en de manlju hiene in 'gewoane' list mei 9 partoer.

Hjirtroch wiene de wachttiden soms wol wat (te) lang, mar hiene de mannen wol alle tiid om op azem te kommen!

By de froulju foel Petra Jellema yn de 2e omloop út mei in blessuere oan de foet. Lokkich wie Gerry Edou Mollema sa sportyf om har plak yn te nimmen. De froulju keatsten om raak, in soad partijen einigen op 5 gelyk. Uteinlik waard poule A wûn troch Gabriële Bouma, Lysbet Bakker en Machteld Couperus, sy wûnen beide partijen yn har poule. Arjanne Schaafsma, Ingrid Vellinga en Elske van der Meulen waarden de winners fan poule B, ék sy wûnen beide partijen yn har poule. Yn de beslissende partij tsjin Romine Jelsma, Dian Dijkstra en Welmoed Mollema wurken Arjanne c.s. in efterstân fuort fan 3-5:2-6 nei winst mei 5-5:6-4. Om goed kertier oer fiven gie de finale los, dizze wie eins it minst spannend fan de dei en waard wûn troch Arjanne, Ingrid en Elske mei 5-3:6-0.

Utslach froulju:

1e priis: Arjanne Schaafsma, Ingrid Vellinga en Elske van der Meulen

2e priis: Gabriële Bouma, Lysbet Bakker en Machteld Couperus

By de mannen stiene Marco Hoekstra, Abe Jan Stegenga, Tom Couperus tsjinoer Erwin de Boer, Harm Auke Dijkstra en Wietse Vink yn de finale fan de ferliezers, Marco c.s. giene der mei de 1e priis fan troch trochdat Tom op de stân 5-3:6-2 in fliigende sitbal sloech.

De finale yn de winnersronde gie tusken Ewout de Boer, Sipke Hiemstra, Jan Bauke Bouma en Syb Overal, Gerrit Terpstra, Mebius de Boer. Syb c.s. wûnen op de 3e list nei in spannende partij fan Sijbrand van der Weij, Peter Stuiver en Ids de Boer, op de stân 5-4:6-6 slacht Gerrit de bal ûnderhâns boppe, prachtige bal! De finale waard wûn troch Ewout, Sipke en Jan Bauke mei 5-4:6-0

Utslach manlju:

1e priis: Ewout de Boer, Sipke Hiemstra, Jan Bauke Bouma

2e priis: Syb Overal, Gerrit Terpstra, Mebius de Boer



1e priis ferliezers: Marco Hoekstra, Abe Jan Stegenga, Tom Couperus

2e priis ferliezers: Erwin de Boer, Harm Auke Dijkstra, Wietse Vink

### **27-05-2012: Pearkekeatsen – Murk's slagerij, Willem Overal Montage, Peter Sijbesma Duo Bouw Timmerbedrijf**

Op in prachtige pinkstersnein wie wer it jierlikse pearkekeatsen. In moaie list fan 35 partoeren ferdieft oer 4 klassen koe goed kertier oer tolven los. Mar net earder as de measten harren noch efkes goed ynsmart hiene (litten) tsjin de felle sinne. Nei goed fiif kertier en trije wedstriden dy't pas op 5-5:6-6 beslikke waarden, koe elkenien efkes ferkuolling sykje yn de Skodalleaseize wer't Fedde de hearlike grientesop goed kwyf koe oan de keats(-t)ers. Nei ek noch wat broadsjes koe hast elkenien dêrnei wer los en mei de opdiene enerzjy begûn wurde oan de twadde list.

Yn de TOP-klasse stiene 8 pearkes op 'e list. Nei 2 partijen gie de finale yn de winnersronde tusken Sietske Merkus/Sybrand v/d Weij en Jildou Jorritsma/Jort Strikwerda. It wie úteinlik Sietske en Sybrand dy't oan it langste ein lutsen en de krânsen pakten troch mei 5-3:6-4 te winnen.

Yn de ferliezersronde wie it in treffen tusken Tineke Kamstra/Feite de Haan en Romine Jelsma/Christian Hoekstra. Lêstneamden keatsten deeglik en pakten maklik de winst op 5-0:6-4.

Yn de A-klasse ek 8 partoer op de list. De earste omloop wiene 3 fan de 4 partijen op 5-5 einige wêrfan 2 sels mei alles oan de hang. It wiene úteinlik it jeugdige duo fan Marijke en Erwin de Boer dy't it yn de finale fan de winnersronde opnimme moasten tsjin de erfaring fan Mattie en Tjeerd Dijkstra. Nei harren 25-jierrich houliksfeest in ferlet kadootsje foar harren sels want sy lutsen de partij nei harren ta doe't de partij op 5-3:6-6 yn harren foardiel beslikke waard.

Yn de ferliezersronde stiene Sietske Witteveen/René Velzen tsjinoer Gabriële Bouma/Hendricus Tacoma. Hjir in lyk opgeande striid dy't op 5-4:6-6 wûn waard troch Gabriële en Hendricus.

Yn de B-klasse in moaie list fan 10 partoer mei in mikf fan jeugdich talint en âlde rotten yn it fak. De fraach wie dan op foarhân ek, wat by dit waarme waar de trochslach jaan soe. Oan it ein fan de dei wie dúdlik dat de jeugd yn dizze klasse foar bêst op sloech want it wie in finale tusken twa jonge partoeren. Oan de iene kant Sanne Rixt Jorritsma/Rémon Tie Bouma en oan de oare kant Regina Sandstra/Bauke Jan Plantinga. Uteinlik winne Sanne Rixt en Rémon Tie de krâns want sy winne de finale mei 5-2:6-2. Der wie ek noch in tredde priis foar Pep de Boer/Klaas Pompstra. Sy koene it yn de heale finale krekt net risse tsjin Sanne Rixt en Rémon Tie want sy ferlieze pas op 5-5:6-2.



Yn de ferliezersronde gie de finale tusken Arjanne Schaafsma/ Bote Jellema tsjin Wiepkje Hiemstra en Roel Sijbesma. Yn dizze partij wiene it ek youngsters dy't it fan de erfaring wisten te winnen want sy pakke de partij mei 5-4:6-2.

Yn de C-klasse in list mei 9 partoeren. Yn de winnersronde gie de finale tusken de favoriten Joke en Jacob Wiersma tsjin de natuertalinten fan it Skrok, te witten Talitha Dijkstra/Jelle de Boer. Beide pearkes hiene in steand nûmer hân mar it wiene úteinlik Joke en Jacob dy't harren favoritenrol wier makken en de krânse pakten troch nei in spannende finale te winnen mei 5-4:6-4. Der wie ek noch in tredde priis foar Karin Sjaarda/ Durk Okkema. Nei in steand nûmer en winst op de twadde list foel yn de heale finale de beslissing pas op 5-5:6-6 en staptten Talitha en Jelle de finale yn.

Yn de ferliezersronde gie de finale tusken Tettje en Mebius de Boer en Jikke Velzen en har broer Douwe Greidanus. It binne Tettje en Mebius dy't dizze finale witte te winnen mei 5-2:6-2.

Neidat de fjilden opromme wiene, in oantal keats(-t)ers in waarme brûs nommen hiene en it terras fol siet, waard der noch in ferlotting hâlden. De leden stipen de keatsferiening troch it manmachtich keapjen fan lotsjes foar it winnen fan in fles wyn of wat fleis foar op de bbq. Dêrnei de priisútrikking en de foto fan de krânswinneders. Sa kaam in ein oan in prachtige keatsdei en doe noch efkes lekker neisitte op it terras.



Ek al is it pearkekeatsen in wedstriid yn twatallen, as stipers hiene we ek dit jier in echt partoer. Sa stiene Murk's slagerij, Willem Overall Montage en Duo Bouw Timmerbedrijf garant foar it stypjen fan dizze moaie partij. Nochris tige tank oan de stipers!

#### 08-06-2012: Nachtkeatsen senioaren – MRW Groep

Dit jier ha we it nacht keatsen wat earder yn it jier op de agenda setten. Meastal is de partij op it einde fan it keatsseizoen mar dêr wie net folle plak mear oer. De opkomst wie, lykas foarich jier, net hiel grut, it wie droech gelokkich mar der stie aardich wat wyn. Sawol by de manlju as by de froulju wiene 6 partoeren en der waard mei 3 ferskillende listen keatst.

By de froulju A wûnen Wiepkje Hiemstra en Jitske Veldman beide 3 kear, mar om't Wiepkje 21 foar en 9 tsjinearsten hie en Jitske 21 foar en 13 tsjinearsten, gong de earste priis nei Wiepkje en de twadde nei Jitske.

By de froulju B wie it noch wat spannender. Dian Dijkstra en Sanne Rixt Jorritsma wûnen ek beide 3 kear en hienen beide 21 foar, mar Dian wûn de earste priis. Sy hie 9 tsjinearsten en Sanne Rixt 10 en dêrmei de twadde priis.

By de froulju C wie mar 1 priis, mei 21 foar en 10 tsjin wûn Willy Bootsma de 1e priis.

Feite wûn as ienige 3 kear en naam de krânse mei nei hûs, Stefan van Krimpen wûn 2 kear by de Manlju A en waard twadde.

By de Manlju B wûn ús nije lid Sjouke Schilstra mei 19 foar en 15 tsjin de krânse en Stoffel Bouma waard twadde mei 17 foar en 8 tsjin.

Der wie foar de keatsers mei de minste foar ek noch in pûdelpriis. Dizze gong by de froulju nei Mattie Dijkstra mei 8 foar en by de manlju nei Tom Couperus mei 7 foar.

#### 20-06-2012: Van Krimpen-partij jongerein

Het was mooi weer om te kaatsen en er waren leuke en verrassende partijen bij.

Bij de kabouters waren 8 parturen. In de winnaarsronde hebben Rutger Sijbesma en Mirthe Overal de 1e prijs en Redmer Stegenga en Daniel v/d Weerdt de 2e prijs gewonnen.

In de verliezersronde hebben Niels Janssen en Niels Hiemstra de 1e prijs en Jelmer Brouwer en Judith v/d Weerdt de 2e prijs gewonnen.

Bij de welpen waren 4 parturen. De 1e prijs ging naar Corrie Kroondijk, Marc Janssen en Marrit Hiemstra. De 2e prijs ging naar Machtelt Veldman en Bauke Reijnhoudt.

Bij de Pupillen waren 4 parturen. De 1e prijs ging naar Selma de Boer en Julia Paauw. De 2e prijs ging naar Jeska Terpstra, Alien Dijkstra en Jeljer Overall.



De schooljeugd ging jammer genoeg niet door, er was te weinig deelname. We hopen dat ze er de volgende keer weer bij zijn.

### 07-07-2012: Bos-partij jongerein

It wie in prachtige dei om te keatsen. De sinne wie der en it wie lekker waarm. De jongerein hie der in protte sin yn. Foaral de kabouters kinne net wachtsje. Nei in wolkomsurd fan Petra giet it los. Der wie betiden moai keatsen te sjen. Der rinne seker talinten rûn yn Easterein en de bal wurdt goed rekke, by sawol it opslaan as it útslaan. Wat opfoel wie dat de bern serieus yn 't spul wiene. Der stie hjoed nea ien op de kop yn 't fjild, wat wolris foarkomme wol.

Bij de kabouters binne der 8 partoer en wurdt der keatst mei in winners- en ferliezersronde. By de welpen en de pupillen binne der 4 partoer en spilet elk partoer in kear tsjin mekoar. Bij de kabouters wiene der 6 partoer fan 2 en 2 partoer fan 3 bern. Dat wie somtiden wol wat yngewikkeld as der in partoer fan 3 bern tsjin in partoer fan 2 keatse moast. Dit bringt it spul fan de kabouters ek mei har mei. De bern binne sels wol sa oplettend dat dit se meastentiids goed ôfgiet. Bij de kabouters wie de earste priis en dêrmei de krâns foar it partoer fan Niels Janssen en Arjen Stremmer. Sy keatsten deeglik. Beide koene se goed opslaan en útslaan. De twadde priis gong nei Redmer Stegenga en Janneke Overal dy ek goed keatsten mar it krekt net rêden yn de finale. De earste priis yn de ferliezersronde gong nei Rutger Sijbesma en Judith v.d. Weerdt, in deeglik perk. Beide kinne se de ballen wol boppe krije. De twadde priis wie foar Jelmer Brouwer, Hedwich Kooistra en Bernou v.d. Velde. Der wie in medalje te koart en Jelmer wie sa dapper om de medaljes oan de froulju útrikke te litten. Hja hawwe dit op de foto moai oplot. En Jelmer krijt fansels de medalje sa gau as mooglik ek.



Bij de welpen wie it spannend oant de lêste list wa't der winne soe. It koe doe noch in protte kanten op. De winners nei 3 x keatsen wiene Machtelt Veldman, Amber Reijnhoudt en Marrit Hiemstra, sy hawwe alle wedstriden wûn. Nynke Paauw, Halbe Willem Overal en Jan Joustra ha in wedstriid minder wûn en hawwe dêrtroch de twadde priis.

Bij de pupillen wie it ek oan de lêste list ta noch net wis wa't winne soe. Spannend dus. De lêste partij tusken de partoeren fan Jildou Couperus, Margriet Jellema en Rutger Wiersma, Jeljer Overal wie as in finale want it gong tusken dizze 2 partoer wa't der mei de krâns nei hûs ta gong. It wie spannend mei 5-5:6-6 en it binne Jildou en Margriet dy de krâns omhongen krigen. Rutger en Jeljer binne net ûnfertsjinstlik twadde wurden.

Lokwinske oan alle priiswinners. En foar alle keatsers ... jim hawwe wer geweldich jim bêst dien, krekt as al de âlden dy't ek aktyf wiene by it helpen en fansels de taskôgers dy't de bern oanmoedige hawwe.

### 21-07-2012: Posthuma-partij

Mei prachtich waar giene we om goed 13.00 oere los mei de Posthuma partij. Sawol by de manlju as froulju 6 partoer op de list. Sadwaande waard der by beide keatst yn 2 poules.



By de manlju waard der yn de 1e omloop dreech keatst, 1 partij duorre sels 2 oeren!

Spitigernôch foel Rene Velzen nei de 1e omloop út mei in knibbelblessuere. Simon Kingma en Peter Sijbesma wiene al útkeatst en nei lotting waard bepaald dat Simon oanslute mocht by it partoer Ype Tiemersma en Roel Sijbesma.

De partoeren fan Syb Overal, Peter Stuver, Jan Bouke Bouma én Ewout de Boer, Abe Jan Stegenga, Tjerk Okkema moasten fjochtsje foar in plak yn de finale. De spannende striid waard wûn troch Ewout c.s. mei de stân 5-5:6-2.

Simon Kingma (nei 1e omloop ynfallen foar de blessearre Rene Velzen), Ype Tiemersma en Roel Sijbesma stiene tsjinoer Danny Roos, Christian Hoekstra en Marko Rypkema foar it oare plak yn de finale. Danny c.s. moasten belies jaan tsjin Simon c.s., it waard 5-1:6-6. In finale dus tusken Ewout c.s. en Simon c.s. Ewout c.s. wûnen mei 5-2:6-4 fan Simon c.s.

By de froulju gie it keatsen wat flotter, se hiene de gong der yn. Yn poule A gie de striid om in finale plak tusken de partoeren Sietske Okkema, Janieke Dijkstra, Talitha Dijkstra en Jitske Veldman, Dian Dijkstra. Dizze wedstriid waard wûn troch Sietske c.s. mei 5-2:6-0.

Yn poule B hiene Romine Jelsma, Sanne Rixt Jorritsma, Willy Bootsma én Gabriële Bouma, Lysbet Bakker, Machtelt Couperus harren 1e wedstriid wûn. Op de 3e list moasten sy dus stride om in plak yn de finale. De einstân waard beslist yn it foardiel fan Romine c.s. mei 5-2:6-6.

Fuort nei 17.00 oere gie de striid los tusken de froulju. Sietske c.s. wiene hjiryn in maatsje te grut foar Romine c.s. en wûnen mei 5-2:6-6. Nei in flot ferrin fan de finales koene we de prizen rûn 19.00 oere útrikke.

### 22-07-2012: Alder-bern partij – Pake's en Beppe's

Met 36 partuur op de lijst ging de strijd om 1 uur los. Voor sommige ouders was het spannend. Nog nooit een kaatsbal geslagen. Maar dan toch mee kaatsen met de ouder/kind-partij, een dikke pluim. Er werd leuk en sportief gekaatst en er werd heel veel gelachen. Het was prachtig mooi weer, het kon niet beter. Het was een zeer geslaagde middag.

#### Kabouters

1e prijs Redmer en Abe Jan Stegenga  
 2e prijs Rutger en Peter Sybesma  
 3e prijs Judith en Peter v.d Weerdt  
 Poedelprijs Janneke en Elisabeth Overal

#### Welpen

1e prijs Nynke en Jouke Paauw  
 2e prijs Halbe Willem en Wilco Overal  
 3e prijs Roelie en Annette Kroondijk

#### Pupillen

1e prijs Jeska en Gerrit Terpstra  
 2e prijs Julia Paauw en Ype Tiemersma  
 3e prijs Rimmer en Klaas Kamstra

#### Skoaljeugd

1e prijs Jorrit Veldman en Tjerk Okkema

Pakes en Bepes hartelijk bedankt voor jullie sponsoring!

### 24-08-2012: Jubileumpartij Skoalleseize 25 jier – Jongerein en Senioaren

Hjoed wie it oan KF Easterein om de dei te follen mei aktiviteiten, dat wurdt fansels keatsen. Moarns de jongerein en middeis om 13.00 de senioaren froulju en manlju, by elk 8 partoer op 'e list kin net better. De prizen waarden sponsere troch de Skoalleseize. Ek krigen alle bern in moaie medalje fan de Skoalleseize y.f.m it 25 jierich jubileum.

By de jongerein koe de keatswant hjoed thús bliuwe want der waard keatst mei in tafeltennisbatsje. We krigen al wat nuvere gesichten doe't de bern dit hearden. Mar nei de earste partij fûnen de measte bern it wol leuk. It foel noch net

ta om de bal yn it perk te krijen, mar geandewei de partij slagge dat hieltyd better. Der waard 3x 20 min. keatst mei 3 ferskillende listen. Dus elts keatste foar syn eigen punten.



Utslach kabouters: 1e Siebo Boersma, 2e Hedwich Kooistra, 3e Niels Hiemstra, 4e Arjen Stremler, 5e Redmer Stegenga.  
 Utslach welpen: 1e Nynke Paauw, 2e Halbe Willem Overal, 3e Roelie Kroondijk, 4e Amber Reijnhoudt.  
 Utslach pupillen: 1e Rimmer Kamstra, 2e Rutger Wiersma, 3e Alien Dijkstra, 4e Margriet Jellema.  
 Utslach skoaljeugd: 1e Janieke Dijkstra, 2e Geja Hofstee.

By de senioaren wienen de krânsen foar Bote Jellema en Stefan v.d. Weg by de manlju en foar Gerbrig Reitsma, Gerry Edou Mollema en Fetsje Terpstra by de froulju.



It waar wie moai en om 13.15 oere gie elkenien los, de earste omloop is der lang keatst om alle partijen út te keatsen. Yn de manlju's finale fan de winnersronde stiene Marten Faber en Sipke Hiemstra tsjinoer Stefan v.d. Weg en Bote Jellema. De jonge mannen wûnen mei 0-5:6-6. Yn de ferliezersronde wiene se mear oan elkoar weage. Erwin de Boer, Anne Bakker, Han Kooistra tsjin Anco Elgersma, Jan Vellinga, Wietse Vink. Dêr wûn it partoer fan Erwin de Boer mei 5-3:6-4.

By de froulju foel Gabriëlle Bouma út omdat se siik wie, dêrfoar yn it plak kaam Marijke de Boer, se stie op de reserve list en koe it plakje moai oernimme.

Yn de finale by de froulju stiene Gerry Edou Mollema, Fetsje Terpstra en Gerbrig Reitsma tsjinoer Hester Kingma, Arjanna Schaafsma en Riemy Kamstra. Mei de selde útslach as de manlju wint it partoer fan Gerry Edou Mollema mei 5-0:6-6.

Yn de ferliezersronde kamen Ida Hallema, Petra Jellema en Janna Reitsma, Marijke de Boer en Marjan Flapper tsjin, se keatsten in spannende lange partij en krekt foardat de rein mei bakken út de loft kaam, wûn it partoer fan Ida Hallema mei 5-5:6-4.

Nei de priisútrikking wie der noch in gesellige barbecue, organisearre troch Doarpsbelang.

### 02-09-2012: De Jong-partij

Hjoed giene we om goed 12 oere los mei de De Jong partij. Bij de manlju wiene der hjoed 8 partoer. Bij de froulju wiene der 6 partoer en waard der poule keatst.

De finale yn de winnersronde gie tusken Christian Hoekstra, Jan Vellinga, Han Kooistra en Danny Roos, Tjerk Okkema, Sjouke Schilstra. It wie tige spannend, op 5-5:4-2 sloech Tjerk de bal kwea en wûnen Christian, Jan en Han.

Yn de ferliezersronde gong it tusken Stefan van Krimpen, Ype Tiemersma, Tom Couperus en Marco Hoekstra, Sjoerd Wijngaarden. Stefan, Ype en Tom wûnen mei 5-5:6-0.

By de froulju waard poule A wûn troch Wiepkje Hiemstra en Lysbet Bakker trochdat se beide partijen yn harren poule wûn ha. Yn poule B wûnen Sanne Rixt Jorritsma, Janieke Dijkstra en Willy Bootsma ek beide partijen yn harren poule. De finale waard wûn mei 5-5:6-4 troch Wiepkje en Lysbet.

Al mei al is der hjoed fanatyk en sportyf keatst. Mei tank oan ús stiper de Jong!!!!



### 07-09-2012: Nachtkatsen en slotjûn jongerein – MRW Groep

Dit jaar een combinatie van nachtkatsen en slotdag in één. Wij als bestuur vonden dit ook een leuk idee, en dan in de pyama, want het is nachtkatsen, dus dat doe je in nachtkleding. De meeste kinderen vonden het een leuk

idee en hadden dit gedaan, maar ook het jeugd bestuur en de vrijwilligers hadden de nachtkleding aan, geweldig!

Met 46 kaatsers gingen we om 19.15 los, nog geen nacht kregen we van de kinderen te horen, maar bij de tweede partij werd het al wat donker en dat is toch wel spannend. En bij de derde partij, toen was het helemaal vet (uitspraak van een kind) donker dus, dit vond iedereen heel leuk. Het was kaatsen met een grote bal en niet met een kaatsbal, deze stuiter ook meer, dus meer tussenspel, er mocht niet in 1 keer boven maar dit lukte ook niemand. Maar bij de kabouters waren er toch een paar die hem zonder stuit over de bovenlijn sloegen. Bij de kabouters was dit toegestaan, dus dat was heel goed, echte talenten voor de toekomst. En de prijzen gingen naar:



#### Kabouters

1A Niels Janssen, 2A Siebo Boersma, 3A Jelmer Brouwer  
1B Hedwig Kooistra, 2B Senay Sixma, 3B Mirthe Overal  
Welpen

1A Roelie Kroondijk, 2A Corrie Kroondijk  
1B Halbe Willem Overal, 2B Marrit Hiemstra  
Pupillen

1A Jeska Terpstra, 2A Selma de Boer  
1B Julia Paauw, 2B Tjalling Tjalsma  
Schooljeugd

1A Jorrit Veldman, 1B Marianne de Vries

En toen kwam nog de uitslag van het competitiekaatsen:

Kabouters: 1e Niels Janssen, 2e Siebo Boersma, 3e Redmer Stegenga

Welpenmeisjes: 1e Corrie Kroondijk, 2e Roelie Kroondijk, 3e Nadja Sixma

Welpenjongens: 1e Halbe Willem Overal, 2e Marc Janssen, 3e Bauke Reijnhoudt

Pupillenmeisjes: 1e Jeska Terpstra, 2e Selma de Boer, 3e Julia Paauw

Pupillenjongens: 1e Kees vd Horst, 2e Rutger Wiersma, 3e Jelmer Overal

Schoolmeisjes: 1e Geja Hofstee, 2e Janieke Dijkstra, 3e Jildou Couperus

Schooljongens: 1e Jorrit veldman

Allemaal van harte gefeliciteerd. En we hopen jullie volgend jaar allemaal weer te zien op de competitie. De vrijwilligers ook allemaal bedankt, zonder jullie kunnen we dit echt niet en geweldig dat jullie ons allemaal wilden helpen!

### 16-12-2012: Sealkeatsen senioaren – A. HAK Infranet B.V.

Snein 16 desimber is ús lêste keatspartij fan it keatsseizoen 2012. In trochinoar lotters wedstriid fan trije listen. De prizen binne beskikber stelt troch A. HAK Infranet út Swolle. Der is fûleindich keatst yn de sporthal fan Easterein.

Op'e list 23 keatsers, de sporthal moai fol. En der waard omraak keatst, oan it ein fan de dei wiene der mar twa keatsers dy't al harren trije wedstriden wûn hiene. Op de earste list spannende keatspartijen, twa kear 5-3, in kear 5-5 en sels in partij mei alles oan de hang. De twadde list liet wat oare útslaggen sjen, twa kear 5-0, ien kear 5-1 en in partij dy't der noch wat ta die 5-4. Op de tredde list wiene der fjouwer A-keatsers dy't harren twa partijen wûn hiene. Marten Faber, Tjeerd Dijkstra, Rene Velzen en Sietske Okkema, mar it wie HAK dei. Moai dat de sponsor dan wit hoe oft it heard en dus net mei de krâns thúskomt. Rene ferlear mei 5-5:6-6 en Tjeerd krige klop fan sweager Ype 5-2.

Sietske moast mei omke Hendrik yn't spier. Hendrik Okkema hie as iennichste twa kear wûn yn de B-klasse, mar mei Sietske koene hja de weelde net om de skouders ferneare en krigen de sêfte keatsbal mei 5-1 om de earen.

Yn de C-klasse allinich spanning om de twadde en tredde priis. Gerry Edou Mollema wie dizze dei mei trije oerwinnings de sterkste. Thalita Dijkstra wûn it fan skoansus Mattie Dijkstra omdat Thalita trije earsten minder tsjin hie. In moaie keatserij mei de sêfte bal en de tredde helte wie ek wer tige slagge. Nochris tank oan de sponsor A. HAK Infranet B.V.

Priiswinners: A-maten: 1A: Marten Faber, 2A: Rene Velzen, 3A: Tjeerd Dijkstra. B-maten: 1B: Gabriële Bouma, 2B: Sipke Hiemstra, 3B: Hendrik Okkema. C-maten: 1C: Gerry Edou Mollema, 2C: Talitha Dijkstra, 3C: Mattie Dijkstra.

## WEDSTRIDEN FEDERAASJE

### 02-06-2012: Federaasjedei

In bysûnder keatswykein mei de Federaasje-KNKB dei yn Easterein. In tige slagge keatsdei ûnder it motto: "Bring de keatsers by it keatsen"! Dizze dei waard organisearre troch Federaasje Snits e.o. yn gearwurking mei Keatsferiening Easterein. Op sneon 2 juny wiene der moarns federaasjewe-striden foar de jongerein en senioaren. Om 14.00 oere mochten de haadklasse manlju en froulju los.

Op sa'n dei meie ús jongste topperkes fansels net ûntbrekke. En dus stiene der 17 kabouters op it fjild dy't 3 listen ferkeatsen. En wat ha se goed harren bêst dien. Under grutte publike belangstelling fan û.o. âlders, pakes en beppes stiene se fol entûsjasme te keatsen. Der wiene 3 keatsers dy't 3x wûn hiene en 2 mei deselde tsjin earsten, dus tige spannend. De prizen wiene foar: 1e Niels Janssen, 2e Redmer Wiersma, 3e Tjalle Durk v.d Eems, 4e Judith v.d Weerd, 5e Redmer Stegenga, 6e Siebo Boersma

### Welpen

1e Ruerd Andringa (A) en Doede de Jager (B)  
2e Aizo Veltman (A) en Anna-Boukje Altenburg (B)  
3e Bert Veltman (A) en Hieke Bootsma (B)  
4e Gerben Gerbrandy (A) en Amber Reijnhoudt (B)  
5e Wilco Lobregt (A) en Erik Wijnja (B)

### Pupillen

1e Klaas Jan Oosterbaan (A) en Wierd Hofstra (B)  
2e Leon van Schepen (A) en Annemar Rypma (B)  
3e Hendrik van der Eems (A) en Jelke Bootsma (B)  
4e Jacob Visser (A) en Marieke Schaap (B)  
5e Wiebren Posthumus (A) en Julia Paauw (B)



### Skoalbern

1e Germ Wijnja (A) en Sanne Hylkema (B)  
2e Johannes Reiker (A) en Marianne de Vries (B)  
3e Solomon de Hoop (A) en Pytrik Zijlstra (B)  
4e Marco Lobregt (A) en Zoe de Jong (B)  
5e Jan Teade Nauta (A) en Geja Hofstee (B)

### Famkes/jonges

1e Bote Jellema (A) en Ryckel Dotinga (B)  
2e Lex Potma (A) en Geldou de Boer (B)

### Senioaren

Spitigernôch binne der gjin útslaggen bekind fan de senioaren federaasje. Op in foto falt wol te sjen dat twa fan de kranswinners Petra Jellema en Tettje de Boer binne.



By de haadklasse manlju wie de 1e priis foar Menno van Zwieten, Taeke Triemstra en Marten Feenstra. Yn de finale binne hja te sterk (5-2:6-4) foar Gert Anne vd Bos, Hendrik Jan vd Velde en Hans Wassenaar.

By de haadklasse froulju steane yn de finale Lisette Wagenaar, Leonie vd Graaf en Anke Marije Pompstra tsjin Marije Hiemstra, Sjoukje Visser en Fenna Zeinstra. Twa froulju fan Easterein yn de finale dus! De winst wie foar Lisette en dy doe't Leonie op 5-5:6-4 boppe sloech. Foar Anke Marije winst yn eigen doarp. Martine Tiemersma keatste mei Nynke Sybrandy en Bianca vd Veen, mar se koenen it net risse tsjin Joukje Kuperus, Mariska Hoogland en Harmke Siegersma dy't de 3e priis wûnen

#### 14-07-2012: 34ste Okkema-partij

De 34ste Okkema partij is ferkeatst. De partij wie foar it earst iepenstelt foar alle federaasjes yn Fryslân. Dit smiet in list op fan 33 partoer yn fiif klassen. Manlju A, B, C en froulju A, B. Wêrby't de froulju B troch inoar lotsjen wie en de oare klas-sen frije formaasje.

Under werklik prachtige waarsomstannichheden waard begûn om 12 oere. In hearlik sintsje derby en in bytsje wyn makke dat alles der moai by lei. De fjildenman hie it moarns noch al drok hân. Tsjin alle ferwachtings yn wie de wyn nammentlik 180 graden omgien en dat makke dat it hiele fjild om moast. Mar sa as sein, it lei der om 12 oere prachtich by.

By de manlju A waard in list mei 7 partoer ferkeatst. It partoer fan Sybrand v/d Wey, Freerk Terwisscha van Scheltinga en Marten Faber naam it op tsjin Danny Roos, Stephan v/d Weg en Frits Hoekstra. Mei alles oan 'e hang wiene it 'Sybrand en dy' dy't de winst pakten. Sy kamen op de 2e list Feite de Haan, Tjipke Klaas Okkema en Gerrit Flisijn tsjin. Dizze mannen wiene in maatsje te grut en wûnen de partij mei 5-3:6-4. Feite, Tjipke Klaas en Gerrit stiene dêrmei yn 'e finale tsjinoer de knap keatsende Jelle Scharringa mei syn maten Fokke Jan Kooistra en Meindert Attema. Dizze mannen koene it net

risse en wiene út keatst. In soad foutsjes makken dat Feite, Tjipke Klaas en Gerrit mei skjinne fiif earsten en 6-4 de winst pakten yn de A-klasse.

Yn de B-klasse stienen 14 partoer op de list. Dêrmei 4 prizen foar de winners en 2 foar de ferliezers. Alle partoeren wiene goed oan elkoar weage. Eddy de Boer, Anne Bakker en Marco Hoekstra stiene tsjin Arjan Hallema, Anno Galema en Wietse Fopma op 5 earsten gelyk, 6 gelyk. Eddy moast opslaan en wist mei in knappe sitbal de winst te pakken. Op de twadde list kamen se der net oan te pas en ferlearen fan Rene Velzen, Watse Zeinstra en Christian Hoekstra mei 5-0:6-2. Op de 2e list stiene ek Simon Dijkstra, Bertus Bootsma en Johan v/d Wal tsjin Tjeerd Dijkstra, Stefan van Krimpen en Jan Weijer te keatsen. Dizze partij waard troch in moaie boppe-slach troch Bertus beslikke op 5-5:6-6. Troch ek de winst te pakken op de tredde list kamen Bertus en dy yn 'e finale te stean tsjinoer Skelte Hofstra, Klaas Kramer en Jan Fokke Mulder. Dit waard in spannende partij dy't einige yn 5-4:6-2 foar it partoer fan Skelte Hofstra. In knappe prestaasje! Yn de finale fan de ferliezersronde stie it partoer fan Gerrit Terpstra, Hendricus Tacoma en Gerrit Evert Tacoma tsjinoer it partoer fan Geert Couperus, Klaas Kamstra en Simon Kingma. In prachtige partij wêrby it lang beide kanten út koe. It partoer fan Gerrit wie úteinlik it sterkst en wûn mei 5-4:6-6.

Yn de C-klasse stienen 4 partoer op 'e list dy't yn in poule keatsten om twa prizen. Ek yn dizze poule it partoer fan de haadstiper fan dizze partij, Tjerk, Hendrik en Tjipke Okkema. Yn 'e earste omloop wûnen se knap fan Rink Kuipers, Harmen van Gelderen en Thijs Bijma mei 5-2:6-6. En ek op de twadde list diene se knap saken tsjin Broer de Jong, Ulco de Boer en Geert Dozeman en wûnen mei 5-2:6-2. Op de tredde list kamen se tsjin it oerdeeglik keatsende partoer fan Tjeerd de Boer, Roel Sijbesma en Age v/d Goot. Dit koene de Okkema's krekt net risse en ferlearen mei 5-5:6-2. Yn de poule waarden Tjeerd, Roel en Age earste en Tjerk, Hendrik en Tjipke twadde.



By de Froulju A ek fjouwer partoer op 'e list dy't yn in poule keatsten om twa prizen. Nei trije omlopen keatsen kaam it sa út dat der twa partoer op 18 foarearsten stiene en 11 tsjinearsten. Om't dit net sa faak bard, hat it bestjoer de regleminten der op nei slein. Dêr stiet yn dat dan it ûnderlinge resultaat bepalend is. En om't Hester Kingma, Gerry Edou Mollema en Gabriële Bouma de earste omloop mei 5-4:6-6 wûn hiene fan Lysbet Bakker, Marijke de Boer en Sietske Okkema, wûnen sy de krâns en wiene Lysbet-en-dy knap twadde!

Yn de B-klasse wiene der 12 froulju troch inoar lotte. Ek sy ferkeatsten in poule. It sterkste partoer wie dat fan Mattie Dijkstra, Tettje de Boer en Geeske Couperus. Se ha der flink foar keatse moatten mar mei de measte foarearsten wûnen se. It partoer fan Sieta Tessemaker, Sanne Rixt Jorritsma en Jeltje Hallema hie 14 foarearsten mar ek 14 tsjinearsten. It partoer fan Petra Jellema, Dieuwke Kooistra en Martine Kooistra hie 14 foarearsten en 13 tsjinearsten. En it partoer fan Arjanne Schaafsma, Marjan Flapper en Iris Bergsma hie 14 foarearsten en 12 tsjinearsten. Se waarden dêrmei twadde.

En dêrmei is de 34ste Okkema-partij in feit. In prachtige keatsdei mei in gemoedlike sfear rûn it fjild mar ek op it fjild. In sfear dy't sa typearjend is foar it keatsen yn Easterein. We hoopje dan ek dat der noch minstens 34 Okkema-partijen folgje!

## WEDSTRIDEN KNKB

### 02-06-2012: Federaasje-dei KNKB manlju/froulju haadklasse útnoeging

De partij in Easterein is de erfenis van wat eens de roemruchte Waterpoortpartij van kaatsvereniging Sneek was. Het bestuur van Sneek zag er in 2011 al geen brood meer in en de wedstrijd is nu geadopteerd door de federatie Sneek. De wedstrijd vindt nu per toerbeurt plaats bij één van de aangesloten verenigingen. Dit jaar was Easterein aan de beurt.

De finale tussen de parturen Gert-Anne van der Bos, Hendrik Jan van der Velde en Hans Wassenaar en de favoriete formatie Menno van Zwieten, Taeke Triemstra en Marten Feenstra was die naam nauwelijks waard en duurde ruim een half uur. Niet het perk, maar opslager Menno van Zwieten drukte zijn stempel op deze partij met zijn merkwaardige 'dûk' ballen. Op 0-0 en 0-2 en 4-6 plaatste hij tweemaal een beslissende zitbal. Op 0-3 werd het een 'skjin' eerst voor de opslager toen hij vier zitballen op rij plaatste: 0-4. Welbeschouwd was de partij toen al gespeeld. Een zitbal van Gert-Anne van der Bos op 6-4 bracht de stand nog op 5-2 maar toen was het wel voorbij. Taeke Triemstra sloeg in het volgende eerst, weer op 6-4, de kaats voorbij en dat betekende opnieuw een krans voor hem. Voor Marten

Feenstra was het de eerste krans dit seizoen en Menno van Zwieten mocht na Franeker ook de tweede uitnodigingspartij op zijn naam schrijven.



Lisette Wagenaar, Leonie van der Graaf en Anke Marije Pompstra zijn winnaar geworden van de uitnodigingswedstrijd voor de dames hoofdklasse in Easterein. In de spannende finale werd met 5-5 en 6-4 gewonnen van Marije Hiemstra, Sjoukje Visser en Fenna Zeinstra. Leonie van der Graaf zorgde voor de laatste twee punten door de bal boven te slaan. De kleine premie was voor Joukje Kuperus, Mariska Hoogland en Harmke Siegersma.

### 10-06-2012: Froulju 1e klasse f.f. – Couperus Hydrauliek B.V.

Under prachtige waarsomstannichheden en mei in soad minsken op it fjild waard hjoed yn Easterein de froulju 1e klas f.f. keatst. Om goed 11 oere koe de wedstriid ûnder lieding fan skiedsrjochter Beimers los en healwei fiven wiene de finales dien.

Yn de winnersronde gie de finale tusken it partoer fan Rianne Vellinga, Marike Beckers en Miranda Scheffer en it partoer fan Hilda Tjepkema, Maaïke Osinga en Maaïke Bruinsma. Lêstneamd partoer paken de moaie krânsen doe't op 5-3: 6-2 Maaïke Osinga de bal boppe sloech. De tredde priis wie foar it partoer fan Evelien Westra, Marit Kuperus en Anke Winkel. Sy koene it yn de heale finale net oprêde tsjin Rianne c.s. en ferlearen mei 5-3:6-0.



Yn de ferliezersronde gie de finale tusken it partoer fan Nynke Sinnema, Klasine Huistra (ynfallen foar de blessearre Mirjam Beeksma) en Rixt Bijlsma en it partoer fan Hermine Sytema, Sietske Okkema en Jelien Pompstra. Dit waard in tige spannende finale. Pas op 5-5:6-6 waard de partij troch Jelien beslist troch de lytse keats foarby te slaan. Opfallend wie dat Hermine c.s. de heale finale ek al mei 5-5:6-6 wûn hiene.

**10-06-2012: Famkes ôfd. + t.i.l. – Couperus Hydrauliek B.V.**

In moaie list fan 17 partoer koene allegearre los ûnder lieding fan skiedsrjochter Smit. Nei in lyts oere wie de earste omloop dien en koene de ferliezende ôfdielingen oerstappe nei de t.i.l.

Yn de finale famkes ôfdieling in treffen tusken Dronryp mei Jeanette Jansma, Anouk Tolsma en Elly Hofman, en St. Annaparochie, mei Natasja Braaksma, Esther Wagenaar en Lilijan Kingma. Dronryp keatste de hiele dei sterk en wist de winners fan foarich jier yn bedwang te hâlden troch te winnen mei 5-3:6-6. Dat betsjut al de tredde winst op in ôfdielingspartij foar Dronryp. De twadde priis gie dus nei St. Annaparochie, dy't yn de heale finale nei in efterstân fan 5-3 úteinliks doch fan Folsgeare wisten te winnen mei 5-5:0-6. Folsgeare, mei Rixt Hettinga, Elma Breeuwsma en Jildou Sweering behellen dêrmei de tredde priis.



Neidat de TC harren ynbring hân hiene en der in moaie list fan 9 partoeren lotte wie, gie dan ek de famkes t.i.l. los. Klupskiedsrjochter Wiepkje Hiemstra seach in earste omloop mei grutte ferskillen sadat nei in oere it tredde fjild opromme wurde koe en dêrnei alle famkes yn ien fjild keatse koenen.

De finale wie in partij tusken de partoeren fan Marte Altenburg, Anja Kuik en Margaretha Terpstra en Ilse Tuinenga, Akkelyna de Haan en Nyncke Pytsje Terpstra. Ilse c.s. winne úteinliks de finale troch mei 5-3:6-6 te winnen en dêrmei wie de twadde priis foar Marte c.s. Der wie ek noch in tredde priis foar it partoer fan Alina Brandsma, Anne Nieke

Bergsma en Melissa Rianne Hiemstra. Sy ferlearen yn de heale finale fan de úteinlike winners, Ilse c.s. mei 5-3:6-2.

Alle frijwilligers wurde nochris tige tank sein foar harren ynset. En fansels Couperus Hydrauliek út Easterein, stiper fan dizze moaie partij!

**23-06-2012: KNKB Pupillenfamkes ôfd. + t.i.l. – Accon AVM**

Op in list fan 14 partoer wie Makkum te sterk foar Reduzum. Makkum wûn de finale mei 5-3:6-4. Der wiene twa tredde prizen foar Berltsum 2 en Wommels 1. Berltsum 2 ferlear de heale finale fan Reduzum mei 5-0:6-0. Wommels 1 koe it net risse tsjin Makkum 5-2:6-4.



Annet de Haan en Berber Bouma wiene hjoed by it t.i.l. de sterksten yn Easterein. Yn de finale wiene se te sterk foar Reny van Wieren en Marije Sweering 5-1:6-2. Der wiene twa tredde prizen foar Alien Dijkstra mei Anne Wyke Bouma, sy ferlearen mei 5-2:6-0 fan de lettere winners. De oare tredde priis wie foar Renske Blanksma en Iris de Vries, yn in spannende partij kamen se krekt te koart, 5-4:6-6 tsjin de twadde priis winners. It wie moai waar en der is mei nocht en wille keatst. In kompliment oan de pupillen famkes dat se op sa'n sportive manier mei-inoar omgeane.

**12-08-2012: Senioaren 1e klasse frije formaasje – Grafische Groep Van der Eems**

Under prachtige waarsomstannichheden waard hjoed yn Easterein de manlju 1e klas f.f. keatst. Dit jier 19 partoer op de list en neidat de geselektearde keatsers harren klean kriegen hiene, koe de wedstriid ûnder lieding fan skiedsrjochter Bierma en klupskiedsrjochter Dijkstra dan ek los.

De 1e klas partoeren sieten moai ferdieft op de list en sy wisten de ferwachtings wier te meitsjen. Yn de heale finale it sterk en erfaren partoer fan Michiel Scheepvaart, Herman Sprik en Gert Jan Meekma tsjin it jeugdige trijetal Haye Jan Nicolay, Hendrik Jan v.d. Velde en Tjisse Steenstra. Michiel cs komme al reedlik gau op 3-1 mar dêrnei pakke Haye Jan cs



fjouwer earsten op rij en liket it as stappe sy de finale yn. Mar Michiel cs binne taai en komme dochts wer neist Haye Jan cs. Uteinliks moatte sy yn it lêste earst dochts belies jaan en stappe Haye Jan cs, nei in moaie sitbal fan Tjisse op 6-0, as winners fan it fjild.

Yn de finale nimme Haye Jan cs it op tsjin it partoer fan Dirk-Yde Sjaarda, Hendrik Bouwhuis en Gerrit Meijer, nei de earste omloop ynfallen foar de blessearre Juke Bosje. Dirk-Yde cs wûnen op de tredde list fan Kevin Jaarsma cs mei 5-1:6-2 en hiene dêrnei in steand nûmer. It wurdt in spannende finale mei in soad boppeslaggen. De partoeren binne goed oan elkoar weage en de partij giet hieltyd lykop. It wurdt dan ek 5-5. Uteinliks wint Dirk-Yde yn eigen doarp mei syn maten troch sterk keatsen yn it lêste earst. Op 6-0 makket Dirk-Yde sels mei in sitbal de partij út.



Alle frijwilligers, skiedsrjochters Bierma en Dijkstra wurde nochris tige tank sein foar harren ynset. En fansels Drukkerij van der Eems út Easterein, stiper fan dizze moaie partij!

## BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

### De Greidhoekekompetysje

De finale fan de Greidhoeke-kompetysje wie dit jier yn St. Anne op 6 juny 2012. Nei 2 foarrondes yn maaie gie de striid om de bokaal tusken Easterein en St. Anne. De junioaren fan St. Anne, de Nederlânsk Kampioenen, paken foar St. Anne it kampioenskip fan de Greidhoekekompetysje. De froulju fan St. Anne hienen ferlern fan Easterein, 0-1. De manlju fan St. Anne wûnen ienfâldich, 1-1. De beslissing foel by de junioaren yn in spannende partij!

Yn de striid om it kampioenskip koenen de Eastereiner junioaren mei Jelte-Pieter Dijkstra, frommeske Martine Tiemersma en jonge Doede Rients Okkema by bliuwe oant 5-5. Mar yn it lêste earst pakte St. Anne mei Sjoerd de Jong en bruorren Krijn en Rein Hiemstra de winst en it kampioenskip, nei in boppeslach fan Sjoerd.

De froulju fan St. Anne, "De Golden Oldies" neffens foarsitter Teun de Jong, hienen alle wedstriden meidien en Mina Dijkstra, Riska Hazenberg en Hessie Westra kamen tsjin Easterein op 2-2 doe Hessie boppe sloech. Mar Easterein mei Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Anke Marije Pompstra, keatste doe deeglik nei in 5-2:6-2 winst.

De manlju fan St. Anne, Wietse Jan Dijkstra, Pieter Jan Plat en Jacob Wassenaar hienen it net dreech tsjin Easterein. Syb Overal koe it perk net fine en liet it oer oan Sybrand v/d Wey en Marten Faber. Pas nei 0-3 koe Easterein it 'earebuordsje' pakke doe't Marten de keats foarby sloech. Op 1-5:4-6 slacht Wietse Jan in sitbal.

Wommels wûn de striid om it 3e plak fan Easterlittens mei 0-3. De froulju setten goed útein, mar Easterlittens kaam dochts werom op 3-5 doe't de bal op 6-6 bûten gie. As de keats behâlden wurdt op 4-6 is it 0-1 foar Wommels. It twatal manlju fan Easterlittens hie de 'praatsjemakkers' fan Wommels hast te plak setten. Pas op 4-4 kaam Wommels in earst foar nei in boppeslach op 6-6. Op 2-6 slacht Easterlittens de bal kwea op. De bûtsende foarbêst opslagger fan de Wommelser junioaren joech de bal oer doe't Easterlittens nei syn bûtenslach op 4-5 kaam. Op 6-6 slacht Easterlittens krekt foar en wint Wommels ek dizze partij.

De striid om de plakken 5 en 6 foel út yn it foardiel fan Mantgum. Mei 3-0 waard in reglemintêre oerwinning helle, om't Bitgum net yn steat wie om partoeren nei St. Anne ôf te feardigjen. Earder yn de kompetysje hie Wommels yn St. Anne ek ferstek gean litten, lykas doe de Bitgumer junioaren. Dat is fansels tige spitich, mar yn it ljocht fan it smoardrokke programma yn dizze moannen foar alle keatsers, miskien ek net sa frjemd.

Dêrmei komme we dan ek by it punt dat de evaluaasje fan dizze edysje fan de Greidhoekekompetysje tige wichtich wurdt. It ynisyatyf fan Wommels is prachtich, sa seit de Jong by de priisútrikking, dêrby assistearre troch Liesbeth vd Ende. De partoeren fan St. Anne wurde yn de krânsen setten en krije fertsjinne, grut applaus fan de oanwêzigen.

Oeral ûntstean nije inisjativen op keatsgebiet, wêrmei faaks foldien wurdt oan de behoefte of winsken fan keatsers, lykas de junioarensyklus yn Frjentsjerteradiel. It nije inisyatyf, de Friesland Bank Cup is fuort noch net in bedriging, mar neist it eigen keatsen en trainen fan de dielnimmers, binne der noch tal fan oare aktiviteiten, bygelyks it Jeu de Pelote, Llarques (tariedings op it WK Keatsen 2012).

De fraach is oft de Greidhoekekompetysje yn dizze foarm noch wer in jier kâns fan slagjen hat. Nije inisjativen, dy't soargje foar ynfolling fan in behoefte fan (in bepaalde kate-

gory) keatsers of soargje foar stimulaasje om mear keatsers/keatsers yn bepaalde kategoryen op de Fryske fjilden te krijen, binne tige wolkom fansels! Sa kin benammen ek it frouljuskeatsen wol stimulâns brûke!

Utslach: 1. St. Anne, 2. Easterein, 3. Wommels, 4. Easterlittens, 5. Mantgum, 6. Bitgum.

### 2012 Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote

Yn Easterlittens wit Easterein net te winnen fan Frjentsjer. Easterein, twadde yn 2011, begûn goed en rûn út nei 2-0. Dêrnei kaam der in buordsje foar Frjentsjer 2-1, wêrnei Easterein troch gie nei 3-1. Mar Frjentsjer kaam goed werom en it waard 3-3 en 4-4. Dêrnei wer in sterke fase fan Easterein en der hinget 6-4 oan de telegraaf. Frjentsjer knokt har werom nei 6-6, gie goed troch en winne mei 6-8.

Foar Easterein keatsten Dirk Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra, Jelte-Pieter Dijkstra, Marten Faber, Robert Sybesma en Feite de Haan.

### 09-09-2012: Stiperdei yn Easterein

Snein 9 septimber 2012 giet de boeken yn as ien fan de waarmste edysjes fan de jierlikse stiperdei. Moarns wie der noch wol wat bewolking mar doe't de sop en broadsjes efter de kiezen sieten en de 1e fan trije listen op it punt stie te begjinnen, wie de loft skitterend blau. En dat soe ek net mear feroarje en sa koe it barre dat der keatst waard mei temperatueren fan boppe de 25 graden! En dat yn septimber.

Nei in koart petear en it útdielen fan de ballen giene goed 12.45 oere de 24 dielnimmers de striid mei-inoar oan. Wylst de ien noch efkes tiid noadich hie om yn it ritme te kommen, fleach de oar fanôf de earste slach oer it fjild as diene hja noait oars. Lykas foargeande jierren wie it dan ek dit jier wer prachtich te sjen hoe't guon stipers keatse kinne, ek al keatse hja hast noait. Dit stimulearret de oaren ek wer en sa koe it dat hast alle 6 partijen sa'n 1,5 oere duorren want it wie hast allegear 5-4 of 5-5. En dat mei it tige waarme waar. Gelokkich wiene der in pear attinte froulju dy't amers mei wetter efter de perken setten, want dat wie tige wolkom. Spittigernôch wie de waarmte miskien wol reden fan it útfallen fan Jan Vellinga. Op 4-4:6-6 sloech hy de keats noch geweldich foarby mar rûn dêrby in 'zweepslag' op en moast opjaan. Gelokkich woe Abe Jan Stegenga fanôf de 2e list it plakje fan Jan wol oernimme.

Neidat de 1e list ferkeatst wie koe eltsenien efkes yn it skaad bekomme want de lange partijen hiene wol wat fan de krêften frege. Gelokkich wie it hearlik koel yn de Skodallesize en wiene de kâlde hapkes tige wolkom. Yntusken wiene de swimbadsjes foar de bern klear makke, de swimklean oanlutsen en koe it wetter spuitsjen begjinne. De keatsers

moasten allinne wer yn it fjild oantrede foar de 2e list. Dizze kear wiene de ferskillen opfallend grut en eindigen mar leafst 4 fan de 6 partijen op 5-0 of 5-1. Hie de earste list tefolle frege? Lokje de swimbadsjes dochs wol hiel bot? As wiene de winners dizze kear gewoan folle better (en fitter). Tidens it skoft koe dêr moai oer neipraat wurde ûnder it genot fan in hearlik stikje oranjekoeke. Foar de tredde list wie sprake fan ien wiksel. Jan Bouke Bouma naam it plakje fan Liesbeth Bootsma yn (sels ynfallen foar de net fitte Eefje) want sy moast noch wurkje. De lêste partij moast de beslissing jaan want der wiene in oantal dy't noch foar de krânse gear koenen.

Uteinliks wie it by de A-keatsers Durk Jorrit van der Eems dy't as ienichste alle trije partijen wûn hie en mei 21 punten de earste priis pakte. Hans Kooistra, yn de earste partij mei 5-5 gelyk noch fan Durk Jorrit ferlern, wûn dêrnei de oare twa partijen en sa wie de twadde priis mei 19 punten foar Hans. Anne Bakker en Abe Jan Stegenga hiene beide 18 punten mar Abe Jan hie 10 earsten tsjin, de tredde priis foar him, en Anne 12 earsten en krige de 4e priis. As treastpriis wie der noch in Eastereiner slokje foar Jan Vellinga.



By de B-keatsers gie de finale tusken Mattie Dijkstra en Sjoukje van der Eems. Sy hiene beide twa kear wûn en it lot hie harren yn de lêste partij tsjin mekoar brocht. It wie Mattie dy't dit mei har maat wist te winnen en dat brocht Mattie de krâns mei 21 punten. De twadde priis gie nei Wilma Sjaarda. Likefolle earsten foar as Sjoukje mar Wilma hie 2 minder tsjin-earsten (12 om 14). Nei de ferkoelende sprong yn it badsje foar Wilma nei de lêste slach in moaie 2e priis. Sjoukje pakte de tredde priis mei dus 18 punten. De 4e priis mei 17 punten wie foar Jan Hiemstra. Foarich jier noch de krâns mar mei in wat krebintige earmtakke wie dit dochs in ûnferwachts resultaat. Talitha Dijkstra ûntfong dit jier de poedelpriis.

1e priis A: Durk Jorrit van der Eems en 1e priis B: Mattie Dijkstra  
2e priis A: Hans Kooistra en 2e priis B: Wilma Sjaarda  
3e priis A: Abe Jan Stegenga en 3e priis B: Sjoukje van der Eems  
4e priis A: Anne Bakker en 4e priis B: Jan Hiemstra

De moaie krânsen wienen wer stipe troch Tuincentrum Gaardenier út Wommels. Nei de foto's fan de priiswinners wie der noch in gesellige neisit en koe werom sjoen wurde op in tige slagge stiperdei. Alle stipers nochris tige tank foar jimme finansjele stipe oan ús prachtige keatsferiening!

### 31-08-2012: WK Keatsen 2012

Hjoed yn Frjentsjer is Bauke Dijkstra wrâldkampioen Llarques wurden troch yn de finale te winnen fan Colombia mei 9-1: 40-15. Nederlân hie de heale finale fan Ecuador wûn mei 5-0:40-15. Colombia wûn fan Spanje mei 6-3. Bauke hat yn Frjentsjer noch meispile yn de heale finale tsjin Ecuador en ek yn Easterein! Tsjin Mexico mocht hy ynfalle. Freed yn Easterein wûn Easterein ienfâldich fan Mexico mei 6-0, mar ek Frankryk waard oer de 'knibbel lein' mei 6-1!

#### *In histoaryske dei yn Easterein!*

Yn in prachtige gearwurking fan stichting WK KAATSEN 2012, Keatsferiening Easterein, stichting De Skoalleseize, Behearkommisje Multyfunktioneel terrein en it Sportkafé De Greidhoeke waard freed 31 augustus yn Easterein de foarwedstriden hâlden fan it spul Llarques as ûnderdiel fan it WK KAATSEN 2012!

It Multyfunktioneel terrein waard mei it hâlden fan it WK KAATSEN 2012 foar it earst foar offisjele wedstriden brûkt. Easterein hie mei it oanlizzen fan in Llarquesfjild op it multy-

funktioneel terrein de primeur fan Fryslân. De baan lei der freed fantastysk by. De Nederlânske ploech hie al trije kear traine kinnen en wie bekend mei de baan en omstannichheden.

Mei tank oan alle frijwilligers waard it in tige slagge barren! De besikers en keatsers koenen yn de kreamkes terjochte foar kofje, tee, hamburgers, sop en fansels in slokje.

Nederlân, mei de lokale WK-held Bauke Dijkstra begûn tsjin Mexico. Dizze ploech wie dúdlik net tared op de wedstriid, want sûnder wanten slaan je net sa fier. Nederlân wûn dan ek ienfâldich mei 6-0 en Bauke mocht it lêste earst meidwaan. Dêrnei moast Mexico tsjin Frankryk en gau wienen der wanten sammele en dat die fuort fertuten. Mexico pakte in earste 'spel' tsjin Frankryk, mar ferlear mei 6-1.

Doe de wichtige wedstriid fan Nederlân tsjin Frankryk. Om't it tiidskema oanhâlden waard, wienen alle besikers moai op tiid en koenen sa'n 386 minsken de moaie wedstriid sjen. Frankryk waard ek oer de 'knibbel lein' mei 6-1.

Sneon yn Frjentsjer waard Nederlân wrâldkampioen yn it Llarques troch yn de finale te winnen fan Colombia mei 9-1: 40-15. Nederlân hie de heale finale fan Ecuador wûn mei 5-0:40-15. Colombia wûn fan Spanje mei 6-3 en Spanje wûn de 3e priis troch te winnen fan Ecuador.



## JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

### 30-06-2012: Jong Fammen Mantgum

Easterein 2 mei Tineke Dijkstra, Sietske Okkema en Jelien Pompstra winne de 1e omloop fan Frjentsjer 2 mei 5-5:6-2. Dêrnei ferlieze se mei 5-2:6-2 fan Easterein 1 mei Marije Hiemstra, Martine Tiemersma en Anke Marije Pompstra.

Easterein 1 hie de 1e omloop wûn fan Deinum mei 5-1:6-6. Yn de 3e omloop giet it oan 3-3 ta gelyk op tsjin Berltsum, mar dan rint it efkes net mear mei Easterein. Tefolle fouten yn de opslach en de útslach wie ek wat minder. Berltsum keatste krekt deegliker en wint mei 5-3:6-4. Berltsum sil de Jong-Fammen ek winne troch yn de heale finale Frjentsjer 1 te ferlaan mei 5-4:6-2 en de finale wurdt wûn fan Boazum mei 5-5:6-2.

### 01-08-2012: PC Frjentsjer

De PC yn Frjentsjer is altyd in hichtepunt foar de manlju keatsers ûnder ús en fansels wiene der ek dit jier wer in oantal Eastereiners by oanwêzich. Sawol yn it fjild as bûten it fjild. Jelte-Pieter Dijkstra en Dirk-Yde Sjaarda fertsjinwurdigje Easterein en Sipke Hiemstra as skiedsrjochter.

Yn de earste omloop wint Jelte-Pieter mei syn maten Erik Haitma en Peter de Boer. Se winne mei 5-2:6-6 fan Menno van Zwieten, Jacob Klaas Haitma en Sjoerd de Jong. Yn de twadde omloop wurde se 'wreed' fan de list slein troch Hendrik Tolsma, René Anema en Thomas van Zuiden (de lettere winners fan de PC). Op in stân fan 5-0:6-0 makket René de partij út troch yn it tuskenspul de bal boppe te slaan.

Foar Dirk-Yde kaam der ek wat te gau in ein oan de PC-dei. Tegearre mei syn maten Hendrik Bouwhuis en Jouke Bosje ferlieze hja fan it sterke partoer Jan Dirk de Groot, Renze Pieter Hiemstra en Pier Piersma mei 5-2:6-2. Takom jier mar wer probearje!

### 04-08-2012: Ald-Meiers Hitsum

Easterein die foar de 13de kear mei en hat op alle edysjes fan de Ald-Meiers dielnommen. Nei in 3e priis yn 2004, wint yn 2007 en 2011 mochten Margretha Terpstra, Nyncke Pytsje Terpstra en Gerry Edou Mollema it besykje mei coach Anco Elgersma. De findeldrager Hans Kooistra wie krekt op tiid werom fan fakânsje en koe it findel wer troch Hitsum drage mei it partoer efter him oan.

Easterein moast tsjin Wommels begjinne mei de froulju Tine Maria Greidanus, Sjanet Wijnia en Annabrecht Bruinsma. Wommels komt mei 1-0 foar mar Easterein makket gelyk, 1-1. Wommels slacht de keats foarby op 6-4 en komt op 2-1. Mar Easterein wit wer gelyk te kommen en it wurdt sels 6-6. Wommels slacht de bal kwea út en Easterein komt foar mei

2-3! De partoeren binne oan elkoar weage en it wurdt 3-3. Dêrnei wit Wommels troch te drukken en komt op 5-3 en winne úteinlik fan Easterein mei 5-3:6-2. Letter soe Wommels yn de heale finale ferlieze fan Seisbierrum en de 3e priis winne.

### 08-08-2012: Freule

Easterein mei Doede Rients Okkema, Nies Douwe Yntema en Rémon Tie Bouma begjinne mei coach Marten Faber de dei tsjin Boalsert. Op it byfjild is it fansels allegear Easterein!

#### *Easterein - Boalsert 5-4:6-4*

Easterein komt in earst efter, mar nimt letter de lieding mei 3-2. Doede Rients en Rémon Tie slaan om bar foar bêst op en Nies Douwe hat earst foar minst opslein. Doede Rients stiet foaryn en Rémon Tie efferyn. Op 3-2:4-6 slacht Remon kwea út, 3-3. Op 6-2 slacht Doede Rients de keats foarby, 4-3. De mannen slaan nochal ûnwis op, mar op 6-6 pleatst Rémon Tie in sitbal, mar de karmaster let net op en jout 'm út, 4-4. We komme wer foar as op 4-2 Doede Rients prima boppe slacht en by de lytse keats slacht Rémon heech op en Boalsert kin de keats net foarby, 5-4. Op 5-4:6-4 slacht Boalsert de bal bûten en Easterein nei de 2e omloop.

#### *Easterein - Hantum 5-2:6-6*

Al rint de opslach noch net lekker, yn it perk en tuskenspul giet it better. Se komme op in moaie 3-0 foar. De 1-0 as Doede Rients boppe slacht, 2-0 nei in sitbal fan Doede Rients op 6-6. Dêrfoar hie Rémon Tie by 6-2, twa kear it perk mist. Se kinne it goed oernimme fan elkoar. Hantum komt op 3-1 as Doede Rients bûten slacht op 6-6. Yn it folgjende earst makket hy it goed as hy op 6-0 in sitbal pleatst. By 2-2 mist Hantum trije kear it perk en 5-1 is de stân. Rémon Tie slacht boppe op 6-2 en Easterein yn de 3e omloop!

#### *Easterein - Alde Leije 1-5:4-6*

De 3e omloop keatse Easterein en Alde Leije op it haadfjild. As it dêr no troch kaam of wat oars, mar it rûn foar gjin meter mear. Fansels, ALde Leije keatste hiel deeglik en rêstich nei de oerwinning en yn de prizen. Easterein pakt pas in earst as se al efter stean mei 0-4. Der moat by sein wurde dat twa earsten op 6-6 en twa op 4-6 ferlern waarden. Op 1-5:4-6 is it oer foar Easterein as Alde Leije in sitbal pleatst. De jonges makken tefolle fouten by de opslach en dan wurdt it fansels dreech. It is spitich, oare jier better!

### 22-08-2012: Frouljus PC Weidum

#### **IMKE, MARIJE en AUKJE winne FROULJUS PC!**

Hjoed yn Weidum waard histoarje skreaun troch Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Aukje van Kuiken. Foar Aukje histoarje, want hja helle har fjirde wimpel (Ald-Meiers, Jong-Famme, Nederlânsk Kampioen en winner Frouljus PC). Mar seker ek foar Marije en Imke, de earste froulju fan Easterein

dy't de frouljus PC winne. Moandei by de lotting stienen se al te 'dûnsjen' om it moaie lot. In haadklassepartoer mei trije earsteklaspartoeren yn it lêste blokje. 'Allinnich efkes twa omlopen winne' en dan yn de finale! En dat slagge ek.

Tsjin Ilse Noorman, Anke Winkel en Bianca vd Veen waard it 5-2:6-6. Yn de twadde omloop hienen se it doch wol efkes dreech tsjin it dappere partoer fan Marie Jetske Lettinga, Klasine Huistra en Geke de Boer, 5-3:6-2. De tsjinstanner yn de finale wie it partoer fan Nynke Sybrandy, Maaike Osinga en Wiljo Sybrandy. Dizze froulju hienen de 1e omloop wûn fan Rianne Vellinga, Marike Beckers en Miranda Scheffer, 1-5:0-6.

Yn de 2e omloop ferrasten se troch de kânshawwers Iris v.d. Veen, Sjoukje Visser en Manon Scheepstra mei 1-5:6-6 te ferslaan. In geweldige partij. En yn de heale finale fersloegen hja it oare kânspartoer fan Harmke Siegersma, Leonie vd Graaf en Fenna Zeinstra mei 5-5:6-2 nei in 5-2 foarsprong. Op dat stuit wie it partoer Nynke Sybrandy c.s. de 'smaakmakers' fan de Frouljus PC en dat soe noch in drege pot wurde foar Marije, Imke en Aukje, sa tocht elk wol.

It soe oars rinne. Nynke, Maaike en Wiljo koenen twa earsten pakke, mar wienen sa goed as útkeatst en koenen it net mear risse. Mei in moai lot en deeglik keatsen yn de finale waard de Frouljus PC wûn troch Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Aukje van Kuiken.



Keningin waard Aukje fan Kuiken mei 8 stimmen (Marije 7 en Imke 3). Mar it feestje is dochs yn Easterein!

#### *De oare partoeren*

Anke Marije Pompstra keatst mei har maten Sanne Velsma en Mariska Hoogland tsjin de kânshawwers foar de winst op de PC, Iris vd Veen, Sjoukje Visser en Manon Scheepstra. Se begjinne sterk mei 1-1, mar dêrnei slagget it net om by te bliuwen. Iris vd Veen c.s keatsten hiel sterk en deeglik nei in 1-5:2-6 oerwinning.

De nichten Martine Tiemersma en Tineke Dijkstra meitsje harren debút op de frouljus PC en moatte daliks tsjin elkoar.

Martine keatst mei Nelie Steenstra en Margriet Bakker. Tineke keatst mei Judy Bergsma en Marije van der Meer. Tineke komt mei har partoer op in 0-3 foarsprong, mar dan nimme Martine endy it oer en komme 5-3 foar. It wurdt ek noch 5-5, mar op 6-2 giet Martine c.s nei de twadde omloop. Dêr wurdt ferlern fan it partoer fan de susters Leonie de Graaf en Fenna Zeinstra mei no Harmke Siegersma der by. It wurdt 5-0:6-6.

#### *It feestje*

De froulju kamen in oer as acht yn Easterein en gienen mei hynder en wein troch it doarp Easterein. Dêrnei op nei it ferieningsgebou De Skoalleseize dêr't de froulju binnen helle waarden mei 'We are the champions'.

Der wienen aardich wat famylje, freonen, doarpsgenoaten en keatsleafhawwers nei it feestje takommen. It wurd waard fiert troch Anco Elgersma út namme fan keatsferiening Easterein, dy't no nei de suksessen op de Manljus PC, ek foar it earst winners fan de Frouljus PC yn it doarp hat.

Dêrnei in wurdasje fan Silvia Hania fan Doarpsbelang Hâld Faesje en de trainer Durk vd Leest dy't it partoer tasprekt. Dêrnei in moai feestje en doe is it partoer ôfset nei Weidum om dêr noch efkes it feest yn te gean!

De offisjele huldiging fan it partoer sil letter yn le plakfine.

## NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

### **26-05-2012: Frjentsjer – NK Junioaren**

It partoer fan Easterein mei Danny Roos, Carlo Booms en Jelte-Pieter Dijkstra keatse de 1e omloop tsjin Dronryp. Se ferlieze dat mei 5-5:6-4. Fan hearren sizze rûn de opslach goed, mar wie it perk wat minder by machte tsjin Dronryp. Winner fan it 100ste NK foar junioaren wurdt it partoer fan St. Anne mei Sjoerd de Jong en Rein en Krijn Hiemstra. Lokwinske!

### **28-05-2012: Frjentsjer – NK Senioaren**

Easterein mei Jelte-Pieter Dijkstra, Pytrik Hiemstra (ynfallen foar de blessearre Dirk-Yde Sjaarda) en Bauke Dijkstra keatst de earste omloop tsjin Damwâld mei Johan vd Meulen, Jouke Hellinga en Jan Jelle Jongsma. Nei 5-2 efter komme se noch al op 5-3, mar op 6-6 kinne we de keats net foarby. Lykas sneon by it NK Junioaren komme we hjoed ek net fierder dan de 1e omloop.

### **23-06-2012: Kimswert – NK jonges**

Doede Rients Okkema, Nies Douwe Yntema en Rémon Tie Bouma winne de 1e omloop fan Grou mei 5-3:6-2. Mar tsjin Jorwert ferlieze de mannen mei 3-5:2-6. Spifich dat Nies Douwe blessearre wie. Frjentsjer wint it NK.

### 23-06-2012: Ljouwert – NK Famkes

Gerry Edou Mollema, Arjanne Schaafsma en Nyncke Pysje Terpstra ferlieze de 1e omloop tsjin St. Anne, dy't letter it NK ek wûn ha. Se ferlearen mei 5-2:6-6.

### 30-06-2012: Wytmarsum – NK Pupillen jonges

De pupillenjonges Hendrik van der Eems, Kees van der Horst en Rutger Wiersma ferlieze yn de 1e omloop fan Berltsum mei 5-1:6-4. Berltsum komt yn de finale, mar ferliest dêr fan Menaam mei 5-1.

### 30-06-2012: Akkrum – NK Pupillen famkes

Selma de Boer, Mirjam Punter en Jeska Terpstra winne de 2e priis op it Nederlânsk Kampioenskip foar pupillen famkes yn Akkrum. Yn de finale wurdt mei 5-0:6-0 ferlern fan it sterke Makkum mei Boukje Ellen Bosma, Lobke Vlasboom en Kim Dijkstra. Yn de 1e omloop wurdt mei 5-1:6-6 wûn fan Hallum. Dêrnei winne se mei 2-5:4-6 fan Rie. Fan Wommels wurdt yn de 3e omloop wûn mei 5-4:6-4 en dêrmei kamen hja mei in steand nûmer yn de finale. Yn de heale finale wint Makkum fan Achlum mei 3-5:6-6.



### 07-07-2012: St Nyk – NK Senioaren 50+

Roel Sijbesma, Sipke Hiemstra en Tjerk Okkema stienen foar Easterein op de list by it Nederlânsk Kampioenskip 50+. Wêr we in oantal jierren sukses hienen, dêr kamen we no net fierder dan de 1e omloop. Der wurdt mei 4-5:0-6 ferlern fan Goutum. Dit jier dus gjin optocht fan Eastereiners nei St Nyk.

### 14-07-2012: Bitgum – NK Skoaljonges

Gjin dielname

### 14-07-2012: Wommels – NK Skoalfamkes

De skoalfamkes Baukje Terpstra, Janieke Dijkstra en Jeska Terpstra moasten it de 1e omloop yn Wommels opnimme tsjin it sterke Mantgum. Mar ferrassend en goed keatsend winne de meiden fan Easterein fan Mantgum mei mar leafst 2-5:4-6. Eilaas giet it yn de twadde omloop mis tsjin Stiens, want dy wedstriid wurdt ferlern mei 5-2:6-2. Stiens wie sterker en we makken sels wat tefolle opslachfouten.

### 14-07-2012: Grou – NK Froulju

Yn Grou stienen 26 partoeren op de list en Easterein, mei coach Anco Elgersma en de keatsters Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Anke Marije Pompstra begûnen de dei tsjin Grins. En dat gie muoisum, want alle trije sieten de froulju noch net lekker yn harren spul en in soad earsten op 6-6. It gelok wie mear mei ús, want we wûnen dizze partij mei 3-5:2-6.

Dêrnei tsjin Bitgum en dat gie stikken better. De opslach fan Marije en Imke rûn al better en ek it perk draaide goed. Ek yn dizze wedstriid in soad 6-6, mar de oerwinning fan 5-1:6-6 wie dúdlik en de fertsjinsten fan it teamwurk yn dizze partij. Dat soe tsjin Boazum wer oars wêze. Dêr't Boazum hiel goed yn de gaten hie wêr't it om giet, dêr begûn Easterein te maklik oan dizze partij mei as resultaat samar in 0-3 efterstân. De wedstriid siet fol emoasje, foaral op it momint dat in karmaster in beslút naam, ûnterjochte, en dat de wedstriid dêrnei sa goed as oer wie. It gedrach fan Boazum hie syn wurk dien en we ferlieze ússels en de wedstriid, 2-5:4-6.

Nei de Jong-Famme no ek gjin priis op it NK foar froulju. Marije en Anke Marije ha sûnt de pupillen al tegearre yn in ôfdielingspartoer keatst en yn 2007 wûnen se mei Jildou de Ald-Meiers. Dit jier leinen der kânsen om noch twa haadprizen te winnen, mar dat slagge eilaas net.

Kategory	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012
Manlju Haadklasse	0	0	2	2	1	2	4	4	2
Manlju 1e klasse	0	0	0	0	0	7	7	4	3
Senioaren	6	7	9	8	8	12	10	6	0
Junioaren	0	4	5	0	4	0	0	4	0
Manlju 30+	0	0	0	0	0	0	0	0	1
Manlju 50+	0	0	0	0	0	1	3	3	2
Froulju Haadklasse	0	0	0	1	1	4	4	5	7
Froulju 1 klasse	0	2	1	3	3	3	7	7	7
Jonges	4	5	6	7	5	5	4	5	3
Famkes	4	2	8	7	7	10	11	10	8
Skoaljonges	7	10	6	4	2	5	4	2	0
Skoalfamkes	6	9	5	8	8	9	5	2	0
Pupillen jonges	4	1	2	3	5	2	2	0	2
Pupillen famkes	7	6	8	5	4	3	2	2	5
Welpen jonges			5	3	0	0	0	1	0
Welpen famkes			4	2	3	1	2	2	4
Totaal yn klasseminten	38	46	61	53	51	64	65	57	44
Helle punten	239	266	454	501	470	413	452	371	317
Ferskil		27	188	47	-31	-57	39	-81	-54

## Jongerein

Nr	Keatser	Punten
<b>34</b>	<b>Welpen famkes</b>	
3	Corrie Kroondijk	15
4	Roelie Kroondijk	11
14	Machtelt Veldman	6
21	Nynke Paauw	3
<b>57</b>	<b>Welpen jonges</b>	
<b>62</b>	<b>Famkes pupillen</b>	
6	Jeska Terpstra	24
11	Selma de Boer	15
24	Mirjam Punter	8
55	Julia Paauw	1
56	Alien Dijkstra	1
<b>90</b>	<b>Jonges pupillen</b>	
77	Hendrik van der Eems	1
79	Rutger Wiersma	1
<b>52</b>	<b>Skoalfamkes</b>	
<b>89</b>	<b>Skoaljonges</b>	
<b>68</b>	<b>Famkes</b>	
42	Margretha Terpstra	6
43	Dian Dijkstra	5
53	Arjanne Schaafsma	3
54	Nyncke Pytsje Terpstra	3
56	Hester Kingma	3
57	Gerry Edou Mollema	3
65	Regien Sandstra	2
67	Jitske Veldman	1
<b>110</b>	<b>Jonges</b>	
36	Doede Rients Okkema	7
42	Bote Jellema	6
52	Rémon Tie Bouma	5

Nr	Heechste klassering	Froulju
3	Corrie Kroondijk	15

Nr	Top 3 measte punten	Froulju
1	Imke v.d. Leest	28
2	Marije Hiemstra	25
3	Jeska Terpstra	24

Nr	Top 3 measte punten	Manlju
1	Jelte-Pieter Dijkstra	21
2	Dirk-Yde Sjaarda	17
3	Bauke Dijkstra	9

## Senioaren

Nr	Keatser	Punten
<b>44</b>	<b>Froulju 1e klasse</b>	
6	Tineke Dijkstra	12
8	Sietske Okkema	10
14	Martine Tiemersma	9
20	Marije Hiemstra	7
29	Anke Marije Pompstra	4
34	Jelien Pompstra	3
41	Jildou Jorritsma	1
<b>49</b>	<b>Froulju haadklasse</b>	
7	Imke v.d. Leest	28
9	Feikje Bouwhuis	19
10	Marije Hiemstra	18
16	Anke Marije Pompstra	13
22	Martine Tiemersma	7
45	Tineke Dijkstra	1
46	Jelien Pompstra	1
<b>95</b>	<b>Manlju 50+</b>	
39	Sipke Hiemstra	4
83	Roel Sijbesma	2
<b>40</b>	<b>Manlju 30+</b>	
12	Harm Auke Dijkstra	3
<b>25</b>	<b>Junioaren</b>	
<b>56</b>	<b>Manlju 2e klasse</b>	
<b>81</b>	<b>Manlju 1e klasse</b>	
19	Jelte-Pieter Dijkstra	12
26	Dirk-Yde Sjaarda	10
32	Bauke Dijkstra	9
<b>49</b>	<b>Manlju haadklasse</b>	
21	Jelte-Pieter Dijkstra	9
28	Dirk-Yde Sjaarda	7

# Keatsmominten út 2012

Der binne in protte oare mominten west yn 2012. Hjir in seleksje...

## Jannewaris

31 Keatsclinic op de Foareker.

## Maart

28 Nije webside klear.

## Maaie

6 Imke van der Leest, Marije Hiemstra en Martine Tiemersma winne de 1e priis ôfdieling froulju haadklasse yn Frjentsjer. Der steane dizze dei 9 Eastereiner froulju op de list.

17 Nije banier flaggen foar KF Easterein, ûntwerp Froukje Dijkstra.

## Juny

2 Federaasje dei yn Easterein! Mei froulju en manlju haadklasse!

2/3 Anke Marije Pompstra wint twa kear yn ien wykein de krâns, haadklasse froulju Easterein en 1e klasse frije formaasje.

10 Dirk-Yde Sjaarda wint mei frije formaasje partoer de krâns yn It Hearrenfean (1e klasse).

17 Yn Harns wint Jeska Terpstra 1e priis yn de A-klasse pupillen famkes.

17 Harm Auke Dijkstra wint 1e priis op KNKB 30+ wedstriid yn Lekkum.

30 Welpen famkes Roelie en Corrie Kroondijk en Nynke Paauw winne 2e priis federaasje Skearnegoutum.

30 Selma de Boer, Jeska Terpstra en Mirjam Punter winne 2e priis op NK foar pupillen famkes yn Akkrum.

## July

25 Alwer de 8e Jong Feinte Partij!

## Augustus

1 Op de PC fan dit jier keatse de Eastereiner mannen Dirk-Yde Sjaarda en Jelte-Pieter Dijkstra mei.

8 Freuledei: Rémon Tie Bouma, Doede Rients Okkema en Nies Douwe Yntema dogge mei.

12 Yn eigen doarp wint Dirk-Yde Sjaarda de 1e priis senioaren frije formaasje.

12 Machteld Veldman 1e priis Wolsum welpen famkes.

22 Marije Hiemstra en Imke van der Leest winne PC yn Weidum.

31 WK Llargues keatsen yn Easterein.

## Septimber

1 Bauke Dijkstra wurdt wrâldkampioen Llargues yn Frjentsjer.

2 Jelte-Pieter wint 1e priis manlju haadklasse útnoeging yn Pingjum.

9 Stiperdei, tige waarm...

Corrie en Roelie Kroondijk binne 3e en 4e yn it puntenklassemint fan de KNKB wurden.

## Desimber

14 KF Easterein stiet op krystmerke 'Winterwille'.

Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside [www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl)

